This is a digital copy of a book that was preserved for generations on library shelves before it was carefully scanned by Google as part of a project to make the world's books discoverable online.

It has survived long enough for the copyright to expire and the book to enter the public domain. A public domain book is one that was never subject to copyright or whose legal copyright term has expired. Whether a book is in the public domain may vary country to country. Public domain books are our gateways to the past, representing a wealth of history, culture and knowledge that's often difficult to discover.

Marks, notations and other marginalia present in the original volume will appear in this file - a reminder of this book's long journey from the publisher to a library and finally to you.

Usage guidelines

Google is proud to partner with libraries to digitize public domain materials and make them widely accessible. Public domain books belong to the public and we are merely their custodians. Nevertheless, this work is expensive, so in order to keep providing this resource, we have taken steps to prevent abuse by commercial parties, including placing technical restrictions on automated querying.

We also ask that you:

+ *Make non-commercial use of the files* We designed Google Book Search for use by individuals, and we request that you use these files for personal, non-commercial purposes.
+ *Refrain from automated querying* Do not send automated queries of any sort to Google's system: If you are conducting research on machine translation, optical character recognition or other areas where access to a large amount of text is helpful, please contact us. We encourage the use of public domain materials for these purposes and may be able to help.
+ *Maintain attribution* The Google "watermark" you see on each file is essential for informing people about this project and helping them find additional materials through Google Book Search. Please do not remove it.
+ *Keep it legal* Whatever your use, remember that you are responsible for ensuring that what you are doing is legal. Do not assume that just because we believe a book is in the public domain for users in the United States, that the work is also in the public domain for users in other countries. Whether a book is still in copyright varies from country to country, and we can't offer guidance on whether any specific use of any specific book is allowed. Please do not assume that a book's appearance in Google Book Search means it can be used in any manner anywhere in the world. Copyright infringement liability can be quite severe.

About Google Book Search

Google's mission is to organize the world's information and to make it universally accessible and useful. Google Book Search helps readers discover the world's books while helping authors and publishers reach new audiences. You can search through the full text of this book on the web at http://books.google.com/

Over dit boek

Dit is een digitale kopie van een boek dat al generaties lang op bibliotheekplanken heeft gestaan, maar nu zorgvuldig is gescand door Google. Dat doen we omdat we alle boeken ter wereld online beschikbaar willen maken.

Dit boek is zo oud dat het auteursrecht erop is verlopen, zodat het boek nu deel uitmaakt van het publieke domein. Een boek dat tot het publieke domein behoort, is een boek dat nooit onder het auteursrecht is gevallen, of waarvan de wettelijke auteursrechttermijn is verlopen. Het kan per land verschillen of een boek tot het publieke domein behoort. Boeken in het publieke domein zijn een stem uit het verleden. Ze vormen een bron van geschiedenis, cultuur en kennis die anders moeilijk te verkrijgen zou zijn.

Aantekeningen, opmerkingen en andere kanttekeningen die in het origineel stonden, worden weergegeven in dit bestand, als herinnering aan de lange reis die het boek heeft gemaakt van uitgever naar bibliotheek, en uiteindelijk naar u.

Richtlijnen voor gebruik

Google werkt samen met bibliotheken om materiaal uit het publieke domein te digitaliseren, zodat het voor iedereen beschikbaar wordt. Boeken uit het publieke domein behoren toe aan het publiek; wij bewaren ze alleen. Dit is echter een kostbaar proces. Om deze dienst te kunnen blijven leveren, hebben we maatregelen genomen om misbruik door commerciële partijen te voorkomen, zoals het plaatsen van technische beperkingen op automatisch zoeken.

Verder vragen we u het volgende:

+ *Gebruik de bestanden alleen voor niet-commerciële doeleinden* We hebben Zoeken naar boeken met Google ontworpen voor gebruik door individuen. We vragen u deze bestanden alleen te gebruiken voor persoonlijke en niet-commerciële doeleinden.
+ *Voer geen geautomatiseerde zoekopdrachten uit* Stuur geen geautomatiseerde zoekopdrachten naar het systeem van Google. Als u onderzoek doet naar computervertalingen, optische tekenherkenning of andere wetenschapsgebieden waarbij u toegang nodig heeft tot grote hoeveelheden tekst, kunt u contact met ons opnemen. We raden u aan hiervoor materiaal uit het publieke domein te gebruiken, en kunnen u misschien hiermee van dienst zijn.
+ *Laat de eigendomsverklaring staan* Het "watermerk" van Google dat u onder aan elk bestand ziet, dient om mensen informatie over het project te geven, en ze te helpen extra materiaal te vinden met Zoeken naar boeken met Google. Verwijder dit watermerk niet.
+ *Houd u aan de wet* Wat u ook doet, houd er rekening mee dat u er zelf verantwoordelijk voor bent dat alles wat u doet legaal is. U kunt er niet van uitgaan dat wanneer een werk beschikbaar lijkt te zijn voor het publieke domein in de Verenigde Staten, het ook publiek domein is voor gebruikers in andere landen. Of er nog auteursrecht op een boek rust, verschilt per land. We kunnen u niet vertellen wat u in uw geval met een bepaald boek mag doen. Neem niet zomaar aan dat u een boek overal ter wereld op allerlei manieren kunt gebruiken, wanneer het eenmaal in Zoeken naar boeken met Google staat. De wettelijke aansprakelijkheid voor auteursrechten is behoorlijk streng.

Informatie over Zoeken naar boeken met Google

Het doel van Google is om alle informatie wereldwijd toegankelijk en bruikbaar te maken. Zoeken naar boeken met Google helpt lezers boeken uit allerlei landen te ontdekken, en helpt auteurs en uitgevers om een nieuw leespubliek te bereiken. U kunt de volledige tekst van dit boek doorzoeken op het web via `http://books.google.com`

Neth
821
26
HD WIDENER
HW LF4H K

Math 8217.267

HARVARD COLLEGE
LIBRARY

THE GIFT OF
HENRY HARMON STEVENS
PH.D. 1916

MARTEN CLANT,

EF

de Swerveling fen Boxum.

HISTORISK-ROMANTISK FORHAEL

FEN

P. BLEEKSMA.

TO LIOWERD, BY
A. JONGBLOED.
1871.

MARTEN CLANT,

EF

de Swerveling fen Boxum.

HISTORISK-ROMANTISK FORHAEL

FEN

P. BLEEKSMA.

TO LIOWERD, BY
A. JONGBLOED.
1870.

Neth 8217.267

HARVARD COLLEGE LIBRARY
GIFT OF
HENRY HARMON STEVENS
Aug 30, 1929

Der is en stroom ijn al uus minske dwaen;
Dy mei de floed ijnsijld, uus nei 't lok drieuwt;
Mar is jae uus ontroan, den giet eak hiel
Uus reis' trog 't libben oer droegtmen in trog
Jinspoed in lijen. Op san folle see
Drieuw wy nou om. In wy motte de floed
Nou eak besylle, oaf wy sille wis al
Uus aventoer foarliese.

W. Shakspeare,
Julius Cesar, forfrieske trog
R. Posthumus.

MARTEN CLANT.

I.

In ien fen 'e fetste oarden fen Frîsland oan 'e oere der thichtspielde Middelsé, stoe în 'e tîd do de skiednis foarfoel, dy wy hjir forhelje wolle, en ald gebuw, dat him thruch sîn uterlik oansiean forth to 'n earsten as en kleaster kennen die. It wier dat gebuw, der de streek, der it ienris stoe, end dy tsjinwirdich ûnder it dorp Baerd bihearth, nu yet de kleasterbûrren nei hiet.

In dy tîd lîkwol stoe it ienlik end forlitten; gers end ûntûch kamen ût 'e mûrren end de strietten.

De reformatie end it krîchsgedrûs hieden de fromme biwenners fordreawn, end thruch de gothiske boagen end finsters, der it gles lang al ûtmiste fleagen ruken end ulen de skimerjûnd to miette.

Hie immen sîn loaits gean litten în 't binnenste fen 't gebuw, hy scoe den yet heiligebîlden, înmitzele grefstiennen end oanthinkingsteikens siûn habbe, heal biside ûnder spinreach end smoargens.

Stil, deadstil wier it by end um it kleaster hinne. De keale beammen, thruch de winter fen hiar bledden biroave, slierden mei hiar tuken tsjin it thek end de mûrren oan, de wind sûsde în 'e flearbeammen, end ût it binnenste fen it kleaster, hearde me, nei 't de tsiusterens tanaem, nuver freamde luden, as wieren it foarboden fen geasten end spoeken. Kortom, alles lîke spoekhaftich. De lange skaden, dy de beammen, by de ûndergeande sinne, tsjin, 'e mûrren teikene, waerden wei mei de skimering; end doch wier it as woe it disse jûnd net goed tsiuster wirde.

Né, goed tsiuster wier it net; de luft skînde ût en readens. Hwet langer nei sinsûndergung, hwet reader se waerd în 't easten.... Dat koe doch de moanne net wêse.

Né, dat wier de wearskîn fen it gleande skrift, dat en wrede fyand sîn wei lans teikene. Hwer er lans kaem waerden turen, dorpen end boerepleatzen în 'e brand stitzen, end sels de umstreken fen 't kleaster waerden der thruch forliachte.

Der kaem fen 'e Winsumer kant en man oan, mei en jung fanke oan 'e iene end en toarlik upsketten junge oan 'e ore hand. Oan sîn klayinge to sidzen, koe 't wol en reformearde dominy wêse.

Sîn gung wier net fest, hy wraggele hinne end wer, end doch like er kreftich fen lea to wêsen, wier er great end mar just oer 'e fiertich jier.

Do er by de kleasterporte oankumd wier, bisocht er um dy iepen to dwaen, mar de skoattel, dy oan 'e binnenkant der up stritzen wier, bilette him dit.

Snikkerjende gîng it fanke up en stien sitten end waerme hir kalde handen ûnder 'e skealdoek. De junge digere nysgierrich thruch de iepene finsters în 't kleaster, threaste sîn skriemende suster end hulp sîn heit, — hwent dat wier dy man, — um de doar iepen to kryen.

Mar hu 't hia hiar warden, de doar bleaw thicht, end de heit sloech de handen foar de eagen end seach threasteleas nei de himel, der thusend by thusend stierren hiar flikkerjend liacht ûtgeaten, dat kampe mei de gloede dy fen de ierde upstige.

»Heit," sei de junge, »Maryke skriemth fen kealt." Dat wier sa end 't wier ek neat nin nîcheid, hwent it wier kald end froastich de jûnds fen de 25 ste Januaris 1586.

»Binne der în dit greate hûs nin minsken, dy ûs de doar iepen dwaen kinne?" frege de junge; »it is nacht end it is sa kald, hwer scil mîn suster sliepe?"

In pleats dat de oanspritzene andere, naem er it fanke

up sîn earmen end gîng mei hir nei en holte in 'e mûrre, hwer en stienene bank stoe, der hy mei hir up sitten gîng. Sa siet er der ûnder en flearbeam, alhiel misthreastich, mei sîn dochter up 'e skeatte end sîn junge nest him.

Nei en tochje sei de boai: »Hu is de luft sa read, Heit? — siuch der ris, in 't easten!"

»Ik siuch it, Marten," andere Melchior Clant, — hwent dy wier it; — »dat is de brand to Boxum. God! stean de earmen by, dy net earder-noch de flecht nimme koeden; nim hiar, dy disse dei der freeslik umkamen in genade oan; jow my kreft um de dubelde slagen, dy my truffen habbe mei gedild to dragen!" — Hjir mei seach er up it fanke del.

Maryke sliepte. De sliep wier sterker as de kealt, it fanke dreamde swiet.

»End hwer is mem?" frege Marten fjirder.

»Bid for hir, mîn soan!" sei Clant, »ik fortrou dat hiu by ûs Lieaven Hear .s."

»End hwer is Otte?" — frege de junge alwer nei en hortsje, mar snikkerjende; »dy hie doch en sabel; him koeden dy bose mannen ummers neat dwaen."

»Earme junge!" sei de heit, »dîn broer is ek dead. Hy moast for de oermacht wîkje, fluchte mei en tropke oren in 'e tsjerke, end, trou oan sîn feane, biwoelle er him der in end waerd fen dy wrede tigers deadsketten. O mîn wîf! mîn soan! mîn gemeinte! God, help my de lest dragen, dy juw hand my upleid heth! — Allegearre dead end ût enoar jage, end ik mei mîn berntsjes hab sels nin plak, der ik mîn hulle restich dellidze kin! — Dîn broer Otte! Ik seach him fallen: hy stoar for sîn gelove end for de fryheid! Nu hab ik nimmen mear as dy end dîn suster; end nin ien scil my jimme ûntskûrre!" —

Al forskate uren fen 'e nacht wieren forstritzen, it dieppe sîkheljen fen Marten biwîsde dat dy ek in 'e sliep rekke wier; allinne de alde Clant wier to wekker.

It neithinzen fen sin tsjinrampen end ûnk end de tsiustere takumst fen him end sin berntsjes wieren genoch um him de sliep ût 'e eagen to halden.

Eindlings waerd er in sin neithinken forsteurd.

En stikmannich ruters end hwet foetfults kaem lik up it kleaster ta. It wier fults fen 'e hopman Harmen fen Delden, dy de deis to Boxum deid wier.

Al gau wier it kleaster berikt end waerd er mei alle mannemacht oan de doar rameid. Mar de doar ging net up; hy wier to goed festmakke. Flambowen waerden oanstitzen; in en freamde sprake rop me mankoarren ta; yet ris waerd bisocht um de doar iepen to kryen, mar moeite end wirk umdoch. De alde hear up 'e stiennene bank sprung kel oereind, do er dat helsk gedrûs hearde.

Hy loerde to mûk ût sin skûlherne wei, end seach al gau hwet fulk as 't wier — de moardners fen sin wif end soan, de forstruyers end deadwaenders fen de litze nye gemeinte, der hy sûnt thrye jier foargunger end lerer fen wier, end hy eange for it lot, dat him end sin berntsjes wachte, as se hiar ûntdieken.

Hy bûgde him oer sin berntsjes hinne end threaw hiar jin him oan, wilst der en trien in sin bird rolle.

Minût up minût forrûn in eangstme end frese. Pinlike eagenblikken! Yet hope er dat de tuken fen 'e flearbeam him end sin berntsjes for de tigerloaits fen 'e fynen biskerme scoeden.

»Bleawen se mar sa lang biside, dat de soldaten in 't kleaster wieren, den wier der tid um up 'e flecht to tsiean; den wier der yet hope um to ûntkummen." Disse thinzen thruchkriusgen de hulle fen Clant, end sa fir as it lye koe, krûpte er mei Maryke end Marten in sin tsiustere skûlherne.

It heisterjen fen 'e soldaten, dy fest mienden dat it kleaster yet biwenners hie, halde oan end waerd jimmer heftiger.

En litze gielfellige Spanjerd up en hinser, dat er mûlk

wol hjir ef der weistellen hie, makke rumte end ried oan 'e kleasterdoar ta. Hy like ek mear to wêsen as de oren, alteast hy rop up en tean fen ûntsach: »Stil der jimme! jow my dîn flambou, Pedro!"

De oanspritzene joech him it barnende hout oer end nu rop er: »Earwirdige fader, meitsje it kleaster iepen for echte striders fen de kening fen Spanjen end for de tsjerke, ef, by it krius fen Kristus! ik stek jimme de reade hoanne up it dak end bried jimme up en gleande roaster lîk as de heilige Laurentius oerkaem."

Hy wachte en torn nei andert, end dernei smiet er it barnende hout oer de kleastermûrre up en reiden thek: De oren fulgen sîn foarbîld end as safulle fiûrpilen fleagen de flambowen thruch de luft, end net lang dûrre 't ef de loage sloech ût thek end finsters.

Nu kladderen en stikmannich fen 'e hietsten oer de kleastermûrre end de oren sloegen mei barstend geweld tsjin 'e doar oan.

Skielik kamen de earsten werum end forhellen dat it kleaster net biwenne wier end der neat for hiar to kapen foel. Derup kamen der flukwirden end forwinskingen by de rûs, end makken de Spanjerds klearrichheid um fjirder to tsiean. — En restsje wier al foarût, en stikmannich stoeden yet by it kleaster end seagen nei it barnen.

»Heit!" rop de jûnge, in 'e dream.

Disse waerd kel end lei sîn hand up Marten sîn mule; mar it wier al to let; de soldaten hieden it lûd al heard, end mei ûntsetting seach er de wîlde mannen oanstormjen up it plak, der hy skule.

Nu lei er seft Maryke nest Marten up 'e bank del. Sîn triljende hand taeste nei sîn borst end hy helle en skerpe priem ûnder sîn klean wei; sa stoe er der as en wreekjende ingel, mei 't feste bislût um it uterste for it bihald fen sîn bern to weagjen.

Ien der soldaten mei en barnende flambou wier foarût,

end it dûrre net lang ef hy hie de skûlherne ûntditzen.

»Hwa is der?" rop er, sa lûd, dat de bern ût 'e sliep upsprungen end it fanke bigûn to skriemen, wilst Marten nest sîn heit stean gîng, krekt ef er dy bystean woe.

En amery wier Melchior Clant bisluteleas hwet er dwaen scoe.

As de blits birch er sîn priem wei, gîng de Spanjerd to miette end sei: »Gin oan en heit mei sîn beide berntsjes en restich plakje um hiar wirrige hulle del to lidzen. Thruch it krîchsfulk fen hûs end erf fordreawen, dormje 'k witleas um."

»Hald dîn leagenhaftige mule!" graude hy, dy de foarste wier, Clant ta. »Du bist ien fen dy ketterske hûnden, dy de uproermakkers tsienje as strûnjagers." (*)

»Siuch up mîn bern," andere Klant; »scoe ik, as ik sa 'n gefaerlike baen biwandle, mîn twa bern meinimme?

Mar de soldaet, dy alle teikens fen drunkenskip oan him hie, joech nin acht up it praet fen de earme dormeling. Hy stiek de gaffel în 'e grûnd, lei sîn gewear up him oan, bliesde up 'e lunte, end it skot gîng of.

De lufter earm fen Clant hinge laem by it lichem del, end fen de stiennene bank sîgde it lieave famke, sûnder lûd to jaen, thruch de selde kugel rekke, dead up 'e grûnd del.

Alhiel forbuke end fen sîn stik halde Clant him oan 'e beam fest, um net to fallen.

Lûd skriemende foel de broer up it lîkje fen sîn suster del end tute hir deade lippen.

Fielleas stoeden de soldaten rûndum dit toniel hinne, wîlst de bidriuwer fen dit quea it lûd ûtskattere oer sîn helsk bidriuw.

Mar în ienen forore it toniel.

En spaenske officier wier mei en stikmannich fen sîn fulk, sûnder dat it mirken wier, by de oren kumd end halde mids în 'e heap stil.

(*). Scoe dit wird der net thruch kinne for it freamdludige *spion*?

En kreftige earband mei sîn uprolle fûst, dy mei en iserne want foarsiûn wier, die de moardner oer 't eind stuwen.

»Hwa joech dy it riucht, du heiden! um to scietten?" seide er mei en forsk lûd.

Mei iens seach er de rige ris rûnd.

»Binne jimme fen it leger ofdwaeld um by de boer to roafjen end to moardjen? — Hwet man is dat, der dy biroerling, jin alle order end rigel, up skeat?"

»En ketterske strûnjager," wier 't andert ût forskâte mulen.

Clant andere nin inkeld wird um it jin to sprekken. Thruch smerte forbuke, knibbele er nest sîn dead bern, dat er fen 'e grûnd upnumd end up 'e bank delleid hie, end die alle moeite um it wer în 't libben torech to ruppen.

»Hingje him den up oan en beam!" gebea de officier sîn ûnderherigen, end hiet up bloed stuwden en mannich soldaten up Clant ta, skûrden him by it lîk fen sîn famke wei end sleepten him nei de neste beam, um it befel fen de haedman, dat sa goed mei hiar eine sin oerienkaem to fulbringen.

Mar as mei en thungerslach, layen thrye soldaten thruch it stiel fen Clant deadlik rekke, up 'e grûnd, end hy stoe fry mei de priem în sîn fûst jinoer sîn fynen.

»Kum by dîn heit!" rop er Marten ta, »der sciet ûs neat oer as de dead, end dy forieneth ûs wer mei mem end Otte end Maryke."

Marten wachte net lang um to dwaen hwet sîn heit him hiette. Sumlike soldaten leyen de geweren oan.

»Meitsje gau en eind oan ûs lyen," rop Clant; jei ûs en barmhertige kugel thruch 't herte, mar martelje mîn junge net!"

De officier wunk, end de oanleine fiûrroeren sunken del.

De moedigens fen Clant skînde de oerste wol to bifallen, mar binammen seach er mei niu de moedige boai, dy al-

linne it likje fen sin litze suster forgetten hie um it lot fen sin heit to dielen.

»Hwa binne jy, end hwer kumme jy wei?" frege er Clant; mar lang net up sa'n forske tean as strax.

Klant wisde it easten ût.

»Fest forjage ût it dorp, der hioed fuchten is?"

»Sa is 't" andere Clant, wer mei en snikkerjend lûd. »Duch min junge nin quea," sei er fjirder »hy is alles, hwet ik up ierde bisit."

Unmachtich, thruch dat er sa'n bulte bloed forlern hie, sigde er up 'e grûnd del.

»Sorgje for dy man, end meitsje, as 't kin, dat er in 't libben bliuwt!" sei de officier jin hiar, dy mei him kumd wieren.

Hjirup seach er Marten oan end sei: »Du bist en thige feint: du scitte mei my tsiean end my bitsienje." — »Set him up en liddich hinser," sei er fjirder jin sin fulgers.

En mannich soldaten hieden hiar by Clant jown end scoeden by him bliuwe.

De earste binde roavers end stelders wier stil ofsakke; sels de keardel, dy sa'n treftige wan krige hie, wier efter de beammen weiwirden.

Eft Marten gûlde end jinaxele, it hulp him neat; hy waerd up en hinser set end moast jin wille end thank, de krichsliu, dy nu weirieden, fulgje. Sin geskriem forlear him skielik in 'e fjirte.

It fiûr in it stiennene kleaster ging ût, thruch dat er nin brandje mear wier; allinne en stiunkende reek walme ût 'e iepene finsters. Do de ruters up 'e bifersene grûnd net mear to hearren wieren, lieten de soldaten Clant oan sin lot oer end teagen ek wei, um to siean ef der hjir ef der ek hwet to kapen wier. Clant hie 't, wûnde end ofmedde, as er wier, in disse kalde nacht hird to forantwirdjen.

II.

De winter fen it jier 1586 wier strang. Net allinne wieren de binnenwetters sterk, mar ek de sudersé wier mei is biditzen.

De oerste Taxis, dy in Gelderland laei, derta oanfitere fen de Grinser bifelfierder Willem van den Bergh, makke fen disse gelegenheid brûkme, um mei 600 ruters end 2500 man to foet in 't suden fen Frisland to fallen. Dit barde up 'e 23ste fen Foarmoanne.

It wier rûch, wreed fults, dy soldaten fen Taxis. Plunderje, roafje, moardje, barne end forniele like mar it wit to wêsen, hwermei 't hia in Frisland foelen.

In Wimbritzeradiel teagen se thruch de Hummerts nei Drilst, mar waerden der keard thruch de bisetting.

Fjirder gingen se nei Heech; mar dit dorp wier leech, end forlitten; de inwenners hieden oars en hinnekummen socht. Derwei teagen se nei Warkum, der se freeslik hûshalden, hwerup se Makkum, Hinleappen end Molkwerum ofrunen. In 't leste dorp foaral ging it er skuw thruch. Hia bûnden de minsken oan 'e stirten fen 'e hinders fest end sleepten se sa mei; litze berntsjes waerden formoarde ef up it is smiten; troude frowen end fammen waerden beesthaftich mishandle. Hia joegen um biloften ef neat. Sa lik as to Warkum, Koudum end Malkwerum hieden fullen hiar frykoft fen plundering, mar der seagen de woestelingen net nei; dy liu waerden neat better bihandle as oren. Hia bleawen der in dy streken twa dagen end en nacht, makken riu bût end wol thrye hûnderd finzenen.

Fjirder ging it oer Skettens end Witmarsum nei Tsjum end oeral waerd de selde wreedheid bidreawn. Fluchten de minsken in 'e tsjerke, den waerd dy in 'e brand stitzen. Sa waerd to Tsjum de tsjerke end tûr forbarnd.

De -ore deis stieken dy ûnminsken Spannum end Win-

sum in 'e brand, end do in dit leste dorp en hiel bulte minsken up 'e tûr fluchten, waerd ek dy fen ûnderen oanstitzen.

En frouminske, dy swier wier, end hir man end thrye bern in 'e brand fen 't dorp torlern hie, sprong fen buppen ût 'e kloksgatten, end waerd do se heal toplettere up 'e grûnd delkaem, yet thruch ien fen dy woestlingen up it borst trape. Twa moannen lang wier 't sloof kranksinnich, mar up 't lest waerd se doch wer better.

Yet en oar frouminske sprung ût 'e tûr, mei twa bern up 'e earm, end kaem wolbihalden to Freantsjer oan.

De klang fen 't godleas libben, dat de soldaten leiden gîng oer hiel Frîsland end kaem ek Stein Maltes to earen, en deensk edeling end liutenant fen greve Willem Lodewîk. Disse Maltes laei dytîds to Liowerd.

Sa ringen as er koe, skripte er thusend man foetfults by enoar, bineffens ienich hînxtefults end teach de fyand tomiette, oan Easterlittens ta. Hjir wier de stins fen Aylva, der se up ta setten, um 't se en slach în 't iepene field net weagje dorsten, end de wallen end greften fen 't slot de fyne earst yet hwet ofhalden. Mar der wier nin tîd um de stins to birikken. It wier danich mistich waer; mar do de mist uploek bimirken de Spanjerds it Steatefults up 't rumme field end fulgen hiar wîlst hia de wîk namen nei Boxum. By dit dorp foel en slach foar dy thrye uren dûrre. Stein Maltes, sîn broer end de hopliu Sibren Hiddes end Hessel Meikema bleawen fiuchtjende dea. Lîk as wy în 't forige haedstik siûn habbe, waerd Otto Clant, soan fen Melchior Clant, în 'e tsjerke deid. De fyand bea him lîfsbihald oan, as er de feane oerjaen woe, mar hy woe lieaver stjerre as oan dy eask fuldwaen. Thrye hûnderd fen 'e Steatsside rekken um hals.

Taxis forlear thritich man oan deaden, hwerûnder Oswald, soan fen greve van den Bergh end de hopman Hindrik van Delden.

Wûnderen fen dapperens waerden oan 'e Steatske side ûtfierd, mar oermacht ducht wiken.

Nei de oerwinning handelen de Spanjerds ek to Boxum, lîk as hia de forige dagen op ore plakken în Frîsland hûshalden. En bulte Boxumers waerden deid, oren teagen up 'e flecht. De soldaten roaven, hwer mar hwet to heljen foel, end stieken de boel în 'e brand.

Ek de frou fen Melchior Clant, foargunger fen 'e nye gemeinte to Boxum, waerd dy deis formoarde end de gemeinteleden forstruid. Fen alles biroave, swalken se ellindich în 't land um.

De deaden waerden to Boxûm up it tsjerkhof ûnder 'e beammen în greate kulen bidubbe, der de fulgjende upskriften în 'e tsjerken to Boxem end Blessum yet tsiûchnis fen jowe. Up en oanthinkingsboerd în 'e tsjerke to Boxum lest me:

1686.

In. 't. jaer. ons. Heeren. den. 17. Jannewari. heeft. Godt. den Heere. almachtig. ons. gestraft. esaie. 10. 5. door. onsen. vianden. en. heeft. den. Viant. in. 't. lant. laten. comen. ende. haer. een. corten. tit. den. overhant. gegeven. ende. hebben. deûr. het lant. gereist. ende. veel. qvaet. bedreven. waer. deur. veel. van. ons. volck. is. gecomen. om. het. leven. ende. is. door. bescheiden. raet. godts. alhier. tot Boxûm. den. slach. geschiet. ende. veel. volcx. gecomen. in. groot verdriet. so. dat. alhier tot Boxum. omtrent. in. alles. sin. gebleven. na onsen. gissen dûisent man. 't sal. niet. veel missen. en. alhier. op 't hoff, in. groote. graven. geleit. bi. groote. bomen. daer. aen. stont. het. bescheit: en. omdat. de boemen. een. deel. omwaien. en. vergaen. so. behoort. het. nochtans, tot. een. memori te. staen. tot dienst. van. den. genen. die. hier. dicwils. komen. sien. en. bemercken. aen. de bomen. op alle percken. en 't getal niet konen vinden. so. hebben. wi. doen. maeken. een. tafereel. en. de. somme. der. dooden. opgeschreven. in. 't. geheel.

Looft Godt altit.

In 'e tsjerke to Blessum is en oanthinkingsboerd fen 'e slach fen Boxum în 't latîn biskreawn, fen disse înhald:

In 't jier 1586 up 'e bertedei fen de heilige Antonius, de 17 Januaris, habbe wy fyandlik fults to Boxum stean siûn, wapene mei it fule stiel; — ek seagen wy de ruwe merkteikens fen hiar foetten. Wy habbe de Friesen slàch leverjen siûn, oan 'e spaenske legermacht. Janus sels mei sîn dubeld oansicht heth kel west, to langelesten forklearre hir de oerwinninge ta foardiel fen hiar, dy în oantal fen Rutersbinden ûtstleken, end dy ûnder de hertoch fen Parma wreed oarlôgen. It gerufte wol habbe, dat thusend man în dy slach umkumd binne, Hûnderd end twyntich liken binne to Blessum în 't gref leid; lîkwol binne net alle binden ta ien ta fen 't foetfults umkummen. Der binne guden, dy în disse tûr en feilich skûlplak fûn habbe.

It oanthinkingsteiken fen disse bertenis, dat Wissema nei de spaenske oerweldigers earst makke heth, is nu thruch IJep (Epeus) Glinstra fornyd,

Disse loflike died fen dy man Glinstra, sy jimmer sîn oanthinken up 'en dûr ginstich.

Dit heilichdum fen Kristus moat bloeye!

In 't jier 1657.

Hie it oan disse tîd ta froastich waer west, în 'e nacht fen 'e saun-end-twyntichste up 'e acht-end-twyntichste fen Foarmoanne sloech it în ienen um. It bigûn mei geweld to theyen.

De Spanjerds, dy fen sins wieren um en roaversûtstapketo dwaen nei 't Bilth end dy kontryen, moasten meitsje dat se ût Frîsland wei kamen. Hia setten den ek sa hird as se koeden up Stienwîk end it platte land fen Oerîssel ta. Inkelde forstruide tropkes, dy up eine manneboet roaven end plunderen, bleawen hjir end der yet hingjen,

mar fen Taxis end it greatste diel fen sîn heir wier Frîsland forlost.

III.

Lîk-enoch sex jier nei de moard fen Maryke, Melchior Clant sîn dochter, by 't kleaster to Baerd, laei în en dîkhûs, en bîtsje bisuden Stienwîk, en heech officier. Hy wier swier wûnde, En heap strie, mei sîn mantel der oer hinne, wier sîn stjerbed.

De hjerstwînd rûsde thruch de spierren fen it thek end borte mei sîn swart mar hjir end der al grîs hier. Up sîn antlit stie al klear to lêsen, dat sîn dead net fîr mear of wier.

En junge fen fîftsien jier wier 't ienichste selskip fen de stjerrende; dy like wol net în to siean, dat de dead sa nei by it leger fen sîn woldwaner wier.

Disse stjerrende wier Jean d' Armont, deselde officier, mar nu în rang forhege, dy up 'e jûnd nei de slach fen Boxum, by 't kleaster to Baerd, sa ûnforwachte de redder wier fen Melchior Clant, deselde dy disse sîn boai, Marten, up it hînser meinaem. In de jonge, skient er sex jier alder end gans greater end swierder wirden is, kinne wy maklik Marten wer.

It wier en stevich jung feintsje mei en iepen gesicht end blund hier. En mingsel fen greatmoedigens end fieling fen eine wirdye laei yn sîn greate eagen end paste skoan by sîn soldaethaftich uterlik, sîn klaying en wapening.

Hy stoe up 'e heal înfallene hird end wier to set mei 't fiûr hwet oan to treasten, thruch der stikken fen en tafel up to smiten. Nu end den ris forliet er dat plak end seach sorchsum nei de bisearde, dy er mei de mantel bistoppe.

»Barnth de wûnd yet hieltîd allike slim?" frege er sûntsjes, do de oerste lûd kreunde end mei de hand nei sîn borst taeste.

En pînlike laeits spile de lyer um 'e mule.

»Skielk scil se net mear barne, Marten;" andere er mei en swak lûd. »Ik fiel it, it giet mei my to 'n eind: dat skot heth it riuchte plak truffen."

De înlikste meifieling teande hir up Marten sîn antlit. Hy knibbele niunken it leger del end woe prate, mar koe net. Greate triennen stoeden der în sîn eagen. Me koe siean, hy woe sîn forthriet forbergje, mar it lukte him net. Lûd snikkerjende foel er up 'e grûnd del end bea de himel um bihald fen 't libben fen sîn woldwaner.

It gedrûs fen hînders end weinen, dy buten foarby jagen, truf de upmerksummens fen 'e oerste.

»Siuch ris ût!" sei er tsjin Marten, end disse die hwet him hietten waerd.

It wier en trûp krîchsfults fen um ende by de 600 man, dy foarby teach. Stienwîk wier de Steatsken în 'e handen fallen, end de bifelhabber, de Cokel, mei 600 man frye oftochte tastien. Sa wier Frîsland, thruch it înnimmen fen disse sted, ta hwaems oerwinning Johan Kornput en bulte dien hie, în 't suden wer for 't greatste diel fen de fyand feilich.

Marten seach end seach al ef er ûnder 't fults ok en kennis wêse koe. Der foel sîn each up 'e korporael Pax, dy er goed koe, dy, swier forwûnde, swietsjes de wei lans krukke.

»Hu is 't gien?" frege Marten disse.

»De sted is oer," joech Pax to 'n andert; ik bin biseard, lìk aste siuchste. Du meist wol meitsje datste weikumste, hwent hjir is 't net feilich; de steatsken kinne alle ameryen hjir hinne kumme."

»Kaptein Jean d' Armont leit hjir binnen," sei Marten, »end dy forlit ik net."

»Kaptein d' Armont hjirsa? Wîtste hwet? ik gean mei dy end bliuw hjir ek. Hu heth dit him tadragen?"

»Wel, wy wieren foar en dei twa up forkenning ûtgien, end do wy werum scoeden, waerden wy thruch de Steat-

kens oerfallen, end deadlik forwûnde birikte de oerste, thruch my steund, dit earmtlik hûske."

De kaptein glimke blîd, do er Pax, dy er skoan koe, înkummen seach.

»Du bringst nin goede boadskip," sei er jin him; »is de sted forlern?"

»De sted is forlern," andere Pax, »dat is neat; dat jy hjir lîkwol sa helpleas lidze moatte, wîlst ik mei mîn bisearde skunk der neat oan dwaen kin, dat is fulle slimmer. — End hwet en min plak um to lidzen! Lit my to minsten dat en bîtsje makliker înriuchtje."

Mei dat sidzen died er sîn mantel of, tearde dy gear end skuwde dy seft ûnder de kaptein sîn hulle. Dernei gîng er plat up 'e flier mei de rech jin 'e mûrre oan, jinoer de oerste sitten. It bloed dripte ût sîn wûnde up 'e grûnd del.

Sa forhelle er do hu him de oergung fen Stienwîk tadragen hie, end hu 't deselde Kornput, dy in 1580 de sted sa moedich jin Rennenberg fordigene end mei 600 man, 6000 kearde, nu as hopman ûnder greve Willem Lodewîk, der fulle ta dien hie, um de sted în to nimmen.

It harkjen fen de korporael sîn forhael like de kaptein wirrich to meitsjen, alteast hy die de eagen thicht end der fulge en lang stilswyen în 'e hutte.

De hjerstwînd rûsde al heftiger end heftiger în 'e spierren fen it thek, end it fiûr drîgde ût to gean.

Marten hearde it ûnstadich sîkheljen fen sîn bisearde woldwaner, dy up it lest de eagen wer upsloech end sei:

»De Himel heth it sa beskikt Pax, datste hjir krekt kumste. Ik fiel it, mîn leste ure kumt neyer end neyer. Ik kin neat mear for him dwaen. Gean du nei mîn dead mei him nei Braband, nei mîn slot Diepenbron. Ik hab wîf noch bern, mar en neef fen mines is der safulle as rintmaster. Sids him dat ik dy stiûrd hab end dat it mîn wille is dat er for Marten sorgeth as for mîn egen flesk end bloed."

Hjir halde er him stil, as wachte er Pax sîn andwird, doch neat as it skriemen fen Marten wier to hearren.

«Treastje dy, mîn soan!" formoanne Jean d' Armont; »de trowe God scil dy net forlitte, Hy heth my dy ienris as dîn helper taskikt, end derum, gean nei mîn dead gerest mei Pax nei Braband, end mîn neef scil dy ek wol în goedens oannimme. — Unthietste ik my, Pax, um him oer to bringen?"

»Nin andwird. De kaptein seach Pax oan end sei: »Bist în 'e sliep fallen, alde strider?"

Marten krige Pax by de hand. Dy hand wier kald end stîf. De junge naem en barnende spoen end seach him în 't gesicht. — It wier it antlit fen en deade!

»Hy reste seft!" sei d' Armont; »hy heth en dapper strider west, end ienris heth er my it libben biwarre."

»Nim my nu mîn gouden keatling fen 'e hals end mîn segelring fen 'e finger. Dermei gietste, as ik der net mear bin, nei mîn slot — God scil dy derhinne liede — end ik twivelje net ef men scil dy der earje as de lieafling fen de deade bisitter."

Marten seach der jin oan.

»Duch hwet ik dy sids", sei de oerste; »ik wol it sa!"

Eindlings moast de boai tajaen; hy birch it keatling wei ûnder sîn baeitsje end stiek de ring oan sîn finger.

Do fette er în fortwiveling de kalde hand fen de stjerrende end foel nest him up 'e grûnd del.

Nei en reis mannich yet ris diep sîkhelle to habben, wier sîn twade heit — hwent sa koed er him în wierheid neame — net mear în 't libben, end hy bifûnd him wer allinne, allinne mei de lieave deade.

Earme stakkert fen en boai! it ûnk hie dy al ier ta sîn offer kard! Hwet scil dîn lot wirde?—

»It is net mulik," rop er ût, »hy kin net dea wêse; krekt sa heth er yet praet!"

Hastich makke er it fiûr wer oan, dat it heech up barnde end it binnenste fen 'e hutte spoekhaftich biliachte.

Sîn each restte up 'e deade; hy seach it forstive antlit, dat sums sa goedlik laeitsje koe; sîn mule neamde de namme fen him dy rest wier; alles umdoch: de deade waerd net libben.

Der seach er ek de trowe Pax, de earmen oer enoar kriusge, de hulle delsunken. Ek hy wier net mear ûnder de libbenen.

Marten stoe langsum up, sloech de handen gear end bidde for de deaden.

Sîn earste sorch wier nu um de beide liken fatsoenlik to bidubjen, dat roavers ef wîlde bisten der nin quea oan dwaen scoeden.

Mei sîn sabel bisocht er um en gat in 'e liemene flier to meitsjen, mar dat gîng rare min.

Fen 't ûnwende wirk gîngen sîn handen stikken end ear 't it threddepart fen 't krewei of wier, koed er neat mear hy moast ûtreste.

De wearskîn fen 't fiûr thruch de naden fen de hutte, lokke nye gasten derby.

Thrye efterbliuwers fen 't legertsje ût Stienwîk halden foar de doar stil end oerleiden eft hia oanklopje scoeden ef net. Ien fen hiarren kipe thruch en naed în 't binnenste fen 'e wente. Hy rop de oren derby, end nei 't se siûn hieden, hu 't spil der binnen stoe, dieden se de doar up end gîngen se der în.

Mei roafgierrige blikken seagen se de klayinge fen de beide deaden.

Dat ûntgung Marten net.

Hy gîng nei dyjinge ta, dy der goedlikst ûtseach, end sei: »Jimme binne soldaten end scille derum net talitte, dat disse deaden, dy în 'e tsienst fen 'e kening stoarn binne, nei hiar dead biroave wirde. Wolle jimme bût, hawar, hjir is de punge fen 'e oerste; part it jinge der în is, mar lit it ore, lîk as it is."

De soldaten partten it jild end de friûndlikste fen de thrye kloppe Marten up 't skouder end sei:

»Kom, heite, wy scille dy hwet helpe. Pak oan mannen! dy jungkeardel kin 't net allinne skipperje; wy moatte him bystean!"

It dûrre net lang ef it gref wier klear, end de deaden waerden side by side der în leid.

»En braef soldaet scil nin gref ûntbrekke," spriek de wirdfierder; »ik hoopje dat se my dy lieafdetsienst ek ris biwise scille!"

Nu waerd de mantel der oer hinne spraet end it gref thicht makke. De triennen fen Marten weakken de mudder.

De soldaten bleawen salang oant de dage oanbriek end makken hiar klear um fjirder to tsiean. Hia fregen Marten ef er mei hiarren woe, mar hy skudde mei de hulle ten né. Derup namen se ofskied. Marten knibbele by it gref del, die en stil gebeth end bleaw der nei în thinzen forsunken.

Derup stiek er de spierren fen 't thek oan end scach mei niu, hu 't de boel în 'e brand fleach.

Net earder as dat er 't net langer ûtstean koe fen 'e hiettens end er der net mear bankje koe um itjinge fen it thek del foel, gîng er der ût. Hy seach de boel înfallen end spriek. »Rest seft, trowe deaden!"

Hy stoe yet en hortsje stil end gîng do sîn wegen. Sîn wei gîng nei 't suden.

IV.

De oarloch is en wiere pleach. Minsken wirde deid, stedden forbarnd, dorpen forlitten. Alteast sa wier it gien în 'e streken der Marten thruch teach.

In sa'n forlitten dorp, net fîr fen Woudenberch în Gelderland, fînde wy, în ien fen de greatste husen, en wûnder selskip.

Hiar bûnte dracht, de korte mantel end de lange houdegen, dy de measten up side hingjen hieden, joech hiar 't oansiean fen studinten.

End dat wieren se ek. Hia kamen fen Leuven um

hiar as frywilligers by it leger fen Ernst van Mansveld, dy in disse streken laei, oan te sluten, end, nei 't se fen klean forsiûn wieren, ûnder Verdugo Koevorden, dat fen 'e steatsken bilegere waerd, to ûntsetten.

Hia sieten mei danich plesierige gesichten um en tafel hinne, der en thige kum ful wîn, up stoe.

»Silentium!" rop de ûtlittenste, dy de praeses like, striek mei de hand oer sîn rûch bird end sloech derup up 'e tafel, dat de tinnen bikers dûnsen end de wîn der ût fleach.

»Us Josef scil libje! Vivat! floreat! crescat! heech!"

»Heech!" gûlden al de oren: end me koe hearre dat se moai oansketten wieren.

De fint, dy Josef neamd waerd, hie en skelmhaftich, ûndogensk gesicht in 'e hulle, end seach glimkjende foar him del.

»Mar," sei de praeses, »forhelje ûs ris huste de wîn fûndste."

»Jimme hieden," sei de oanspritzene, »my upleid um hwet to sîkjen, end wîlst jimme hjir nu loai hinne layen, socht ik it hûs thruch fen ûnderen ta buppen. Koken, kelders, kasten, alles krige sîn bar. Ik fûnd lîkwol, buten en aldwîf up en souderkeamerke, lîke mîn hwet to drinken, as to Leuven jild in mîn pung. Ik wier ek al lilts. Hwet deale, thocht ik, dit hûs is en herberch; der moat doch altîd wol hwet to drinken wêse. Der binne mar en mannich fetten, end dy allegearre leech; dat is nin suver spil. Der moat wîn in 'e hûs wêse! — Ik end Johannes, dy der nu sa slûch up 'e bank leit, rollen de fetten ût 'e wei, end der fûnden wy sa wier en faldoar. As de blits dy iepen, end — hwa biskriuwt ûs blîdskip? — Wy seagen in en forwulf mei forskate fetten. Johannes foel my fen louter oandwaning um 'e hals. Oan it deiliacht, mei jimme biwenners der tsiusternis! rop ik ût, end mei foriene kreft krye wy en fetsje buppe, krekt up tîd um jimme for forthoarstjen to biwarjen."

»Fen nu of scil dîn namme net wêse Josef, mar Slim," spriek de praeses. »Set nu dîn fortsienslikens de kroan up, end probearje efste ek hwet for ûs to iten krye kinste. Is der eat to finden, dîn eagen finde it grif."

Slim stoe up.

»Kum, trowe helper!" seide er jin Johannes; mar disse laei fen 't hûndtsje biten end wier, lîk as Slim sei, en lîk.

»Lit den en oar mei my gean," sei Slim.

Ien fen 'e studinten, fen de oren Lukas neamd, gîng mei him, end hia forlieten togearre hiar drinkende maten.

»Lit ûs mar mei dit hûs bigjinne," spriek Slim, sa gau as se up 'e striette, foar en oansieanlik hûs kumd wieren.

»Hia gîngen der în, mar hiar moeite wier umdoch, de skoarstien, koken, kelder end alles wier al ofsocht end hia hieden yet nin bît updien. Lukas praette al fen mar forth to gean; mar krektsa seach Slim yet en doar. Hy die him up end stiek de hulle nei binnen.

»Nu giet it ûs lîk as de heilige Petrus," rop er, wîlst er it ûtskattere fen laeitsjen; »dy scoe fisken fange end hy fung minsken. Wy sîkje hwet to biten end finde minsken. — Mar disse wirth net wer wekker; hy is bifersen."

Lukas wier nei de persoan, dy se der lidzen fûnden end der sîn makker 't oer hie, tagien. It wier en jung feint mei liacht hier.

»Spitich um dy, mei dîn iepenhertich ûtsicht end dîn blunt hier," rop er ût. Ek dy heth mûlk de oarloch ût hûs end hof, fen heit end mem fordreawn. Oan sîn klayinge to siean, hearth er hjir net thûs. Scoe der yet net en funk fen libben în him wêse?"

»Och, mei dîn gekliem; lit dy fint lidze," spriek Slim.

»Hy is yet waerm, end de puls slacht!" rop de meilyige Lukas, sûnder him oan de ore to steuren. »Kum, heite, du scit hjir net forfriese."

Mei disse wirden tilde er him seft up end naem him up 't skouder.

»En moye boel," sei Slim, »ûs maten în pleats fen en

fette baerch dy heal dea fint to bringen! Ik scil doch yet efkes rûndsiean ef der ek hwet to heljen is.

»Koe ik mar up 'e souder kumme," forfolge er, »mar dy snûshoannen fen keardels habbe de leadder meinomd. — Lit my efkes up dîn skouders stean, den kin 'k my redde. As der buppe neat wier, den hoefde de leadder net upbirgen west ha."

Lukas lei foarsichtich sîn dracht del end hulp Slim um up 'e souder to kummen.

Krekt wier dy buppe ef it bletterjen fen en geit liet him hearre.

Hy naem it beest by de hoarnen, smiet it fen buppen end sprung it efternei.

»It beest wier bang end it seach my raer oan, do ik him by it hea weihelle, der it yet wiken genoach oan hie," sei Slim. »Mar lit ûs gean, du mei dîn twa, ik mei mîn thryeskunkige fangst. Hia scille my wol blider oanlaeitsje as dy.

Elk laedde sîn lest up, end mei blîdskip end forwûndering waerden se by it selskip ûntfinzen.

»Hjir is kar, mannen, minske- ef geiteflesk!" rop Josef, end forhelle hu 't de boel tagien wier; end Lukas stoe fen siden end forwaerme de junge.

Slim waerd thige prîsge end makke de mieltîd klear; dat wol sidze hy slachte de geit end stiek de stikken der fen oan en spit, dat de oren wîlst klear makke hieden. It dûrre net lang ef it flesk brette al oer en goed fiûr.

»Ad loca!" gebea de praeses, end allegearre tummelen se nei hir sitplakken, bihalve Slim, dy it spit draeide, end Johannes, dy to drunken wier.

Der it flesk yet net goed noach wier, waerd er ris preawn end sungen. Lukas die net mei, mar die alle war um de jungfeint, dy er fûn hie, wer ta him sels to kryen, eat dat him ek lukte, hwent der kamen niunkelitzen al mear teikens fen libben în.

It drinken end siungen — ef lieaver gulen — naem ta.

It waerd en hiele drunkenmansboel, end nimmen mirk ûnder dit libben it binnenkummen fen en ald wîf, earmtlik în 'e klean end hwaems lang grîs hier los oer hir skouders en rech hung.

Hiu gîng nei it fiûr ta, der Slim yet to set wier mei 't spit to drayen, end waerme hir giele meagere handen.

It wier it alde wîfke fen 't souderkeamerke, der Slim fen praet hie.

Slim wier ek nu de earste dy it ald minske, dat riu spoekhaftichs oan hir hie, bimirk. Hy waerd earst kel, mar it dûrre net lang ef hy bîgûn al um hir de gik oan to stekken, hwerîn er lîkwol nin byfal fûnd by de oren.

De measten wieren alhiel biteutere end sieten stum it nuvere skepsel oan to siean; sels Lukas wier net fry fen bangens.

Hiu digere mar ûnuphaldlik în 't fiûr end mumpele ûnforsteanbere wirden.

De jungfeint iepene eindlings sîn eagen end seach forheard de studinten oan mei sîn blawe kikers, hwernei er se wer thicht die.

De goedlike Lukas sparre nin moeite um de junge sîn fortrowen to winnen; hy joech him en mûlful wîn end en stikje flesk, dat nu klear wier end, al foel it al hwet taei ût, doch goed smakke. De fûndling iet end drunk; der kaem read în sîn wangen, hy thanke sîn redder mei de friûndlikste wirden end frege hwerearne as er wier end hu 't er der kaem.

Lukas forhelle him dat, end nu waerd er wer stil end seach droevich.

Underwiles wier de frese end bangens for it ald minske by de ore studinten fordwûn.

»Heren end broerren!" sei Slim, »jimme scille der fest net up tsjin habbe, dat disse alde profetesse hjir în ûs formidden sit end ûs allegearre wierseith? Dat hiu de kinst forstieth is oan hir uterlik wol to siean."

Slim sîn ûtstel fûnd byfal; it alde minske skînde der

sels ek net up tsjin to habben, alteast hiu glimlake, end ging up 'e stoel sitten, dy Slim hir tarikte.

Dernei halde disse hir sîn hand ta, um him der ût wier to sidzen.

De alde naem de hand, end spriek:

»Du bist net en bern fen 't fortûn; ik siuch dîn bloed streamen! skielk!"

Slim waerd oars up dy wirden, end it spande dat er sîn fieling forbergje koe.

Hy woe sîn hand tobek luke, mar it wîf halde him beet.

Hiu sloech hir skiere eagen yet ris up him end spriek:

»Du bist en earst ûnksbern: dîn paed scil net erefûl wêse."

Flukkende skûrde de studint sîn hand torech.

»Hia moasten dy forbarne, biroerde tsioenster!" gûlde er; mar hy wier sa bleek as en deade.

Net ien fen de oren weage it, it ald wîf de hand ta to rikken.

De alde glimke en waerme hîr meagere handen.

De jung feint wier ûnder dat alles thige ûnrestich.

Hy ging nei de alde ta end sei:

»As jy takummende dingen wite, sids my den: libbeth mîn heit yet, end scil ik dy kumme wer to siean?"

De alde stiek hir hulle în 'e hichte end seach de jung feint lang oan.

»Du scitte him werfinde; mar it scil yet lang oanhalde. Ik siuch en skerp swird în dîn heite handen. Gean nu it suden up! Mear wît ik neat."

Hiu bitsiutte mei hir earm oan de freger um by hir wei to gean.

De jung feint — mar litte wy him mar by sîn namme neame — Marten Clant — hwent dy wier it — ging wer nei Lukas ta, blîd oer it jinge him wiersein wier end tagelîk eangjende dat it ald minske mis wêse scoe.

De studinten wieren wer hwet fen hiar keltme bikumd;

en ny fet wîn waerd foar 't liacht helle, end it supen bigûn wer fen foren of oan.

It aldtsje wier forthgien lîk as se kumd wier, sûnder. gedrûs.

De studinten hieden 't nu oer it wît fen hiar reise. Slim wier drunken end der er en lilke drank oer him hie, lei er him der up ût um de oren to hûnjen end to narjen.

Eindling hie de praeses sîn nucht end dy sei:

»Du dieste better, heite, to swyen end der nei to harkjen hwet wy mei mankoarren biprate oer ûs reis, as dîn skimpskotten ût to dielen. Mienstu dat van Mansveld tsienne is mei flukken end tsieren, end dat dîn leffe praetsjes, him nufliker binne as ûs kreftige earmen?

Slim, altîd ien fen twaen, gik ef lilk, end den alderdanichste upfleanend, sprung up, bleek as en deade fen woede. Hy sloech mei de handen în 'e luft, um 't er sa gau nin wirden fînde koe, um sîn lilkens to uterjen.

De ûnforsteanbere lûden, dy er ûtbrocht, tsiennen allinne um de oren slop fen laeitsjen to meitsjen. Hy biet up 'e tusken end pakte sîn houdegen um de praeses to lîf to fallen.

»Hou! earlike fiuchtery!" roppen se allegearre.

De praeses stoe restich up, krige sîn degen, dy în 'e hoeke stoe, end forliet sûnder en wird to sidzen it hûs. Slim fulge end al de oren streamden hiar efternei.

Marten gîng ek, thruch Lukas laet, nei buten, ek al blîd; dat er ris en lîts fiuchtpartyke siean scoe, hwent der siet egentlik en soldate-aerd în him.

En fry plak foar it hûs waerd ûtsocht. De beide fiuchters loeken hiar bupdedingen ût end krigen hiar degens; de tsiugen sorgen dat alles earlik în sîn wirk gîng end derup waerd it commando: »Los!" ûtspritzen.

It portûr stoe net allîk; de praeses wier restich end bidaerd, Slim, ef lieaver Josef, wier woedend end drunken. It dûrre net lang ef de leste hie en lîtze wûnde

oan 'e earm. Mar der sloech er nîn acht op, end mei dubelde woede foel er up sîn party oan. De tsiugen lîk-wol sprungen twiske beiden end roppen: »Halt! der is bloed streamd; stek de wapens up, mannen!" end for-klearren Slim for oerwûn.

»Sîn bloed heth streamd," sei Marten jin Lukas; »it earste diel fen de profecy fen de alde is neikumd."

De studinten gîngen allegearre în 'e hûs, end de wûnde waerd, sa goed as it koe, forbûn.

Marten end Lukas stoeden togearre yet mar buten. Marten thocht um sîn heit, end hie mear fortrowen up 'e wiersidzerske den earder. Hiu hie him sîn heit ûnt-hietten; end dat swird, scoe it net sinke by it siean fen sîn soan?

Ful fen dat thinken sei er jin Lukas:

»God seinje jimme foarnimmens! Hwet my oangiet, ik kin net mei jimme tsiean. Derum far wol, mîn libbens-redder! In mîn bidden scil ik um ju thinke."

Lukas seach mei niu de jungfeint oan.

»End hwer scitte nu hinne?" frege er.

»De wrald is wîd; earst nei 't suden!"

»Du bist jung end net wakker bidreawn; hwet scitte bigjinne?"

»Jung bin ik, mar ik hab safulle underfînding as man-nich alde. God, dy my oant disse tîd ta hulpen heth, scil my ek fjirder helpe."

»Mar hwerum allinne în 'e wrald um to dormjen? — Hwerum net mei ûs to tsiean?"

»Ik sîkje mîn heit."

»Dy is faek lang al dea."

»Né mîn heit libbeth; dat fiel ik oan my sels, end ienris scil ik him wersiean."

Lukas seach nei de doar fen 't hûs, der de studinten wieren, end sei sunich:

»Harkris! ik forlit disse wîlde boel; ik kin 't by hiar-

ren net goedmeitsje; ik tsiuch mei dy, mîn fults wenneth în 't suden up. Bistu dermei tofreden?"

»Fen herten, mar hwet scille de oren sidze?"

»Hia scille der neat fen wite," sei Lukas; »kum!"

Hia teagen togearre forth, end skielik hie him 't spil end gedrûs, dat de drunkene junge knapen ûtjoegen, for hiar forlern.

It wier as de himel hiar plan biginstige, suk moai waer wier 't.

»End hwer nu up ta?" sei Marten.

»Foarût nei Antwerpen," andere Lukas; »der wenneth mîn mem."

»Ik miende fen mîn heit heard to habben," sei Marten, »dat dy der en broer wenjen hie, mar ik doar it net fest sidze."

»Sa fulle to better," sei Lukas wer, »astu der en umke heste, kin dy dy faek ûtkumst jaen oer dîn heit."

Mei moed setten se hiar wei nei 't suden forth, as wier 't hiar der um to dwaen yet deselde jûnd it eind fen hiar reise to birikken.

It gung lîkwol mar langsum foarût; den moasten se ris biside krupe for umswervende soldaten, den ris en eind um, um en fest paed to sîkjen, end mar hiel kumselde seagen se en biwenne dorp. Nachts moasten se în iensumme hûskes en hinnekummen sîkje, end it spande der um, um altiten iten end drinken to finden.

Iepenhertich forhelle Marten oan Lukas al hwet him oerkumd wier; hu er by de Boxumer slach sîn mem end sîn broer forlern hie; hu Jean d' Armont him letter mei geweld skaette fen sîn deade suster end sîn forwûnde heit; hu de goede man him as sîn bern bihandle hie, oant sa lang er, fen en kugel rekke, stoarn wier. Fjirder hu 't er allinne up reis tein wier up Brussel ta, up forsîk fen sîn woldwaender; hu 't er skien of fen wirgens end hunger in it forlitten dorp kumd wier, der de studinten him fûn hieden, end der în 'e sliep foel, dy sûnder Lukas

sîn help licht sîn deadsliep wirde kinnen hie. Hu lang er umdwaeld hie, wist er net krekt to sidzen.

»Du hest en bulte ûtstien," sei Lukas; »de gefaren, dystu ûntkumd biste, strekke my ta biwîs, dat de Foarsicannichhaid eat greats mei dy foar heth." — Hear nu ek mîn skiednis:

In en hûske net fir fen 'e greate tsjerke to Antwerpen bin ik berne end greatbrocht. Mîn heit ha 'k nea kend; hy forstoar do ik yet nin jier ald wier.

Mîn mem brocht my trou up în 'e lere fen 'e allinne sillichmeitsjende tsjerke."

»Hwet gelove is dat?" frege Marten.

»Hwet gûd! witstu dat net? Bistu net ta dat gelove torechkeard, do de oerste dy ta him naem?"

»Mîn heit," sei Marten, »heth um sîn gelove alles forlern, end ik scoe it ûntrou wirde? End derby: de oerste learde my dat Protestanten en Roomsken, hia wieren allegearre allik for God, as hiar binnenste mar suver wier."

Up Lukas sîn oanlit seach me klear, hu ûnoangenamme as 't him wier, dat Marten de ketterske lere oanhung. Hy sei în 'e earste ure mannich net fulle end gîng în dieppe thinzen forsunken nest Marten sîn wei. Fen sîn skiednis kaem net mear. Sa gîngen hia, Lukas în him selm keard end Marten ful frumme forwachtingen oangeande de takumst, dagen oan dagen, fjirder up nei Antwerpen.

En heap ruters, dy hiar net fir fen Lukas end Marten of langsum foarût biweegden, makke de earste bang. »Lit ûs sa lang efter dy haech krupe," seide er jin Marten.

»Hwet is dat for krîchsfults?" frege Marten.

»Siuchstu dy giele banden net? — It binne steatsken."

Efter 'e hage pasten hia up hukker wei de ruters ûtgîngen. Nei en hortsje wieren se hiar foarby; en inkeld krîchsman kaem efter oan, end joech sîn hors de sporen, um de oren în to heljen. Marten seach de ruter în 't

oansicht. Hy staette en gialp ût end sprung oereind ear 't Lukas it forhinderje koe.

In en eagenblik wier er buppe up en hichte, oan de igge fen en ûtdroege beek; hy rop, hy wunk; mar de ruter hearde ef seach neat end ried de oren nei, en busk în. Do kladdere it feintsje fen 'e hichte of in 'e beek del, um sa oan de ore kant to kummen. Mei 't er lîkwol by de walskant wer upkladje woe, trape er mis, end foel up 'e stienhaftige boayem fen 'e beek del.

Mei eangstme hie Lukas de handling fen Marten biskoage. Sa ringen as de ruters ût it gesicht wieren, ging er nei Marten ta um to siean hu it mei him stoe.

Foarsichtich fen 'e hichte nei de lichte kladderjende, kaem er by de forûngelukke oan. It like wol dat er en thige smeet krige hie: hy laei ûnforweechlik, sûnder wird ef sucht hearre to litten, end sa bleek wier er um 'e hulle, dat Lukas thocht dat de siele it lichem al forlitten hie. Al skielik mirk disse lîkwol, dat it borst him yet up end del ging.

»Heth God my for de twade kear ta dîn redder ûtkard!" sei Lukas swiersettich. »Mucht de Algoede my ek ûtkeasen habbe, um dy ta de wiere lere torech to bringen!"

Derup naem er Marten foarsichtich up end droech him up 'e flakke grûnd, skielik sloech de jungfeint de eagen up.

»Hwer is er?" frege er, end sîn flawe eagen storren it field oer, nei de kant der de ruters weitein wieren.

»Hwa, earme Marten?"

»Mîn heit, mîn heit!" — Hy ging oereind sitten. »Ik moat him efternei!" — Hy wier lîkwol to swak um up to stean.

»Set dy dat mar ût dîn sin, mîn goede Marten! dîn each heth dy bidragen."

»En bern, dat sîn heit siucht, bidraecht him net," sei Marten. »Och, dat ik hjir nu lidze moat!"

Net fir der fen dinne, up en hichte, skimere en tsiuster mûrwirk thruch de beammen; der hope Lukas sîn friûnd Marten hwet rest bisorgje to kinnen.

Mei en hopen piel krige Lukas him by it gebuw, dat hia siûn hieden, mar mei blîdskip mirk er dat Marten thruch it fallen neat britzen hie.

It gebuw wier ûnbiwenne, al sûnt jierren; en mantel fen dunker moas end ûntûch oerdiek de mûrren end' de grûnd. Midden în 't gebuw rîsde en tûr umhegens, dy thruch de tusk fen 'e tîd yet neat lit like to habben.

Lukas brocht Marten în 'e ûnderste fordiepping, makke der en soarte fen legersteed for him end gîng do buppe în 'e tûr um to siean as er în 'e umstreek ek minskewenten siean koe.

Mar is it suden fen-Noardbraband nu, hwet it platte land oangiet, net hiel fulkrîk, în dy tiden wier it dat yet fulle minder.

Busken seach er by de bult, sa fîr er siean koe. Krassende ruken fleagen him um 'e hulle, end Lukas suchte: »Hy dy de junge ruken foerreth scil mîn friûnd ek net umkumme litte."

Yet ris seach er alle kanten ût, end sîn loaits waerd helderder. Der. efter en busk beammen gîng reek umhegens end forlear him în 'e luft. Hy seach it klear, end blîd gîng er wer nei ûnderen by Marten.

Disse sliepte, mar it wier net dy sûnde sliep, dy nye kreften oan it lichem jowt. Sîn sliep wier ûnrestich; it borst gîng him krimphaftich up end del.

»Sliep seft! God seinje dîn wekkerwirden! Ik scil wiles siean, dat ik eat to iten for dy fînd," sei Lukas end striek seft mei de hand oer Marten sîn hege foarhulle.

Derup smiet er sîn mantel oer de slieper hinne end gîng sîn wegen.

V.

Do Marten to wekker waerd, wier sîn earste thinken um Lukas: dy wier yet net werum.

»Heth er my forlitten în mîn earmoed?" rop er. — »Mar né, derta wier er net în steat," thocht er fjirder.

Do er upstean woe, wier er sa stîf în 'e lea dat er him hast net forwege koe, end alles die him sear. Hy sunk misthreastich wer del end thocht dat sîn eind neiby wier.

»God!" sa bea er, »lit my net stjerre bifoar 't ik mîn lieave heit yet ienkear siûn hab!"

De nacht kaem end Lukas bleaw forth.

Marten koe net sliepe. De wînd helle oan end rûsde thruch de iepening în 'e tûr end makke derthruch alderhande nuvere luden.

Earst tsjin 'e moarntîd rekke er în 'e sliep.

Tsjin 'e middeis waerd er wer to wekker. Alles kaem him earst as en dream foar, mar al skielik bigûn er sîn tastand to bigripen, end hy makke him thige ûngerest, dat er Lukas, sûnt de forige deis net siûn hie.

»Hy heth my forlitten! hy woe sîn lot net oan mîn ûnk festknotje," rop er.

Mei foel sîn each up Lukas sîn mantel.
En stik hird droech brea, it leste fen itjinge hia for îtlike dagen keape hieden, laei der by.

»Ik hab dy ûnriucht dien, mîn friûnd!" sei er, »Du moatst ûngemak krige habbe. Hwer moat ik dy sîkje?"

Sûnder fest bistek, allinne thruch sîn fieling laet, socht er în 't gebuw alles of end gîng do nei buten. Hy drigde elts eagenblik del to fallen mar sîn stielene wilskreft halde him oereind.

Hy fûnd nearne spoar fen Lukas, hu lang er ek sochte, end alhiel misthreastich kearde er langsum nei de tûr torech.

»Mûlk," thocht er lîkwol, »is Lukas în disse tîd der ek kumd, ef der thichte by."

Mar alles umdoch! Hy wachte yet al, mar bigriep

eindlings, dat as er net fen hunger stjerre woe, den moast er meitsje dat er der wei end în bibuwde streken kaem. Sa sein, sa dien.

VI.

In ien fen 'e fulkrîkste strietten fen Antwerpen fînde wy Marten wer. Hy moast up 'e wei der hinne en bulte ûtstien habbe, dat tsiûgde sîn înfallen oanlît, dat koe me ek siean oan sîn tohavene klean.

Hy like ek lang net mear sa fulle fieling fen him sels to habben as do er yet by de goede Jean d' Armont forkearde, noch loake sîn each mei de selde libbensniu as dytîds în 'e wrald um. Sîn gung wier stuiterich.

Hûs by hûs în 'e neibyheid fen 'e Greate tsjerke frege er oan, eft immen him ek biskied fen sîn friûnd Lukas jaen koe, mar altiten umdoch. Hy stoe foar en lîts hûske, dat er bysûndere nau biseach.

»Hjir wol ik doch yet ris freegje," seide er end kloppe oan.

En ald wîfke kaem foar end frege hwet er woe.

»Ik sîkje um en studint, dy Lukas hiet," seide er; end pas wieren dy wirden der ût, ef it ald minske rop:

»Herink! dat is mîn soan; kom gau în 'e hûs! God thank, dat ik wer ris eat fen him kum to fornimmen!"

»Den is er hjir net?" frege Marten.

»Hwet nys bringstu my fen mîn soan?" frege 't minske, dy Marten sîn fraech net forstien like to habben.

It foel Marten swier, by de droefenis oer sîn tobeksleine hope wirden to fînden, um de lieafhabbende mem fen hir soan to forheljen. De umstandichheid, dat er him ûnder dy woeste studinten fûn hie, gîng er stilswyend foarby. Ek spriek er der net fen, dat hia fen plan wie-

ren um tsienst to nimmen by Ernst fen Mansveld. Hy forhelle hir allinne mar dat Lukas sîn libben biwarre hie, dat er tonei siek wirden wier, end dat Lukas sa'n langstme nei sîn mem hie, dat er net nei sîn betterwirden wachtje koe. Hy hie him hjir al forwachte, mar hy scoe um de fyanden, dy oeral rûndswurven, wol umwegen sîkje moatten habbe. Dat wier 't fest, hwerthruch it kaem, dat er yet net oankumd wier. Hy leawde sels net hwet er it ald wîfke wîs makke.

It memmeherte leawde alles. It beste, dat hiu în 'e hûs hie, waerd for Marten klear set. Hy moast up 'e beste stoel sitte. Iten end drinken waerd him în 'e rumte tapart.

Lukas sîn mem koe net uphalde fen hir soan to forheljen. Hu flitich as er wier, hwet best herte as er hie, hu lang it lîn wier, dat se him siûn hie; de mule stoe hir suver net ta.

Marten stoeden de triennen în 'e eagen. Hy thocht um sîn mem, dy sa ûngelukkich oan hir eind rekke wier, oan sîn broer Otte, oan sîn heit, dy er sa jerne werfînde woe, end it moed waerd him ful.

Hy scoe nu bisîkje um sîn umke, dy în disse sted wenje moast, up to sîkjen. Derum frege er it ald minske, as dy der ek en goudsmid koe, dy Willem Clant hiet.

It wîfke koe sa'n ien net, hwerum Marten den mar ris oars fornimme woe. De mem fen Lukas die lîkwol alle moeite um him torech to halden, mar Marten liet him net biprate. Hy naem ofskied end stoe skielik wer up 'e striette.

Al forskate hied er frege nei sîn umke, mar nimmen koe him sa 't like up 'e wei bringe. Up 't lest sei der ien, dy er ek frege:

»Willem Clant, is dat fulk fen dines? Rup der mar net to lûd fen, heite! Willem Clant wirth biskildige, dat er it mei de Steatskens halth end dy safulle as it kin în 'e hand wirketh. Grins heth er jin 'e kening upset

end it is ûs offallen, end jinwirdich moat er fulle sîn kummen ha în Goar, Oldensael, Lier end Oatmarssum. De rejearring giet him heimlik stap for stap efternei, end as 't biwesen wirth, dat er în pleats fen goud en silver to forkeapjen de ketterye foartsterketh end, lîk as 't praet sels giet, oan it haed fen en fîftich man umswerft um oeral hwer er mar kin de Spanjerds în 't farwetter to sitten, den rekketh er sa gau as se him în 'e fikken krye oan 'e galge. It gemien het sîn hûs, hjir în Antwerpen ûtplundere end de mûrren umfirhelle. Freegje derum mar net fjirder nei him, end fortel oan nimmen, datste fen sîn folk biste, as ik dy riede scil. Hy scil în Antwerpen foarearst net werkumme."

Alwer mis! thocht Marten, mar hy sei neat.

»Scoe nu mîn umke ek yet as en offer for de goede saek sîn libben litte moatte?" seide er în him sels, do de freamde by him wei gien wier. Hwer fînd ik him? Neat oars bliuwt my oer," — end tagelîk fleach sîn loaits oer de segelring oan sîn finger — »neat oars bliuwt my oer, as it kastiel fen mîn woldwaender Diepenbron up to sîkjen. Kum oan mar, up reis nei Brussel! De wei up nei 't suden, sei de wiersidster; God jow dat ik mîn heit fînde mei!

VII.

It slot Diepenbron laei en foech ure efter Brussel up en hichte. En breed farwetter bispielde sîn mûrren, end de ûndergeande sinne spegele sîn leste strielen up it gledde thek.

In it hof wier en jungfeint dwaende um en junge hîngst, dy it forkeard bigrepen hie, order end rigel to leren. Den sprung de hîngst heech fen 'e grûnd, den fleach er sa

hird as er koe ût en fioweren foarût, krekt as er sa mar în ienen oer de mûrre hinne scoe.

De feint dy der upsiet, brûkte iverich team end sporen end teande dat er en goed ruter wier, mar hy wier yet to jung end derum net mansk-enoch um it wîlde beest ûnder 'e plak to kryen.

Hy wier skien of, hy wier der bleek fen um 'e hulle end it swit rûn mei strielen by sîn oanlit del.

De hîngst wier fen 'e geweldige sprungen, dy er makke, ek to'n eind; hy stoe en tochje stil. Sîn lea trillen end it wite skum rûn him fen 'e team up 'e grûnd del.

De ruter halde de teamme oan end kloppe it beest seft up 'e nekke.

Der rop immen fen 'e twade fordiepping mei en grou lûd end rare nidich: »Wolstu dat hînser de sporen ris jaen, biroerde loaiwammes! Jow ik dy derum to iten, datste loai end liddich up en hînser umhingje scoeste? Foart! în ienen! ef ik scil dy mei de swipe umgean, end umreitzen, hear!

De feint waerd kel end skruten forhefte him sîn each nei it reade oanlit fen sîn hear end master.

»God end alle Heiligen, wes my genedich! Dat kin nin minske ûthalde!" suchte er end biet him up 'e tusken. Hy pripke în sîn driftme it eale beest mei de sporen în 'e bealch, dat it mei alle fiower poten în 'e hichte fleach end do as rasend foartkeilde.

De ruter hie 't net mear în 'e macht it hors to halden, it spande sels dat er der up sitten bliuwe koe; hy halde him oan 'e moannen fest.

»Dogeneat, wolst' ek înhalde! Scilst' my dat beest deajeye? — To, Hildebrand! slach him mei de swipe fen 't hînser of!" gûlde end raesde de slothear.

De hîngst rûn al wîlder end wîlder.

In 'e staldoar kaem en lîts keardeltsje mei brike skunken end en gesicht sa grimitich, dat me der eang fen

wirde scoe, mei en great swipe to foarskîn. Dat wier Hildebrand.

Hy knikte hiel fortroulik jin sîn hear end joech de ruter end 't hînser; wîlst se him foarby fleagen en thige streek mei de swipe.

Der waerd it beest net niuter fen. De rider hie it hinser, dat nu yet fûlder foartgisele de handen um 'e nekke.

»Slach der up los, Hildebrand !" gûlde de slothear wer, »ef de swipe kumt up dîn egen rech to lande."

Yet ris en feech-fen umreitzen. It hînser sprung hèech up, fleach foarût, de porte thruch end wier mei sîn birider up it iepene field.

»Der slacht de wealich thruch! Wel, by dit end dat, wier de porte net sletten? Du brike skarlûn! dat scil up dîn land waye!" rop de slothear jin sîn trowe feint Hildebrand, end kaem nei ûnderen um sîn drîgjen to'n ûtfier to bringen; mar hird gîng it net, hwent hy wier gans jichtich.

Underwilen wier it hînser mei de ruter oer 'e slotbregge kumd end fleach de wei up lans de feart. De feint die nin war um it hînser în to halden; hy paste mar up sitten.

Oan 'e kant fen 'e wei, up 't sefte grien siet Marten end seach nei it slot dat foar him laei. Hy seach de guds mei de ruter nei him ta kummen, end sprung tel oereind end up side um rumte to jaen; keren wier der doch net oan.

Sîn upspringen makke 't hînser kel. It kearth him în ienen um end saeith sîn birider mei en slinger fen him of up 'e grûnd del. Ta allik kumt it sels up en stien to traepjen, glîth end falt hals oer kop up 'e wei del, der laei it, de tunge ût 'e bek end en poat stikken.

Marten liet en gûl fen keltme. Hy rûn dalik nei de feint ta, dy fen 't hînser fallen wier, end fûnd sîn libbensredder, de goede Lukas, end mar en bîtsje biseard.

Dat wier en blîdskip! Hy foel by him up 'e knibbels del.

»Bistu it, mîn lieave Marten?" sei Lukas, dy sîn eagen hast net leawe koe; »bistu it siker?"

»Ja, ik bin 't sels. Hu is't; ek biseard?"

»Hab nin noed mei my; ik bin der lukkich ofkumd. Godthank, dat ik dy tref!"

Hia fleagen enoar um 'e hals fen louter blidens.

»End du wolst nei 't slot ta?" sei Lukas jin Marten.

»Ja, dat wier mîn doel," wier 't andert.

»For alle skatten fen 'e wrald net," sei Lukas, end seach eangstich nei it slot um. »Kum mei, der efter 'e beammen! ik scil dy sidze hu 't spil der stieth. Nei 't slot moatste nea!"

»Net? — de leste wirden fen mîn woldwaender binne my heilich; ik hab it him ûnthietten," andere Marten.

»Harkje earst nei my," Lukas wer, »den scitte wol oars thinke. Lit my dy earst forhelje hu 't ik hjir kaem."

Pratende wei makke Lukas dat hia twiske de thichtbiwoexene beammen kamen, um 't er him oars net butte feilich achte.

»Do ik dy în 'e tûr forliet," bigûn er wer, »um hwet to iten to sîkjen, kaem ik în en dorp, der it my slagge um it ien end oar by enoar to kryen.

Blîd scoe 'k wer nei dy ta, mar it wier en hiel eind end — ik rekke fordwaeld. De nacht foel. Noed end sorch oer dy, dy ik siek efterlitten hie, kealt, wirrigens, alles pleage my. Ik dwaelde de hiele nacht thruch end de deis derup die 'k ek neat as sîkjen um dy alde tûr wer to fînden. Eindlings tsjin 'e jûnd lukte it my. Ik blîd der up ta, mar du wierst foart!

Hu do? It kaem my în 't sin, datste praet hieste fen de oerste Jean d' Armont end fen 't slot by Brussel, end datste der hinne woeste. Faek is er der up ta gien, thocht ik; kum, den moat ik der ek mar hinne.

Ik hie in 't dorp der 'k west hie doch al fornumd, dat ik net malle best to Antwerpen kumme koe, um 't der sa'n freamd fults um hinne swurf.

Ik kaem ek up 't slot, mar al hwa 't ik fûnd, dy net."

Hjir foel Marten him in 'e reden end forhelle him, dat hy to Antwerpen by Lukas sin mem west hie.

Lukas wier blid dat sin mem goed in order wier end forhelle fjirder:

»Foar 't ik up it slot oankaem, hie 'k disse end jinge al ris frege nei de slothear end net en bulte goeds fen him heard.

Me hie mei it innimmen fen Stienwik ek de dead fen de forige bisitter fornumd.

Skielik derup wier de neef fen de hear d' Armont, dy der as rintmaster regearre, ek forstoarn, end nu forfoel it slot mei sîn eindummen oan de jinwirdige biwenner, dat en earste gierrige, biroerde keardel wier, dy der mei en ald feint libbe, ek net fulle better as hy. Dat like net moai.

Ik sorge der al hwet hinne, mar it thinkbîld, dat ik dy der finde scoe, sette my oer de swierrichheid hinne, end ik ging der mei moed up ta. Tsjin mîn forwachting waerd ik friûndlik ûntfinzen ik frege nei dy, mar der wisten se neat fen to sidzen. It iten end drinken dat ik krige, wier ridlik goed, end oars hie 'k it ek skoan.

Hia bigunen al sa hwet um 'e kant hinne to praten ef ik de hear Jean d' Armont ek kend hie, end do ik sei fen né, ef dy Marten yet al iepenhertich tsjin my wier. Ik wist net hwer 't hia hinne woeden, end makke my der sa hwet of.

Sa forrûn de iene dei nei de ore. Do der fiertsien dagen um wieren end du yet net updaegjen kaemste, sei ik jin 'e slothear, dat ik fen plan wier um hiar to forlitten.

Mar der briek it ûnwaer los. »Sids us earst," sei de

keardel; »hwer de oerste sîn jild end goudgûd bidubbe heth; dat scil dy Marten dy wol sein habbe."

Ik sei fen sels fen net.

»End den thochtstu, dat ik dy fiertsien dagen to jow foerre ha, end datste sa mar foartgean koeste. — Né feintsje, arbeidje end de kost fortsienje!"

»Up en jûndtîd rop de gierrige keardel my în 'e keamer end sei: »It binne mar praetsjes, datste neat fen 'e skatten fen 'e forige egener ofwitste. Ik jow dy oant moarn ta biried, aste it ûs sidze wotte, end oars scil ik end mîn feint dy wol lîts krye."

»Hu 't hia my do pleagen, dat is oer alles hinne; en stealtsje hest' er nîs fen siûn, hwet se dien habbe um my to thwingen um eat to sidzen, dat ik net wist. Dat wîlde hînser moast ik alle jûnden biride end hia pasten wol up, dat altîd de porte goed sletten wier: jûnd is 't my lîkwol lukt um to ûntkummen. — Hwet seiste nu; bliuwste yet by dîn plan um nei 't slot ta?"

»Ried my net of, ik hab mîn woldwaender ienris mîn wird jown end dat wol 'k halde. It keatling end de ring scil de jinwirdige egener fen 't slot altîd ût mîn handen ûntfange."

»It scil dy to let rowe," sei Lukas; »mar en minske sin is en minske libben. Unthiet my den mar um net langer în 't slot to bliuwen, as 't moat, end my by mîn mem to Antwerpen up to sîkjen."

»As de himel it wol, den kum ik sa gau as 't kin."

»End den yet eat," sei Lukas wer, »astu binnen thrye moannen net torech biste, den rekkenje ik dat it dy net goed ofgiet, end den kinst' up my rekkenje, dat ik dy to help kum. Mar wachtje dy for Hillebrand! dat is en divel, dy sîn hear krekt sa goed as en oar siketh to bidragen. End nu moat ik foart; as se my krigen scoe 't er net best mei my foarstean. Farwol!"

»Farwol!" klunk it ek ût Marten sîn mule end hia namen ofskied.

VIII.

De slothear, en ûnbihulpen figûr fen en minske, mei en gielhaftich oansicht, foerre sîn jachthûnd mei hirde korsten, dy er sels net mear bite koe.

Hildebrand, dy en reade striem oer it lufter wang hie, en biwîs dat mînhear sîn feint efkes mei de swipe umgien hie, kaem în 'e keamer end sei dat it fallene hînser up en sleep în 'e stal brocht wier.

Do mînhear him net oanseach, stiek er him drîgjend de fûst ta.

De gierrige grimît waerd, nu 't him de ramp wer în 't sin kaem, heislike lilts; hy naem en wettergles up, um it de feint nei de hulle to kugeljen; mar lukkich kaem it him yet krekt în tîds în 't sin, dat it den ek wol ris brekke koe.

Derthruch rekke Hillebrand fry, mar de hûnd, dy nearne nin erch în hie, krige en traep, dat er lûd gulende de keamersdoar ûtrûn, end în sîn hastigens de feint, dy net sa butte fest up sîn brike skunken stoe, umfirens smiet.

Disse makke, sûnder eat to sidzen, dat er wer oereind kaem, mar it wier wol oan him to siean, dat er sîn hear end de hûnd forwinske sa fîr as er se siean koe.

»Hwer is de hûnd?" snaude de slothear grimitich him ta.

»Dy is de doar ûtrûn," andere Hildebrand.

»Dy hûnd mien ik net, oxe! Ik mien dy ore; dy skoyer, mien ik."

»Dy is de porte ûtgien," Hildebrand wer.

»Der slacht de—" Mar mînhear birette him; it kaem him în 't sin, dat er bilofte dien hie, um net wer to flukken, do er ienris him oan beane foriten hie end wer better waerd.

»Heilige Marye!" seide er derup up en biddende tean,

»jow my de skarlûn ris in handen; ik scil him deaswipkje!"

Derup seach er Hildebrand oan end spriek: »Hwet moat ik nu mei dy, sleaukert? Is 't dîn skild net?"

Mei iens seach er skean nei de swipe, dy nest it crusifix stoe.

Hildebrand thocht, ik moat him foar wêse. Derum seide er: »Mînhear, it liketh wol, dat wy it net mear mei enoar redde kinne; derum forsîkje ik ût ju tsienst ûntslein to wirden. Ik moat mar foart!"

De slothear liet de hand sakje, dy al nei de swipe rikte.

»Ja," forfulge Hildebrand »ik nim mîn ofskied; ik wol my net ofriuchtje litte as en hûnd."

To diker, thocht mînhear; as hy ris foartgîng, den wier ik raer oanklaud! Ik kin him net misse.

»Gean oan dîn wirk, ienfaldige siel!" seide er jin Hildebrand; »du witste net hwetste wolste! Hwa thocht er um, um dy to slaen?"

Hildebrand joech him of, end de slothear gîng oan 't finster sitten.

Der seach er Marten mei Hildebrand stean to praten Hy rop oan hiar, dat hia by him kumme scoeden.

»En bode fen de forige hear!" sei de feint by 't inkummen.

De slothear waerd kel.

»Net dea?" frege er.

»Jy ha ummers it biwîs fen sîn dead ûntfinzen," sei Hildebrand. »De kumst fen disse jungfeint stieth in forband nei de leste wil fen de hear d' Armont."

»Bring him en stik iten end en gles wîn," sei de hear, dy fen sîn keltme gans en bîtsje bikaem. Hildebrand gîng ût 'e keamer.

»Wel feint!" sei de hear; »hwet boadskip heste for my? Mîn neef is wier dea? Ik hie altîd yet hope, dat er werkumme scoe."

Mei en sucht striek de falske keardel oer sîn growe bûk.

Marten forhelle fen it ûteind fen de hear Jean d' Armont, end joech de ring end it keatling oer, sûnder der eat by to sidzen. Der wier hy to greathertich ta, end hy woe fen sa'n keardel nin woldieden oannimme.

De slothear suchte yet ris, wîlst er it keatling biseach end de ring oan sîn lîtze finger stiek end sei: »Dy goede neef!"

Underwiles seach er de jungfeint stîf oan.

Marten seach him thruch ende wer thruch, mar hy paste wol up, dat er net skine liet hwet er în him umgîng.

Hy iet it brea up, dat Hildebrand him brócht, mar de wîn wier him to sûr.

Hildebrand stoe efter Marten sîn stoel end knikte de slothear ta. Disse seach der earst neat fen, end do er it seach, bigriep er net hwet de feint woe. Marten seach it hiele spil în en spegel, mar hy bearde dat er der neat fen mirk end iet mar stil foart.

Do er dien hie, sei Hildebrand: »Ik hoopje dat it dy goed smakke heth! it wier fen herten gind."

»Nu scil 'k him mar up en ore keamer bringe," seide er fjirder; »den kin er him ris goed ûtsliepe, hwent ik kin 't oan sîn skoen wol siean, dat er gans en eind rûn heth."

Marten bigriep wol, dat de feint mei mînhear allinne wêse woe, end hy derum ofdrusse moast.

Hy gîng derum upstean, sei mînhear goeden nacht end fulge Hildebrand în en moai keamerke, dat up it wetter ûtseach, end do de feint foart wier, klaeide er him ût end gîng nuflik to bed lidzen. Der thocht er der oer hu 't er sîn rol spîlje scoe end sei: »Hia moatte doch slim wêse as se my foarby kumme scille."

Underwiles wier Hildebrand by sîn hear kumd end it earste wird, dat er sei, wier:

»Godlof, mînhear! nu ha wy de riuchte."

Ien dy hwet minder dum west hie as de slothear, hie dalik wol bigrepen, hwet Hildebrand miende. Hy siet lîkwol to thinken oer 't stik iten, der er de jungfeint up ûnthelje moatten hie, wîlst er eange, dat er him ek yet en skuft up 'e kost halde scoe.

»Hu kaemste er by, um dy feint up dat moye keamerke to bringen? Mienstu dat mîn slot en herberge is? Meitsje mar handich dat er foart kumt!"

»Wolle jy 't luk, as 't ju tomiette kumt wer weijeye? As disse feint net în steat is um ju de skatten fen de forstoärne hear oan to wisen, den wol ik Karthuser mûnts wirde."

Mînhear drunk it gles wîn up, dat Marten stean litten hie; end nu kaem 't him în 't sin, hu 't er sîn hope ienkear up Lukas set hie, end hu min as er dermei weikumd wier. Derum seide er brimstich:

»Wolst' my wer by 't foetsje ha, krekt as mei dy ore?"

Hildebrand wier grif up sîn saek, end sei derum: »Dat it mei dy forige neat wirde scoe, dat thocht ik wol."

»Hwerum seiste it den net? Den wier it my net in 't sin kumd, um him sa lang de kost to jaen. Heth er my mîn beste hînser yet net bidoarn?"

»Och, mînhear, ik hab it ju sein, mar it is ju fest thruchgien. It wier do jy up dy festeldei to fulle fen dat fugelgûd iten hieden."

Dit tobinnenbringen woe mînhear, dy lieafst for en goed kristen thruchgean woe, net best oan, end hy thocht as ik 't iene forjit, kin it ore my ek wol thruchgien wêse.

»Den thinkste dat wy nu de riuchte ha?" seide er, »Wol hy it ûs sidze?"

»Ik hald it er foar fen al," andere Hildebrand, »hwent hy liketh ienfaldich end upriucht, lîk as jy siean koeden, der er ju de ring end it keatling brocht.

Dat biwîs wier klear.

»Sprek du den mei him! Ik hoopje mar dat er net stîfhullich is! Duch de porte goed ta, dat er ûs net ûntkumt. Skuw for de wissichheid de skoattel foar sîn keamersdoar."

Hildebrand ûnthiet dat er it dwaen scoe, end nei 't er mînhear to bed brocht hie, gîng er nei Marten sîn keamer.

It scil de lêser freamd foarkumme, dat Marten him în 't gefaer joech, dat Lukas sa lukkich ûntkumd wier. Hy koe him der egentlik sels net goed rekkenskip fen jaen; mar it wier as de earbied end de hege achtinge, dy er for sîn forstoarne woldwaender yet hie, der him ta oandreaw. Ek woed er dy sîn ring end keatling net bihalde; hy koe mei 't thinkbîld net ienich wirde, dat dat sines wêse scoe. Hwet Lukas him meidield hie, wier him oars net forgetten, mar sîn natûrlike moedigens liet net ta, dat er der swier oer tilde, ja sels kaem derthruch wol hwet langstme by him up um de mishandling, dy Lukas hjir ûndergien hie, as it slagje woe, up de beide mannen to wrekken. Dat thinken spile him în 'e hulle um; hy koe net sliepe, kroep wer fen 't bed end gîng foar 't finster sitten um ût to siean.

Krekt sa kaem Hildebrand în 'e keamer, bûgde him diep end sette en krûk mei wîn up 'e tafel del.

»Jy sîkje en nuvere tîd ût," seide er, do er Marten foar it finster sitten seach, »um de umstreken to bîskoagjen. Wachtje oant moarn ta, as de sinne upstieth, den is 't thige moai hjir umhinne. Lit ûs nu lieaver ris drinke end hwet prate."

Marten die him friûndlik biskied.

Hildebrand hie în 'e kelder al en swulch mannich fen 'e beste wîn hawn; derthruch wier er moai praterich wirden; hy forhelle fen alles, hu'n beste hear as er hie, hu trou end earlik hy him tsienne end sa kaem er niunkelîtzen up 'e saek, der er egentlik um kumd wier. Up it lest foel er mei de hiele wal ût end frege:

»Is 't net wier, mîn lieave friûnd, du wierst de oerste

sîn fortroude tsienner, dy alles for him biredde end dy ek mei al sîn geheimen bikend wier?"

Marten seach him oan up en menear, dy nin ja ef nin né sei.

Hildebrand, dy dalik ja forwachte hie, seach al hwet sûr. Hy hie 't ût Marten sîn praet al upmeitsje kinnen, hu goed as er it by de oerste stean hie, end it foel him derum of, nu nin ja up sîn fraech to kryen. Hy bigûn oan wantrowen to thinken.

Derup makke er fen it gewone middel brûkme, um de feint sîn tunge los to meitsjen: hy noege Marten mar thige um to drinken, end derum gîng er him sels der fix în foar. Hy sûpte um raek, sadat er al hwet skimerich bigûn to wirden. Derthruch mirk er net, dat Marten de measte wîn up 'e grûnd rinne liet.

De skerpste puntsjes wieren der of, end hy sei:

»Bitrou my, heite! Du bist de ienichste dy mei de oerste sîn geheimen bikend wier end dy sîn leste wirden heard heth."

»Hwet miene jy der mei?" frege Marten, sa bere binyd hwet er hearre scoe.

»Hwet ik dermei mien? Hwet oars as dy end my lukkich to meitsjen."

Hy gîng thichte by Marten sitten end lûstere:

»Mînhear heth alles erfd hwet de oerste bisiet; hy heth by de bult um fen to libjen, mar hy wît, seit er, dat de hear Jean d' Armont en great diel fen sîn skatten, um dy în disse tîd fen ûnrest end plunderjen feilich to habben, earne bidubbe habbe moat."

»Nu, um ju den de wierheid to sidzen," andere Marten, »en bîtsje wît ik der wol fen."

»Jawol, dat hie 'k în 'e rekken; end jy binne hjir kumd um mînhear mei to dielen, hwer er de bût finde kin, think ik."

»Dat wier mîn doel, ja."

»Dat thocht ik al. Mar hark ris, heite. Datstu earlik

end ek al to earlik biste, dat ha 'k dy al ofsiûn, end derum kum ik hjir um earst ris mei dy oer de saek to praten. Mînhear heth, lik as ik sei genoch, hy heth by de bult; derby is er sa gierrich end it is sa'n minne keardel, dat nin minske 't hast by him ûthalde kin. Is sa'n keardel 't wirdich, dat er nu yet mear krigeth?"

»Mugelik net," andere Marten, nysgierrich hwet er fjirder hearre scoe.

»Né, wis net," sei Hildebrand wer; »astu wîtste hu'n skarlûn fen en keardel as 't is, den seiste my dat în ienen mei."

»Dat it net sa'n besten is, dat wît ik ek al," andere Marten wer.

»Nu den, du bist mei alles bikend, um it jild end goudgûd dat hjir ef der bidubbe wêse moat machtich to wirden; wy pàkke to gearre dy boel în end litte de gierrige keardel allinne mei sîn swipe, dy er sa faek up mîn rech dûnsje litten heth."

»Net ûnfoech bithocht," sei Marten, »end um der mar rûnd foarût to kummen, ja, ik wît hwer de skat leit, mar it upgraven, mei mar ûnder ien bithingst pleats ha."

»End hwet bithingst is dat?"

»De earmen fen it dorp, moatte hûnderd gûne ha."

»Hwerum dat?"

»Um 't it de wille is fen mînhear d'Armont, dat sîn skat net earder oanroerd wirde scoe, as oan dit bithingst fuldien wier, der hy altîd wakker mei sîn dorpsliu uphie."

»Ei, gikheid, ju! — End oars as 't al moat dat de earmen hjir der hwet fen krye, lit ûs den doch mar earst meitsje dat wy de boel binnen krye."

»Né, dat net," andere Marten, »it is de leste wil fen en deade, end ik scoe mîn libben nin rest ha, as der net oan fuldien waerd."

»Mar hu kumme wy oan dy hûnderd gune?"

»As juw hear by de bult heth, den moatte jy mar siean it fen him to kryen; hy is doch de earste erfgenamt

hy is al in 't bisit, end oan de leste wil fen 'e forstoarne is den fuldien."

»Mar den moat mînhear der altîd mei bikend makke wirde, dat er en skat is, end dat jy wite hwer 't dy bidubbe is."

»Dat mei neat nin quea; wy scille derum wol meitsje dat wy der master oer bliuwe."

»Hwer leit de skat?"

»Dat sids ik net, ear 't de earmen hiarres ha. Krye dy moarn de hûnderd gune, den kin de skat de fulgjende nye moanne upgraven wirde."

»De fulgjende nye moanne? Dat halth yet hast fiower wike oan."

»Dat is net oars; ik hald my oan mîn lest; ik scoe mîn siel în gefaer achtje as ik der ofgîng."

Hildebrand seach wol, dat er de feint net ta en oar bislût krye koe, end derum waerd it dus steld um to handeljen lîk as Marten easke.

»Mar hwet ik yet sidze scoe," seide er jin Marten; fortel mînhear nu net krekt, hwennear wy oan 't wirk scille. De alde hoeft nin jild mear; it makketh him mar minder."

»Lit dat mar oan my oer," andere Marten,

Nu skudde Hildebrand him de hand end sei: »Ik winskje dy fen herten wol to resten; ik scil dy goed bitsienje, hear! Mar forlit it slot net, as ik dy bidde mei; it is buten lang net feilich, der swerve riu ketters end soldatefulk în disse streken um, end jy wieren gau în 't gefaer dat se ju to pakken krigen."

Dat sidzen wier lîkwol for Marten en thwangneil to mear, um al ris buten 't slot to kummen, as er 't koe. Hy hope yet altiten sîn umke end derthruch sîn heit to fînden: derum woed er wol graech în 'e umtrek ris neisiking dwaen.

Hy thanke Hildebrand lîkwol for sîn goede ried, end disse gîng moai stuiterich de doar ût.

IX.

De slothear seach biustere raer, do sîn feint him forhelle fen de hûnderd gune, dy der springe moast, mar der dy him teffens fen 'e skat forhelle hie, wier it ûtsicht sa moai, dat Hildebrand moast 'er de selde deis mar up los. Marten gîng mei. In 't dorp waerd bikend makke, dat mînhear fen 't slot bigien wier mei it droevich lot fen sîn dorpsliu; dat er derum hûnderd gune ûnder hiar ûtdiele scoe. De dorpsliu wisten net hwet hia hearden. Wier dat de selde hear, dy sa fulle fen hiar ferge end bitelle mei swîpslagen; dy him sels hast net sed ite dorst; der de arbeiders up 't slot de mule sa ful fen hieden, as wier er nin minske lîk? It woe der net în. Mar de neimiddeis do de ûtdieling bigûn moasten hia it leawe.

Marten dielde ût; hy bitroude Hildebrand net. Thankbere herten, seinjende wirden, wieren it lean, dat er for sîn gaven krige, end hied er earst yet în twivel west, eft it jinge er die, wol earlik wier, it thinkbîld dat it în de geast fen de forstoarne wier, dat sîn earme dorpsliu ek en bît fen sîn neilittenskip krigen, de bittere need dy der wier, de blide troanjen dy er seach, stelden him gerest.

It leste stik jild wier în handen fen en ald wîfke kumd. Dy hie him thige bithanke, end derup naem er mei Hildebrand de reis nei 't slot wer oan.

Hildebrand praette net fulle; mûlk wier er wol lilts, dat Marten him de gelegenheid binumd hie, um der en fixe deihier of to striken. Marten wier ek stil, mar hy liet sîn eagen good în 'e hulle umgean, um hwet mei paden end wegen bikend to wirden, hwent it wier sîn plan, um as 't lukke koe, gau ût to filjen.

Do se by mînhear kamen end rekkenskip fen hiar dwaen joegen, brumde dy sahwet fen »biddelfults end dat skoander jild" mar oars wier er wakker glei tsjin Marten.

De tid oant nye moanne forstriek langsum, egentlik al to langsum for Hildebrand end Marten. Marten socht al ris gelegentheid um foart to kummen, mar deis wier Hildebrand him altîd up 'e hakken, end nachts kaem de skoattel fen buten up sîn keamersdoar; sadwaende koed er net foart kumme.

Fen iten end drinken hied er 't thige best. Hildebrand die alles um by Marten in bitrou to kummen; hy halde minhear up 'e lange baen end thwung Marten him to sidzen hwer er de bût fînde koe. Mar dy moeite wier umdoch.

De jungfeint spile sin rol sa goed, dat de feint leawe moast, allinne de kummende nye moanne scoe de swyende tunge oan 't praten meitsje.

Eindlings kaem dè tîd, dy hia beide um forskate reden mei langstme to miette siûn hieden.

Hildebrand hie de slothear wîs makke, dat earst oer thrye moanne de skat în bisit numd wirde mucht; hy kaem nu likwol by Marten end sei:

»Hu is 't, ha wy nu langenoach wachte?"

»De tid is um; um middennacht kinne wy 't wirk biginne," andere Marten.

»Godthank! de tid is my lang fallen. Pas up dat minhear der neat fen wîs wirth. Hwer leit de skat?"

»Net în 't slot."

»Hwer den?"

»Den scille jy wol siean as wy earst to plak binne."

Hildebrand seach wol dat er mei dat andert tofreden wêse moast. Hy hie fen blidskip wol upspringe wold end scoe Marten ût pure lieafde wol um 'e hals falle, mar disse hie 't up sin judasstreken net stean end sei: »Wachtje mei ju thankberens mar sa lang as 't spil biredden is."

»Och, ik ha 't yet sa druk," sèi Hildebrand.

»Dy âlde isegrim, hwet scil er him oanstelle as er gewaer wirth, dat wy him sa to fiter hawn ha! Ja, mîn goede hear! juw swîpslagen forjitte my net licht. As

jy nu mar goed wite hwer 't wy wêse moatte," sei er tsjin Marten.

Marten sloech net fulle acht up 'e uteringen fen Hildebrand sîn blîdskip.

»Nu scil ik mîn spiltsjes mar by enoar pakke," forfulge de ald feint; »it is skande noach, dat ik alles hwet ik în soan jier fortsienne hab, up 'e rech drage kin; jild joech de keardel my nea. Mar de tîd fen forjilding is oanbritzen! Nu den, um middennacht!"

»Meitsje mar dat jy um alve ure klear binne," sei Marten, »end nim en fixe ludde mei. Mar pas up dat wy ûnbimirken ût it slot kumme. It ore der scil ik for sorgje."

»Der scil ik up passe," sei de feint; »sûnt mînhear egener fen dit spil is, sûpt er him alle jûnden ridlik sed, end sa gau ik him up bed ha, den snorketh er as en baerch, dat gefaer is der net. Mar hear my dy pleachgeast ris, hy skilleth as 't hiele slot în 'e brand stieth."

Hy rûn foart; Marten seach him spîtgnîskjen efternei end pakte sîn bîtsje klaying by enoar.

Krekt um alve ure kaem Hildebrand by Marten în 'e keamer; hy wier reisfeardich.

En almachtich swiere fulle sek hied er up 'e rech end en ore, dy net lîtzer wier hied er leech oer 'e earm hingjen; der scoe de skat în.

Marten koe 't laeitsjen net litte, do er him sa seach. Dumkop, thocht er, aste nu sa 'n greate skat krye scilst, hwet duchst' den mei dy swiere siou gûd.

»Hy sliept krekt as er net to wekker wirde scil," sei Hildebrand, »'k woe wol ris wite hwa 't him moarn de learsen oandwaen scil. Biste klear?

»Lang al," andere Marten, »end smiet sîn pakje gûd oer 't skouder.

»Wolle wy den de lantearne mar upstekke?"

»Binn' jy sliucht? Den koe alle man ûs ummers gean sjean."

»Dat is ek sa; der scoe 'k net um thocht ha."

Hildebrand liet de lantearne stean end laette Marten thruch forskate gungen, lans umwegen nei de porte. Disse stoe oan, end swyend, hwent allebeide hieden hia 't druk mei hiar egen thinzen, gingen se der ût end de wei up.

De nacht wier tsiuster, nin stjer to siean. It ging net hird foarût, den struffele de iene, den de ore.

»Is 't yet fìr?" frege Hildebrand, dy al switte ûnder sîn dracht gûd end de ludde end thige wirrich waerd.

»Né," wier 't andert.

»Wite jy 't plak goed?"

»Ja, ik ha 't goed merkbiten, do 'k hinne hjir lans kaem."

»Ik woe wol dat wy der wieren. Dy sek mei gûd smoarth my hast. Dy dealske —" Klets! der laei er mei de noas în 'e mudder.

»Herink, help my" rop er, »de sek sit my sa stîf um 'e nekke, dat ik kin allinne net oereind kumme."

Marten hulp him.

»Lit ûs gau meitsje dat wy hjir wei kumme; dit is net mei riuchte dingen tagien; 't wier krekt as ik en slach up 'e bulle krige. Hjir is foar twa jier mmen formoarde, end sunt dooch it hjir net."

»Binne wy der yet net?" frege er alwer nei en torntsje.

»Skielk; ha mar gedild."

Der rûn Hildebrand jin en beam oan, dat er tobek stuite. It wier sa tsiuster, me koe nin hand foar eagen siean.

»Jesus! Marye! wes my earme sûnder genadich" rop er. »Du laetst my up en forkearde wei, feint! O mîn noas!"

End wesentlik rûn it bloed er ût sa hird as 't koe.

»Alle heiligen! ik kin net mear foart kumme! Hwer bin ik! Mîn foetten sitte fest! Marten hwer biste?"

Mar Marten sei neat, end Hildebrand arbeide mei moeite foarût, end skient er în 'o umtrek oars aerdich

kindich wier, makke de bangens end de tsiusterens him sa fen 'e wise, dat er suwer net wist hwer er 't wier.

»Lit ûs mar wer nei 't slot werum gean, Marten," seide er; »ik kin net fjirder. Wy kere hjir werum."

Hy bleaw stean; mar nimmen andere.

»Marten!" rop er yet ris end taeste mei de handen foarût, mar hy loek se skielk tobek, went hy sloech se krekt în en tuke mei skerpe doarnen.

»Marten! sids doch hwerste biste, den kin 'k by dy kumme. Ik siuch nin hand foar eagen; jow doch lûd."

Mar sîn bidden bleaw sûnder gefulch. Alles wier stil end nu kaem it thinkbîld by him up, dat Marten ûtsnyd end hy în 'e tsiusterens allinne wier. Do waerd it him to slim; hy liet de ludde sakje, sloech de handen umhegens end seach nei de himel; mar dy wier like swart as de grûnd.

Ta oermiette fen forthriet bigûn it stevich to reinen. Skielk wier er thruch wiet.

It blixeme, end sa seach er dat er în 't rumme field wier, net mear în 't busk.

Foetsje for foetsje gîng er der up foarût; end it dûrre net lang ef hy stoe în en dieppe grippel, net up sîn foetten, mar op 'e hulle.

Nei 't er mei de hulle de grûnd field hie, wier sîn earste wirk to siean', dat er wer oereind kaem, end krûpte, mear as rûn, foarsichtich fjirder.

Der staette er mei sîn hulle jin en hird ding oan. Hy fûnd en soarte fen hok, dat de minsken der hieden dy up 'e skiep pasten, um der în to skûljen by reinich waer.

Der krûpte er în end fornaem dat it strie derîn thruch nimmen înnumd wier. Dat truf er skoan; hy gîng în 't strie lidzen.

As 't liacht wirth, thocht er, scil ik dalik de wei nei 't slot mar înslaen; der kin 'k den yet wêse foar 't mînhear fen 't bed is.

en ure hied er der sa hwet lein, end hy wier sa hwet n 'e sliep do der eat in it hok kaem end sûnder ienich lûd to jaen up it borst end de foetten fen Hildebrand lidzen ging. Disse wier der thruch gau wekker.

'It ding wier swier, end hy smoarde hast ûnder sin lest, mar dorst him net forroere.

Hy hie al field dat it rûchhierich fel hie. Och, Sinte Marye thocht er, thusendkear lieaver ûnder 'e swipe fen 'e slothear as hjir, der my grif de dead wachteth.

It mûnster snûfde ris, rekte him ris ût end bleaw den wer stil lidzen; Hildebrand trille oer al sin lea by de minste biweging dy er fielde.

Der hearth er iensklaps minskestimmen by 't hok; it liacht fen en lantearne skinth him tomiette.

»Wy habbe him!" rupt er ien end: »Wy habbe him!" ruppe tsien.

Um it mûnster dorst Hildebrand him net forroere.

»Der ut!" rupt en growe stimme, »der ût, du skieppetsieaf!" end de egener fen dy stim kroep mei en kneppel wapene in it hok.

»Stil! stil!" sei Hildebrand, »ef ik bin forlern."

»Ja, wol forlern, du tsieaf!" sei de binnenkummende. Mei iens skoude er it mûnster fen Hildebrand of end sei: »Kum hjir, Joseph, de raem is wer toriuchte.

De raem blettere; end ût sin greate noed forlosse, rîsde Hildebrand oereind. Mar do krige er ûngenadich hwet up sin baeitsje fen ien, dy fry hwet în sin bouten hie.

Hy waerd ût it hok sleept, end stoe bitwiske en tropke boeren, dy him net hiel friundlik oanseagen.

Dy liu wieren de jûnds en skieppetsieaf up it spoar; der hieden se de nachts um socht end nu fûnden se Hildebrand.

Mei fûsten end stokken trummen se him fen nys up sin tabernakel. Up 't lest liachte ien him ris in 't

antlit end sei: »Wel, sint Antonius, it is de feint fen 't slot."

»Ja wol, dy bin 'k," sei Hildebrand, end hy gûlde fen mallens.

»It wirth net better," sei ien fen 'e boeren, »as mînhear sîn eine feint ûs skiep stelt! Wy habbe 't oars net to rum. Foart mei him, nei 't slot."

Der hie Hildebrand nin lûk oan, mar it hulp neat. Nei en hortsje stoe hy mids în 'e boeren foar de strange riuchter fen 't slot.

Disse wier foarearst al thige nysgierrich, dat er sa by tîd fen 't bed moast, hwent de dei wier mar krekt oan 'e luft.

Hildebrand woe sîn ûnskildigens al biwise, mar mînhear sei: »Dat kin tonei wol; earst mar de boel ût 'e wei;" end hy krige în 't bywêsen fen sîn upbringers net sunich mei de swipe. Hy wier fen 'e rein în 'e drip kumd, mar gûlde net; hy hie în en bîtsje tîd safulle al ûtstien, dat dit koe der yet wol by.

Ienris rop er, net lîk as by alds Croesus, »Solon! Solon!" mar »Marten! Marten!" mei en rest forwinskingen der mank.

Dat makke sîn saek lîkwol net makliker, hwent de slothear frege him, hwet er woe mei dy to ruppen.

Bikenne ef stilswye wier beide like slim. Up 't lest rop er: Dy doochneat heth my în 't leech hulpen; as ik him hie, ik sloech him kort end klien!"

»Hwer is er?"

»By de ore"

»By hwa?"

»Freegje jy der yet nei, mînhear? By dy ore ûnksfûgel, by Lukas."

Nu to biskriuwen hu 't mînhear bearde; kin ik net: kost, hînser, jild, alles kaem him foar de geast, end hy trille fen mallens.

Hy sprung up Hildebrand ta mei de swipe; mar disse

fleach efter de boeren thruch fen 'e keamer, end do dy him up order fen minhear sîkje scoeden, wier er wei.

X.

Marten steurde him der net fulle oan, dat Hildebrand oan him rop: hy naem hakken up end teach nei Antwerpen, lik as er mei Lukas ofspritzen hie, end der er sîn friund den ek fûnd.

Disse libbe stil by sîn mem end wier wer oan 't leren gien. It soldaetsje-bortjen hied er sîn aerdichheid of.

Mei greate blîdskip waerd Marten ûntfinzen. Hy forhelle sîn wederweardichheden, end do er der oan ta kaem hwet fît as er de slothear end Hildebrand broud hie ta forjilding fen it jinge Lukas fen hiar ûtstien hie, do lake disse dat er skudde.

Mar hwet scoe Marten nu? Sîn umke Willem hie sîn saken upjown; hy hie it goudsmeyen delleid end it swird upfette um jin de Spanjerds to striden. Hy hope likwol yet thruch sîn umke sîn heit to finden, end buten dat hy moast ek thinke um sîn brea to winnen.

Nei oer end wer oer praten mei Lukas end sîn mem, thocht hiar best, dat hy it wapensmeyen mar learde. Derthruch kaem er yet al faken în oanreitzing mei soldaten, end koe sa licht it iene eft ore fen sîn umke to witen kumme. Der waerd in Antwerpen nei en smid umsiûn, der er by in 'e lere koe, end dat slagge al ridlik gau, foaral thruch foarsprake fen Lukas sîn mem.

Lukas hie al fen tîd ta tîd prikken in 't wirk steld um Marten ta sîn leawen oer to heljen, mar disse wier der net ta to biwegen. Net dat er fulle jin it gelove fen 'e roomsken hie; derta wier er to min mei de grûndwierheden fen sîn eine bikend, end hied er to fulle goeds

fen Jean d' Armont ûnderfûn; mar as er him sîn heit foarstelde as strider for de nye lere, it forlies fen sîn mem, sîn broer end suster, huwol flau, him tobinnen kaem, dan winske er în dat gelove to libjen end to stjerren.

Jierren forrunen der sa; jierren, hwerîn Marten him hwet langer hwet knapper în sîn wirk makke. Faken kaem hy mei spaenske soldaten în oanreitzing, mar fen sîn umke ef sîn heit waerd er neat wîs. Sîn umke skînde dy kontry alhiel forlitten to habben.

Skient er în 't each fen sîn baes en ketter wier, koe disse him net misje end halde en bulte fen him. It moed bikroep him wol ris as er um Frîsland thocht, der hy berne wier; mar alles hwet him diûr wier, wier der ût-roege, end it sidzen fen de wiersidster: »Gean nei it suden!" klunk him yet altîd klear în 'e earen. Dat wier en jungfeint în 'e 16e end 17de ieu ek net quea to nimmen. Elts, dy hwet mei dat tîdfek bikend is, scil dat tajaen. Oars wier er al lang wer nei 't noarden tein.

XI.

It bigûn buten al skimerich to wirden, end în en smidswinkel to Grins koe me de dingen mar amper mear ûnderskiede, as it fiûr up 'e smitte nu end den net ris uploage end de tsiusterens weifage.

Marten stoe yet iverich to smeyen, dat de funken by wilen în 't rûnd fleagen. De ore feinten hieden al lang hiar wirk oan kant dien end wieren nei hûs gien: egentlik sels to gau.

De baes, dy it spil oangîng, laei sunt en wike sex up en buppekeamer; hy wier siek, end hwer de baes sîn eagen net gean lit, der rint de boel wol gau ris în 'e

hubbel; alteast it giet den net sa goed as 't kin. Dat wier hjir ek al sa.

Nu sloech de klok acht ure; Marten birch ek sîn ark up, redde de boel yet en bîtsje oan kant, die de winkelsdoar ta end gîng in sîn keamerke.

Der forklaeide er him, end nei en minût mannich wier de smidsfeint forore in en nei dy tiden eptich klaeid jung hearskip, wilst sîn krul hier in moye lokken, kreas ûtkiemd, oer sîn skouders hinge.

Sa gîng er in 'e keamer fen sîn sieke baes.

En jungfaem, dy for 't bedsté siet, gîng upstean end kaem him to miette.

En striel fen 'e lampe, dy mei en kape oerditzen wier, um, sa 't like, it gleye liacht hwet to keren, foel up hir bleek antlit, end de glans fen hir greate blawe eagen sprieken net fen niu, mar fen forthriet end lyen.

It like wol dat se skriemd hie, end nu yet war die um hir triennen to forbergjen.

Hiu lei de finger up 'e mule end sei sûntsjes. »Mîn goede umke sliept en bîtsje; dat heth him in lang net barre meyen. Gean hwet sitten end rest hwet ût fen 't swiere arbeidjen."

Hiu scoe en krûk mei bien foar him delsette, mar hy bithanke end sei:

»Ik scoe mar ris efkes by mîn sieke baes siean, as de koarts hast ek uphalde. De winkel is upredden end sletten; ik bin nu nedich foart um en boadskip."

»Kin 't net en ketierke wachtje," sei de aem, »um by my.... by mîn sieke umke thruch to bringen, ik sit hjir altîd allinne."

»Forjow my, Maryke, ik moat foart," seide er, mei iens ofskied nimmende, end gîng de doar ût.

De faem siet in thinzen forsunken. De lampe barnde slûch.

»Hy heth fest en ore faem," suchte se heal lûd, end

sloech de eagen nei buppen. »Hy staet my torech, end ik — ik kin net fen him ofsiean."

Hiu gìng nei 't bedsté, der hir umke laei. Hy sliepte fest.

»Ik wol wite hwet it is, dat him by my wei halth," sei se în 'e selde tean fen strax, dat is to sidzen oerlûd thinkende.

Hiu sloech hir mantel um end ging it hûs ût, nei 't se en ald faem hietten hie um fen tîd ta tîd ris nei hir umke to siean.

Marten gìng, sûnder him hjir ef der up to halden, forskate strietten thruch; sloech en steech în, rûn dy thruch en kaem up en soarte fen plein, der en kleaster mei en tsjerke wier. Hy gìng it plein skean oer, kaem by en ringmûrre, die sunich en doar up end kaem up it tsjerkhof.

Sûntsjes foarttraepjende, as wier er skruten dat er de deaden în hir rest forsteure scoe, rûn er up en lîts hûske ta, dat în en hoeke fen 't tsjerkhof stoe. Der skimere liacht thruch de finsters, en biwîs dat 'er minsken în wennen.

Stil kaem er neyer, gìng up en stiennene richel stean end digere thruch de glêsen.

De koster, en ald man, siet mei de rech nei 't finster ta. Tsjin him oer stoe en faem, skien as Freya. De eagen fen Marten wieren as festneile oan dat bîld fen frowelike skienheid. Hiu seach nei it finster end fornaem it skaed fen him dy der foar stoe. En knik end en wink mei de hand în 'e riuchting fen 'e tsjerke, sûnder dat hir heit dy telegrafiske teikens fornaem, wier for Marten genoach um to wîten hwet him to dwaen stoe.

Hy gìng by 't finster wei, end en eind tobek, der er wei kumd wier. Hy wier sa în 'e dreamen fen sîn luk forsunken, dat er net mirk, dat en skaed, en lîts eindtsje fen him of, him foarby glied, end ûnder en foarûtstekkende hoeke fen 'e tsjerke wei waerd.

»Hiu seil kumme," sei Marten, end ging în 't skaed fen en heiligebild sitten. De moanne skînde moai.

Wol wier de lukkige feint to binidjen! En famke sa sedich wier him to diel fallen. Hu fulle oren hieden derum stikke, end altiten forgees!

End doch wier de himel fen sîn lieafde net sûnder wulkens. By de earste kennismakking hie it famke alles forhelle oan hir alde heit, de koster. Hiu hie în sillich bitrowen up sîn dielnimming în hir luk fen hiar lieafde forhelle. Mar de heit thocht net allîk as de dochter. Sîn earste wirk wier um nei Marten to fornimmen, sîn twade him în sîn wirkpleats up to sîkjen um him to sprekken. End do er mei Marten allinne wier hied er sein:

»Hark ris, friund! Mîn dochter heth hir hert by my ûtstort; forjow it en heit, dy sîn bern lieaf heth, dat er oan ju up juw gewissè of fregeth, ef jy de selde lere as mîn dochter, dat is de roomske lere, bilide; ef muchten jy de nye lere tadien wêse, wolle jy den ta uses torechkere?

Fjirder: habbe jy hope um sels baes wirde to kinnen as jy kumme to boaskjen mei ien, dy nin duit meikrigeth?

Nei 't jinge ik al fen juw fornumd hab, ien juw halden end dragen, hald ik juw for en brave feint, dy it net ha meye scoe, en jung, ûnskildich fanke în 't ûnk to fieren; derum iepenhertich juw andert!"

Marten sloech de eagen del, end joech en ûnforsteanber andwird. Derum sei de alde:

»Ik fornim wol hu 't stieth, end derum bid ik ju um mîn ienichste bern, mîn Afke net to bidjerren, end de umgung mei hir of to brekken."

Dat wier en bidroefd, en hird to wekker wirden ût en niufulle dream!

Mar koe Marten sîn hert gebiede um net mear for de

faem to klopjen? Koed er hir bîld ût sîn siele fordriuwe, sûnder sels derby to forgean?

Butendat wachte er up better, up restliker tiden, den koed er iepentlik as hir fryer upkumme.

Hir net mear siean, dat gîng buppe sîn kreft. Lieafde siketh list: de heit waerd forrifele en de junge liu swarden mankoar ivige trou up it tsjerkhof. In 't selskip fen 'e deaden hie Afke him bikend dat hir libben oan sines festknotte wier, end it for hir sûnder him nin wearde hie.

Marten siet dildich up sîn plak to wachtjen end thocht nei oer itjinge him al oerkumd wier. De klok sloech niugen ure; it liacht in 'e wente fen 'e koster wier ût end Afke kaem yet net. Hy waerd al hwet oars end thocht, hwet mei der doch oan skele?

Der kumt se oan, hastich. Hy rûn hir tomiette end umfette hir, mar hiu sei:

»Nu to jûnd kin 'k mar efkes by ju wêse; ûs heit is yet net in 'e sliep end wol mei my kaltje; ik bin der mar en ameryke ûtwipt um it ju to sidzen; den hoeve jy net langer to wachtjen. Kum moarn to jûnd; ik hab ju fulle to sidzen. Nacht Marten!"

Mei dat sidzen wipte se twiske de grêven thruch, sûnder dat de jungfeint hir en frege dwaen koe,

Marten seach misthreastich, mar doch mei en each dat fen lieafde blunk nei it hûs fen 'e koster end gîng upstean.

Hy naem de werumreise oan, kaem by de tjsorkedoar, dy yet iepenstoe, end it wier as en ûnsichtbere macht him thwung um in 'e tsjerke to gean.

Hy kaem it godshûs binnen.

De tsjerke wier swak forliachte, allinne in 'e sîdgungen wier it tsiuster.

En grise mûnts knibbele ûnforweechlik umtrint foar en Maryebîld, oer it alter.

Hy wier sa în sîn bidden forsunken, dat er net ienris mirken hie, dat Marten în 'e tsjerke kumd wier. Disse gîng melankolîk in en tsiustere herne up en bank sitten.

Hy seach in 'e takumst, dy him leech end droevich foarkaem; Afke's bisit, dat him alles wier, like him hast ûnmugelik ta. Hy seach hir bîld as en mist fordwinen end dat fen Maryke derût nei foren kummen.

Maryke hie him lieaf, sa as-en faem mar lieaf habbe kin; der koed er net mear oan twivelje; end hy stegere hir of, licht um en ore to bidragen.

Sîn gewisse waerd wekker end rop: Hald up! Wolstu se beide fordjerre: de iene thruch dîn koelens, de ore thruch dîn gleanens?

Den woed er him sels threastje mei it thinken dat er neat dien hie um Marye hir lieafde oan to fiterjen, mar earder oars um.

Sa siet er der end seach net dat de mûnts de lampen ût die; hy hearde net dat er foartgîng end de tsjerkedoar thichtsloech..

Hy siet er mar hinne, mei de eagen thicht, krekt as sliepte er.

Hy waerd kel do de klok bigûn to slaen; hy telde: it wier toalf ure.

It gîng him kald oer 'e lea, do er mirk dat er allinne în 'e kalde tsiustere tsjerke wier end woe der wei.

Hy socht end fûnd de ûtgung, mar hu 't er bisocht um de doar iepen to kryen, it gîng net.

Hy hie nin kar, hy moast de nacht în 'e tsjerke thruchbringe. Hy socht derum sîn forich plak wer up, sloech sîn mantel thicht um him hinne end woe sa bisîkje um de sliep to kryen.

Mar dat like neat. Sliepe koed er net; alderhande freamdichheden sweefden him foar de geast, end al hwet er bilibbe hie halde him beusich; sîn heit, de oerste, de slothear, Hildebrand, Lukas, Afke, Maryke, it wier en hiel grienmank for sîn inerlik ik; end died er de eagen wer up, wei wieren de dreambîlden.

Mar hwet er um him hinne seach wier net butte geskikt um him restliker to meitsjen. Alles like sa spoek-

haftich: dy stillens, de moanne, dy sa melankolîk ta de finsters în kipe end sukke nuvere skaden up grefteikens end bîlden falle liet. Hy hie 't er neat to grien up.

Mar hark! hwet is dat der efter it alter? — steane de deaden up, dy licht der oer rekke binne dat ien ût 'e libbenen to middennacht hiar stil forbliuw forsteurde, end dat en ketter?

Wier is 't! En stien rîst oereind, langsum rîst er, end en helder liacht liketh er ût 'e grûnd fen dinne to kummen!

It hier stieth Marten fen keltme oereind. Hy wol foart — mar de skrik halth sîn lea fest.

Siuch, der kumme de deaden oan! spoekhaftich sweve se oer de flier by it liacht fen en lantearne!

Sunich, bith Marten: »Alle goede geasten, earje God!"

Mar binne 't deaden? — Né, Marten siucht ringen, dat er it mei minsken to dwaen heth; mei skepsels fen flesk end bien, end libben lîk as hy sels.

Mar lit ûs, ear 't wy oergeane um it plan fen dy minsken iepenbier to meitsjen, de skiednis ris fen efteren uphelje, um sa dwaende wîs to wirden, hukker minsken it wêse meye.

XII

Nei dat Stienwîk in 1592 innumd wier, smieten Maurits end greve Willem Lodewîk eagen up Koeverden, der Frits van den Bergh it haed wier. Der laei in Koeverden dytîds niugentsien hûnderd man Spanjerds.

Up oansîk fen Ernst, greve fen Mansveld brocht Verdugo yet thrye thusend man foetfults end achthûnderd man hîngstefults in 't field um, as 't nedich wier de sted to ûntsetten.

Maurits end Willem Lodewîk taesten de sted oan end it lukte hiar dy in to nimmen: dat wier 1592.

It fulgjende jier forbetteren se ienige sterkten în Grinsland, sa as to Bellingwold; greve Willem naem Wedde end Boertange în. Der jin oer krige Verdugo de skans Auwertersîl end pakte Wedde wer în, der hy de hiele bisetting dea slaen liet. Hy die ek al riu war um Boertange wer to kryen, mar dat woe him net slagje, end skielik naem greve Willem him Wedde ek wer of. Verdugo waerd Grinsland sa sed as groat: sîn fults wier siek ef rûn foart sadat it kleare earmoed mei him wier; eindlings file er ût.

Sadwaende hieden prins Maurits end greve Willem Lodewîk al aerdich foet în Grinsland krige, mar it wît, der se egentlik um kamen, wier yet net birikt. Dat moast wachtje oant Maye 1564.

Do bilcgere Maurits de sted Grins, der en greate bisetting în laei, dy goed fen iten end drinken end al it nedige ta fiuchtjen forsiûn wier. Tsien thusend kanûnskotten waerden up 'e sted dien, end en hiel bulte borgers end thrye hûnderd soldaten wieren al dea rekke, ear 't se de strîd upjoegen. Mar eindlings barde dat doch up 'e 23ste fen Haimoanne fen 't neamde jier. Maurits hie fiower hûnderd man forlern.

Grinsland kaem oan de Unie, end greve Willem Lodewîk, dy al stedhalder fen Frîsland wier, waerd dat ek fen Grinsland.

De Martini tsjerke waerd fen bîlden ûntdien, end der waerd de earste reformearde preek halden. Fullen wieren de nye lere al tadien, oren gingen der ta oer, mar der wieren yet ek al en hiele smite dy fest halden oan it roomske gelove.

De nye lere waerd niunkelîtzen ek înfierd în Drinthe, binamme în 1598 end 99. Dat wier ta to skriuwen oan en bifel fen greve Willem Lodewîk oan 'e Steaten fen dat landskip up 'e 10de fen Blummemoanne 1598.

De greve sei ûnder oren în dat skrift, dat yet oanwêsich is, dat de skoallen end tsjerken fen hiel

Drinthe, foartoan iepen stean moasten for de biliders fen de reformearde lere.

De pastoren, preesters, vicarissen end skoalmasters end ore geastliken, dy tsienst dieden ût namme fen 'e paus, moasten der mei ûtskiede.

Hia hieden hiar der nei to rigeljen, dat binnen thrye wiken de tsjerken, pastoryen end skoallen thruch hiar forlitten wieren.

Muchten der ûnder dy lerers guden wêse, dy oerienkumstich de nye lere winsken to preekjen end to leren fulgens it evangelie, den scoe der en dei end en plak steld wirde, der se fen wegen hiar gaven, libben end geskiktens ûndersocht wirde scoeden. Dy den geskikt bifûn waerd um de nye lere to forkundigjen, scoe en gemeinte oanwîsd wirde, der er sîn wirk bigjinne koe.

Altiten fûnd me in dy tiden in 'e kleasters preesters end mûntzen, dy up 'e side fen 'e Spanjerds wieren, end dat waerd thruch dat skriuwen fen greve Willem Lodewîk net better. Binammen de preester Steven Sas fen it kleaster Duninge în Drinthe spyde fiûr end loage jin it ketterfults.

XIII.

Lik as wy sein habbe, dy der în 'e nacht as ût 'e grêven upsetten kamen, wieren minsken, end wol ien fen de geastlike end ien fen de wraldske stand. De leste droech it skînfet, der Marten it liacht fen seach. De earste wier en moai great tsierl, de ore lits.

Marten stoe în biried hwet er dwaen scoe. Scoed er nei foren gean end sidze, dat er der wier end der ûtlids fen dwaen, hu 't er der kumd wier? — Scoeden se him den wol leawe wolle? — Koeden se net thinke dat er ûndogenskheid in 't sin hie?

Hy kaem ta 't bislût um him mar stil to halden, binammen um 't er seach, dat se en aerdich eind fen him of sitten gîngen.

Earst koed er der neat fen forstean hwet bia mei enoar bikâlten, sa sunich praetten se.

Nei en torntsje gîng de lîtze upstean end nei de tsjerkedoar ta. Hy joech sîn forwûndering der oer to kennen, dat dy thicht wier. Hy hie en busk mei kayen în 'e hand end naem der ien fen um de doar iepen to dwaen. Derup stiek er foarsichtich de hulle thruch de iepene doar end seach um him hinne. Hy fornaem nin minske end gîng derup nei sîn selskipsman tobek.

»Der is yet neat to hearren ef to siean, Heech Earwirdige Hear!" seide er.

De geastlike hear mumpele eat dat Marten net forstean koe.

»Mar hia scoeden foar en heal ûre hjir al west ha," andere de ore.

»Faek habbe se hjir al west, mar ha de doar thicht fûnd end binne werum tein. Mar kumme moatte se."

De ore thocht dat der net sa fest up to rekkenjen wier, do de tsjerkedoar upgîng end twa mannen mei dunkere mantels, oan 't kin ta umslein, în 'e tsjerke kamen.

De mûnts wier oereind sprungen end gîng de kummende tomiette. De lîtze man bleaw sitten.

Hia gîngen thichte by Marten lans, end dy like 't ta, as hie de iene en swird under 'e mantel. Hy wier blîd dat hia him net seagen, mar en eindsje fen him of stean bleawen.

»Lit it skrift siean," sei de geastlike, »ef is juw hear oars fen sins? Den heth Steven Sas, de preester, ûs raer to fiter hawn."

»Ear 't wy fjirder geane," sei de man mei it swird, dat en krîchsman wier end fen de twa înkumden mar allinne it wird die, wilst er de ore mar ta selskip ef for

e feilichheid by him like to habben, »hwa is dat?" end mei iens wîsde er up 'e lîtze, dy yet up sîn plak siet.

»Ien sa trou end earlik as goud. It is de portewachter, dy wy net misse kinne. For sîn tsiensten scoed er hûnderd gune ha; nu fîftich end fîftich as de saek biredden is."

Derup kaem de lîtze oereind.

»It is egentlik fjirst to min," seide er, »me weageth sîn hals der oan."

»Kum! Kum!" sei de krîchsman end joech him en roltsje jild oer, »der is fîftich gune, en man en man, en wird en wird!"

Nu bipraetten se fjirders dat de preester Steven Sas by de iertshertoch Albert west hie end dat hia mei mankoarren steld hieden, dat up en neyer to bipalene tîd en Spaensk leger în 'e neibyens fen Grins wêse scoe, wîlst hûnderd soldaten hiar forbergje scoeden um dalik de porte binnen to tsiean, as de portewachter dy iepen dien hie.

Foarof scoeden sa fulle soldaten as 't mugelik wier ûnder alderhande mum end forklaying în 'e sted sluke wirde end hiar up en feststelde jûnd net fîr fen 'e porte biînde.

De krîchsman scoe de lieding fen alles up him nimme.

»Up sa 'n menear to handeljen, stiet my oars tsjin 't borst," seide er, »tsienkear lieaver fiuchtje ik în 't iepene field, as thruch forried master fen eat to wirden."

»Mar bithink," spriek de mûnts, »it is allegearre ta ere fen God end de allinne sillichmeitsjende tsjerke, end den binne alle middels heilich."

Underwiles siet de portewachter sîn fîftich gune oer to tellen up en blawe stien. Der foelen thrye stikken jild up 'e grûnd end rollen hjir end der, ien deun for Marten sîn foetten.

Twa derfen hie de lîtze man gau wer, mar um dat thredde wer to finden, dat hie foetten în 't gat. De

portewachter socht mei de lantearne end it liacht skînde up Marten.

»Heilige Thrye-ienheid!" gûlde de wachter end liet fen keltme it skînfet end it jild up 'e grûnd falle.

Marten siet mei de eagen ta, sûnder se lîkwol sa stît thicht to habben, dat er net alles merke koe hwet der umgîng.

Up it gulen fen de lîtze, dy mei en eangstich antlit up Marten wîsde, as miende er dat er 't mei en spoek to dwaen hie, kamen de oren neyer by.

Hia biseagen de jungfeint mei sorch end frese.

De abt wier de earste dy wer en wird sei end frege »Hwet moat er dien wirde?"

»Hy moat stjerre," sei de krîchsman.

»Hy moat stjerre," praette de portewachter him efternei, as fielde er de strop, as 't lean for sîn forried, a um sîn hals.

Marten fleach it bloed nei 't hert.

De krîchsman, dy oer de dead fen en minske net swier tilde, sloech de mantel efterum end helle en moardpriem foar den dach.

De abt gîng foar him stean.

»Nin moard up disse heilige pleats!" rop er. »Jimme siugge dat er sliept. Hy wît der-neat fen hwet hjir ofpraet is. Forjiet nin ûnskildich bloed, to minsten hjir net: dat scoe oan 'e himel skreawe."

»Hy kin wol bere dat er sliept," sei de krîchsman; »hwet ducht er um disse tîd în 'e tsjerke? — Hy heth ûs biharke end moat stjerre."

Mei 't er dat sei gripte er wer nei sîn moardpriem end gîng thichter by Marten, dy, der er thocht dat sîn leste ure kumd wier, upspringe woe um him to fordigenjen.

Mar de abt kaem up en ny în 't formidden.

»Ear 't er en drip bloed up disse heilige grûnd falt," spriek er mei hege earnstigens în sîn uterlik, »smît ik it hiele plan umfîr, end ik wol fen neat wite!"

»Hwet wolle jy den mei de feint?" frege de krichsman.

»Hy scil ûs grif forriede," spriek de portewachter.

»Lit ûs him wekker meitsje," spriek de abt.

»End den?"

»It kleaster heth dieppe kelders, lit ûs him der în thriuwe, as er eat heard heth."

De krîchsman skudde ûnfuldien mei de hulle; hy loek lîkwol de moardpriem wer tobek.

»De fulgen fen juw ûnforstandich meilyen kumme up juw hulle, as der quea fen kumt," sei er.

De abt gîng nei Marten, um him ût 'e sliep wekker to skudjen.

Krekt as er rare kel waerd end yet drunken wier fen slieprigens, die Marten de eagen iepen, end storre sa bere forheard um him hinne, as wier er forwûndere oer de minsken, dy er seach.

»Sidze ris, mîn soan," sei de geastlike hear, »hwet duchstu up disse ure în 'e tsjerke?"

»Forjow my, Heech Earwirdige Hear!" andere Marten yet altîd sa bere forheard, mar oars sa natûrlîk as er koe, end stoe fen sîn plak up; »ik bin en earme smidsfeint; ik hab în 'e tsjerke mîn gebeth dien; wy hieden hioed thige arbeide end wîlst ik în 'e tsjerke siet, binne my de lea bifallen, end sa bin 'k în 'e sliep rekke."

De abt knikte tsjîn de krîchsman.

»Heste neat heard?" frege disse.

»Heard!" frege Marten, biustere binyd; »Heard! ja, mar ik think dat ik dreamd hab; it like my ta dat de ingelen în 'e himel foar my sungen, end it mocith my, Earwirdige Hear, dat jy my wekker makke habbe."

»Heste ek neat siûn?"

Ik scoe net wite hwet me siean koe as me sliept," andere de jungfeint, ûnskildich glimkjende. »Mar ik moat nedich nei hûs, it scil wol hast dei wêse."

Hy sette de stap um foart to gean.

De krîchsman gîng foar him stean.

»Gean mei my, mîn soan," spriek de abt up en minsumme tean; end mei seach er Marten skerp oan, krekt as er în sîn siele lêse woe.

»Hwer hinne as jy forkiese, Earwirdigë Hear," andere de feint, dy wol wist hwet sîn foarland wier, mar it net skine liet.

De abt gîng foarup, Marten fulge him.

Hia gîngen thruch de selde gung nei ûnderen, der se thruch în 'e tsjerke kumd wieren.

De jungfeint bea sunich, end thocht oan Afke.

De krîchsman end de portewachter kamen efter oan. De leste die de stien efter him ta.

De lantearne barnde slûch. Hiar stappen klunken up 'e stiennene flier sa hol, krekt as se oer grêven gîngen.

't Wier Marten to moede as scoed er nea it deiliacht wer to siean kumme, end hy thocht er al oer um him tsjin de fiower mannen to war to stellen, thinkende dat it egentlik mar better wier în 'ienen to stjerren as în en neare finzenis langsum to forquinen. Mar as er bithocht dat God him al ût sa mannich gefaer forlosse hie; hu 't sîn Afke to moede wêse scoe, as hiu fen sîn dead hearde, gîng er mei bitrowen sîn needlot to miette.

Hia kamen oan en îsrene doar, dy dë abt iepen die; dy brocht hiar în en kriusgung. Yet en doar thruch end de wei gîng wer nei ûnderen. De geastlike iepene up en ny en doar, dy alhiel fen iser wier end ofgrîslik up sîn hingsels kreake, end Marten waerd în 'e tsiustere rumte staet. Derup gîng de doar efter him ta.

Hy hearde dat de fiower mannen hiar forwideren; hiar foetstappen waerden al flawer end flawer, end ofskaet fen 'e minsken sunk er alhiel moedeleas end misthreastich del.

XIV.

Do Maryke wer by hiar umke thûs kaem, stoe it er net best foar.

De dieppe sliep der de sieke în laei, end dy hiu biskoage hie as en teiken fen betterskip, hie en blinkje foar de dead west; it wier sîn deadsliep wirden.

De ald faem end de bûrliu stoeden trurich um 't bedsté hinne, end seagen Maryke by hir înkummen oan mei eagen, dy hir liken to biskrubjen um 't hiu foartgien wier, wilst hir umke sa min laei.

Maryke seach der neat fen. Hir moed wier hir sa ful; hir hert wier oan 't brekken ta: de dead fen hir umke koe hir net mear oerstiûr meitsje.

Hiu wunk de freamde liu um hir to forlitten.

»Wier ik mar în umke sîn plak, suchte se sa ringen as se allinne wier; »ik wît it nu ummers dat er neat mear for my to hoopjen is."

Hiu hie 't siûn dat Marten by de kosters foar de finsters stoe, end hwet der fjirder bard wier. Ut hir skûlherne hie se heard dat er twiske him end de tsjeppe dochter fen de koster steld wier, dat er de fulgjende jûnd wer by hir kumme scoe. Hiu hie 't mirken hu lieaf dy twa mankoarren hieden, end diep hie se it field hu hopeleas as hir lieafde wier.

Alhiel wesenleas siet se der mar hinne: alles wier hir allike fulle.

De faem dy miende dat hiu sa mei 't forstjerren fen hir umke to dwaen hie, woe hir al threastje, mar dat wier alhiel umdoch.

De ore jûnds die se hir to witen, dat Marten de hiele dei net în 'e winkel west hie, end dat er de forige nachts ek net thûs west hie, oan sîn bed to siean.

Hiu lake pînlik. Hiu wist ummers wol hwer er wier.

Mar do der wer en nacht foarby gien wier end de feint et net thûs kumd wier, do waerd it hir doch to slim.

It wier de dei fen 'e bigraffenis. Hiu hearde ûnforskillich de lîkpreek up hir umke up it tsjerkhof; hir eagen storren nei de finsters fen de kosterswente, end do hir friûnden end 't ore bigraffenisfulk wer nei hûs gîngen, wegere se um mei to gean end foel lûd snikkerjende up it gref fen hir umke del.

De sinne skînde helder, de fugels sungen fleurich up; mar neat wier în steat um Maryke to forbiusterjen. Hiu skriemde mar foart end hir waerme triennen biwietten it moas end de tsjerkhofblummen.

Der kumt fen de ore kant fen 't tsjerkhof en jungfaem oan. En eindtsje fen hir of bliuwt se lîkwol stean um hir net to forsteuren. Maryke hie hir kummen siûn, hiu gîng oereind end stoe tsjinoer de kosters dochter Afke.

Afke kaem sûntsjes neyer end winske hir en goeden dei. Maryke seach hir oan, mar mei de hulle foardel end frege: »Hwet moatte jy hjir?"

»Binne jy en umkesidzer fen de man, dy hjir to hôve brocht is?" wier 't andert.

»End binne jy de dochter fen 'e koster, dy der jinsen wenneth?"

Afke knikte fen ja; beiden swyden derup.

»Hwet woeden jy mei my?" frege Maryke eat sefter.

»Nim my mîn frege net quea," sei de ore derup; »mar sids my as 't wier is, dat Marten, de feint fen jimme umke, sunt en dei mannich net thûs west heth."

»Ja, dat is wier."

»End heth er neat sein hwer er hinne gien is?"

»Net en inkeld wird heth er sein."

»Och Here! as him mar net en ûnk oerkumd is!" rop Afke end hiu wrung hir de handen end skriemde lûd.

End Maryke, weak as se wier, skriemde mei hir.

Hie hiu nîs yet threast fen bûppen frege, nu bisocht se 't um Afke to threasten.

De beide fammen skriemden togearre, end Afke krige sa 'n bitrowen up Maryke, dat se him forhelle — hwet

hiu oars al wist — hukker ofpraet as se de leste kear do se Marten seach, mei him makke hie.

»Ien fen beiden wirth altîd it offer," suchte Maryke în stillens, mar de faem, dy se earder haette, hie se nu lieaf krige.

»Lit ûs bidde," sei se end loek Afke mei în 'e tsjerke.

Hia beaden beide um it bihald fen Marten, mar Maryke butendat um sterktme în hir lot.

Der springt se în ienen oereind. Hiar eagen foelen up en stikje gûd, dat twisken en grefstien biknîpt siet.

Hiu siucht skruten um hir hinne as der ek immen it each up hir heth, skûrth dat stikje gûd los end fîndth nu dat it, lîk as se al twivele, en eindsje blawe franje, lîk as Marten sîn mantel, dy er sneins droech, mei umseamme wier.

Hy skînde by it nei ûnderen gean oan 't ien eft oar heakke to wêsen, end sa wier dat hoekje franje fen sîn mantel ofskûrd, sûnder dat dy by him wieren it mirken hieden.

Afke hie 't ek siûn, end der ek it selde by thocht as Maryke. Hiu koe hir hast net înhalde.

Maryke wier it beste by hir stikken. It kaem hiu în 't sin dat se, do se yet en eind junger wier, hir heit ris fortellen heard hie, dat der en gung ûnder de grûnd thruch rûn, fen 'e tsjerke of nei 't kleaster.

Hiu hie de jûnds, do se Marten fulge, siûn dat er fen Afke wei în 'e tsjerke gien wier, end dalik wier 't hir klear: it koe net oars wêse, dat wier sîn wei.

Mar wier er libben ef dea?

Dy frege dorst se sels hast net ienris dwaen.

»Bid Afke!" sei se, »jy scille fen my hearre. De himel jowt ûs en teiken; mar swy fen it jinge jy siûn habbe."

End foart wier se.

XV.

En ure mannich letter kaem de portewachter hastich biswit end efter 'e siken by it kleaster rinnen. Hy die him hast nin tîd um oan to klopjen, sa 'n drift hied er um der în.

De doar gîng iepen.

»Bring my by de abt," seide er jin 'e mûnts, dy him de doar iepen dien hie, »mar gau! gau!"

Dat barde.

De krîchsman end sîn maet wieren der yet.

»Alles is forlern!" gûlde de portewachter, »în 'e ried fen 'e sted is bisletten um en rest soldaten nei 't kleaster to stiuren um ûndersîk to dwaen nei en smidsfeint dy weiwirden is. Ik ha net forstien hunear, mar it scil net lang dûrje ef hia binne hjir al."

De oren waerden sa bleek as en deade.

»Wier mîn ried mar dien," sei de krîchsman, end helle sîn degen ût.

»Mar alles is yet net forlern; deaden prate net," sei de abt, »end der it nu în ienen ûs libben end ûs plan jilth, wol 'k my yet nei juw ried skikke, mar jy moatte my helpe."

»Ik net," sei de krîchsman; »do ik klear wier woeden jy net; nu 't de kniper up 'e skine kumt, moatte jy ju mar sels redde. Wy habbe ofpraet; mîn boadskip is dien end derum, wy forlitte it kleaster end de sted. Mar think er um: deaden prate net!"

Mei iens gîngen de beiden nei de stal, krigen hir hînsers end jagen foart, dat de moude der nei stau.

»Hy heth gelîk," sei de abt; »deaden prate net."

Mei iens gîng er by en treppen del nei ûnderen, kloppe oan en doar, end en greate sterke mûnts die him iepen. De abt lûstere de mûnts hwet în, end it andert derup wier: »Ik scil it dwaen, Heech Earwirdige Hear!"

Derup gîngen se beide thruch de kleastergung.

It forfeelde Marten alderdanichst în sîn tsiustere finzenis; it like en ivichheid, de tîd, dy er der sitten hie. Sîn lea wieren laem fen kealt thruch de fuchtige grûnd end hy sîkhelle swier în dy bidumpte grêfluft.

Fen it iten, dat him thruch en ûnsichtbere hand thruch en smelle iepening fen buppen tarikt waerd, hied er net fulle hawn: it measte wier for de rotten, dy der riu tsiuk hûshalden.

Do sîn eagen oan 'e tsiusterens hwet wend wieren, seach er în en hoeke en fiowerkantige stien, mei krammen end keatlingen. Hu mannich minske heth sîn libben hjir eindge, thocht er, sûnder dat de buppewrald der eat fen wîs wirden is.

Hy thocht um sîn heit, dy er sa graech wersiean woe; um sîn lieafste end ek um Maryke; um it gefaer dat Grins drîgde, end wanhope end biresting wixelen of în sîn siele.

Mar sîn lieafde ta it libben wier riu sterker as sîn biresting, end faken sprung er în ienen oereind, end skûrde mei alle geweld oan 'e doar fen sîn finzenis, der lîkwol în 't minst nin forweging în kaem: de growe skoattels hieden de gik mei sîn geweld.

Den rop end jammere er sa lûd as er koe, mar sîn lûd briek tsjin 'e stiennen.

Den foel er ofmedde end threasteleas del, end Afkes namme rolle as în en gebeth oer sîn lippen.

Sa siet de earme forlittene feint der; hy thocht um de nucht fen 'e buppewrald, um de moye waerme sinne. Der hearth er iensklaps foetstappen, de doar gîng up, it skînsel fen en lantearne foel up him, end hy seach de abt, de growe mûnts, der wy fen sein habbe, end de portewachter.

Hwet hied er to wachtjen? Moast er frese ef hoopje?

De abt wier de earste, dy spriek.

»Jow dîn siele oan God, feint!" seide er, »du hest mar en mannich minuten mear to libjen."

Mei en loaits fen stoute forachting andere de jungfeint:

»It libben is for my nin ding, der ik fulle um jow. Ik thankje ju dat jy my fen dat lest forlosse wolle."

Marten falde sîn handen gear: hy bea, mar sîn bidden wier en thinzen oan Afke.

Hy bea lang end seach net dat de sterke mûnts end de portewachter în 'e flier fen de finzenis en stien uptilden; hy hearde 't net dat it der ûnder klunk as it streamen fen wetter.

Him thocht dat Afke him wunk end oanlake; hy seach hir foar him în al hir skienheid, end yet nea hie him it libben sa lieaf west as nu se fen plan wieren um him der fen to biroafjen.

Hy socht um en skîn fen meilyen up it antlit fen sîn bolen, mar fûnd him net.

»Lit my libje!" rop er end foel up sîn knibbels foar hiar del; »ha meilyen mei mîn junkheid!"

In pleats dat hia him andert joegen, foelen de twa bolen, de mûnts end de portewachter oer him hinne end bisochten um him nei de kant fen 'e stien to luken; sîn ruppen end jammerjen kaem foar doave earen.

Yet ien thriuw end hy wier by de deadskule, end en jung libben wier forlern.

Der jowt de himel him en înfal.

Hy fetteth mei al sin macht mei sîn riuchter earm de mûnts um 'e hals end sloech sîn lofter oan en greate ring în 'e mûrre. Umdoch woe de mûnts him losmeitsje; umdoch wier it dat de portewachter him hulp. De handen sieten iserfest.

»Swar my dat ik it libben bihalde scil, ef ik lûk dy mei my în mîn gref!" rop er.

De mûnts warde him yette kreftiger, mar umdoch.

De portewachter wiek tobek.

De abt wist him nin ried, sa wier er fen 'e wise.

»Meitsje my los fen dy rasende feint!" rop de mûnts, dy hast nin siken krye koe.

Nu liet Marten de ring los um sîn drowen ta 'n ûtfiering to bringen.

De mûnts gûlde ûntsettend end keilde mèi Marten up 'e grûnd del. It wetter rûsde hirder, krekt as hie 't wol sin oan sîn bût.

En eagenblik gîng der foarby.

Nu kaem it de abt foar as hearde er gedrûs buppe în 't kleaster. Hy smiet de doar ta end rop tsjin 'e portewachter:

»Smît se allebeide nei ûnderen, ef wy binne allegearre um kald!"

Ut fortwiveling scoe de portewachter der mei to set. Hy glûpte stil nei Marten ta end scoe dy en thriuw jaen.

De feint siucht it, pakt de portewachter by en skunk end skûrth him umfîr, dat er mei de hulle up en skerpe hoeke fen en stien to lande kumt. Derup bigûn er up en ny lûd um help to ruppen, mar alles bleaw stil.

De abt sunk de moed alhiel în 'e hakken; hy scoe seft de doar updwaen um der up of to tsiean, mar Marten fornaem it. Hy wist sín foarland, as it de abt lukte der wei to kummen.

De tsiukke mûnts forroere him net mear; hy wier alhiel machteleas, thruch dat de siken him bisetten. De portewachter laei fen him sels fallen up 'e grûnd. Untkaem de abt, den joech er grif hiar allegearre oan 'e hungerdead oer; der wier nin ien în 't kleaster, dy mei dat hol bikend wier, buten dejinge dy der în wieren.

Hy fleach up 'e abt oan end raeide him by de doar wei, dat er plat up 'e grûnd delthrusele.

Hy stapte oer him hinne, wipte de doar ût, skûrde dy mei geweld thicht, threaw de swiere skoattels der foar end rûn de ûnderierdske gungen thruch, sa lang oant er în 't liacht kaem. Der seach er him în ienen umringe

fen de ofstiûrde soldaten, end hy wier fry! — Fry! — hy knibbele del, end mei lude wirden thanke er God for sîn ûtkumste.

De krîchsliu winsken him luk mei sîn forlossinge, end dalik gîng er mei hiarrèn torech nei it plak dat er krekt sa ûntkumd wier. De doar waerd upmakke, de abt finzen numd end ûnder 't gulen end beren fen 't stedfulk nei 't riedhûs upbrocht.

XVI.

Nei dat Marten sa sîn plicht fulbrocht hie, gîng er nei it hûs fen sîn baes.

Der like alles stil end ûtstoarn. Nin geklop fen 'e hammers, nin gloede fen 't fiûr wier der to fornimmen. Nin minske kaem er him tomiette.

Hy wist net hwet er derfen thinke moast. Sa kaem er în 'e wenkeamer.

Maryke, diep în 'e rou, kaem by sîn înkummen oereind. Hiu rikte Marten hir hand to wolkum ta end glimke droevich end blîd up 't selde stuit.

»Godthank!" sei se, »dat ik dy libben wer kum to siean!"

Mei draeide se hir um end sloech de eagen dèl.

»Mar," sei Marten, »hu is 't mei de baes? Hy is doch net ——"

»Mîn umke is ût sîn lyen," wier 't andert.

Marten halde sîn smerte net tobek, by it thinken oan 'e deade, dy, skient er fen en ore godstsienst wier, în en tîd dat partysuchte sa fel um him biet, him altîd as sîn bern bihandle end him sîn hiele fortrowen skunken hie.

De triennen rollen him oer 'e wangen end Maryke skriemde mei him. Hîu sloech de eagen nei buppen,

end den wer mei sa'n inerlikens up Marten, dy sa trurich foar hir stoe.

Mei en dieppe sucht sei se: »Sillich binne de deaden!"

Marten andere: »It is sa, allinne oan de ore igge fen 't gref blumket it wiere luk; derum is it plicht to biresten.

De faem skriemde danich.

»End to ûntsidzen," forfulge Marten, hwent mear as ea fielde er it, dat it sîn diure plicht wier um sîn heit up to sîkjen ef alteast to siean um spoar fen him to kryen.

Hy hie al wer ris to Boxum west end en diel fen Frîsland ofswalke foar 't er în Grins oanlande, mar nearne hied er eat fen sîn heit ûntditzen.

It frîske krîchsfults laei meast ûnder greve Willem în Flaenderen, um up Spinola to passen end dy foar Sluis to keren. Do dîsse fieldoerste nei en bilids fen thrye jier end tachtich dagen Ostende înnumd hie, gîng er mei sîn fults nei Twinthe în Oerisel end naem der forskate pleatzen în; ûnder oren Lingen end Oldensael.

De Friesen wieren eang, dat er hiar wer up 't lîf kumme scoe, mar greve Willem Lodewîk wier ek mei sîn leger ût Flaenderen wei nei Koevorden tein, end derum weage Spinola it net um disse kant fjirder up to kummen.

Marten, dy yet altîd hope hie um thruch sîn umke sîn heit to fînden, um 't er thocht dat der meast aventûr up wier, der en soldaet earder oan to treffen wier as sa'n sliuchtwei man as sîn heit, thocht, hy moast dy kant ek mar ris ût. It suden lake him blierder oan as 't noarden.

Sîn bislût wier numd: stoe it bîld fen sîn Afke ek minsum glimjend foar sîn eagen, it bîld fen sîn heit wunk him fen fjirren ta, end dat bîld woed er fulgje.

Maryke stoe foar 't finster. In diep neithinken forsunken, seach hiu up 'e striette.

Der kumt în ienen en alderdanichst gegûl end gerup end kel wîkt se efterût fen it finster.

Marten seach ek ta 't finster ût end seach de portewachter twiske en rest wapene soldaten, fulge fen en hiele smite ore minsken.

»Hwet skeelth er oan?" frege Marten oan Maryke, dat jy in ienen sa kel wirde! Dy finzene woe de sted forriede end heth sîn lot dubeld fortsienne. Ef kinne jy him faek wol?"

»Och God! it is mîn heit!" rop Maryke end hiu foel fen hir sels. —

De jûnds stoe Marten by de tsjerkhofsmûrre. Hy wier ûntofreden mei him sels end mei sîn lot. Afke hie him de handen um 'e hals slein, end him krekt sa forhelle hwet Maryke for him dien hie, end nu wier hy de oarsaek dat hir heit în de finzenis kaem. Wol hie de portewachter him nea net fulle oan sîn dochter gelegen lidze litten, end wier hiu al as en lîts famke by hir umke kumd, mar hy bleaw doch hir heit, end nu wier dat hir lean, for dat hiu him sîn fryheid wer jown hie.

Sîn bislût um foart waerd derthruch yet fester. Hy bîlde him in dat er nin goed dwaen koe, sa lang er sîn heit net wer hie.

Afke skriemde. Hiu hie him hir, nu 't er krekt sa forlosse wier, hiel oars foarsteld. Hiu woe him threastje, mar it hulp neat. Hiu liet de earmen fen sîn hals los.

»Ja, lit my mar los," seì Marten. »Skriem mar um my; alles hwet ik duch wirth ummers for en oar ta wansegen; think mar um Maryke! Lit it mîn straffe wêse fen dy of to siean."

Afke koe nin wirden finde; sprakeleas bleaw se stean. Skieden is en lîts wird, mar it falt swier oan it herte.

»Al to lang ha 'k talme," forfulge Marten; »al to lang wier ik ûntrou oan mîn berneplicht, en der fiel ik nu de fulgen fen. Derum ik moat foart."

Up iens naem er sîn lieave faem yet ris în sîn earmen, patte hir for it lest, sei hir farwol end rûn has-

tich foart, krekt as er eange, dat er în sîn bislût to kort sciette scoe.

Do er thichte by de smiddery kaem, hearde er laeitsjen, praten, spîljen end siungen, end do er neyer by kaem, seach er, dat en hiel bulte fults um it hûs forgearre wier. Me brocht de redder fen 'e sted en soarte fen serenade: de stedspipers end ore musikanten foarup.

Mei end toskûrd herte hearde end seach er alles oan end slûpte stiltsjes în 'e hûs.

Hy pakte ûnder it siungen end spîljen fen it thankbere fults skriemende sîn spilsjes by enoar. Do er dat dien hie, gîng er up bed, um en nulk eagenblik of to wachtjen dat er ûnbimirken foart kumme koe.

It musîk swyde, it fults druste of, end hy stoe up, end scoe stiltsjes it hûs forlitte, do er, nei 't er de gungsdoar up die, Maryke mei en lampe în 'e hand foar him stean seach.

Do se him reisfeardich seach, waerd se kel end rop;

»Marten, scilst' ûs nu forlitte? — End faek nea werum kumme?"

»Forjow my it leed, dat ik ju oandien ha," andere Marten.

»Scoe ik lilts up dy wêse? Du wîtste ummers thige goed dat ik dat net kin."

»Farwol, Maryke! Wes lukkich!"

»Lukkich? ik? ja, as ik dat în mîn macht hie! Mar sids! hwet driuwt dy foart? — Bin ik it? Och, bikummerje dy net um my; ik scil dy net ûnder 'e eagen kumme, mar bliuw doch!"

»Ik fulgje en heilige plicht, end eltze minût dat ik langer bliuw, duch ik sûnde."

»Foart? End dîn luk fen dy stiette?" sei Maryke. »End Afke den?"

»God! martelje my net! As jy ris wisten, hu sear as jy my dugge! For my is nin luk thinkber. Think um my as um en deaden!"

Nu koe Maryke hir net langer inhalde; se foel Marten um 'e hals end snikkere lûd up.

Hy makke hir handen seft los end spriek:

»Siugge wy up disse wrald mankoarren net wer, den grif iens der buppe! Libje lukkich! Farwol!"

Foart wier er, end oan hir siel ta bidroefd gîng Maryke nei hir keamer.

XVII.

Marten wier buten 'e sted end gîng nei 't suden. Koe sîn heit sîn umke net ris upsocht habbe, ef koe sîn umke faek net ris wite, hwer sîn heit, as er yet libbe, tahalde? De krichsman, dy him um sîn foarkummen fen keltme upspringen die, do er mei Lukas up en paed wier, koe dat sîn umke net ris west ha? — Derum hwer soldaten wieren, seach er yet meast kans biskied fen sîn heit to kryen.

In it noarden fen Oerisel stoe it oerbliuwsel fen en ald slot, end derûnder wier en forwulft sterk-enoach um de buppelest to dragen. Disse ûnderierdske rumte wier to tide fen ûs forhael de forbliuwpleats fen en stîf ûftich man.

Hia wieren der feilich, hwent al wieren de stienheapen fen it alde gebuw wol to siean, it wier mar oan inkelden bikend dat dat forwulft der bistoe.

It wier fen binnen moai skiklik inriuchte. Mids in 'e earste keamer — as me dy rumte sa neame koe — hinge en lampe oan 'e souder. By it liacht derfen koe me forskate doarren siean, dy tagung joegen nei ûnderskiedene gungen, dy in 't busk der deun by ûtkamen. Dy ûtgungen wieren biskule efter beammen end stienklûmpen.

Oan 'e mûrren hingen wapens, klean, hingstegerei end ore dingen. Der wieren sittingen in 't rûnd mei tapi-

ten biditzen, end en fet in en hoeke joech formoeding dat 'er ek hwet for de thoarst wier.

De biwenners wieren ofwêsich, bihalve ien inkelde, en lange bienbitige keardel, dy wakker biheind end sadwaende better geskikt wier um în 'e koken as in 't field tsienst to dwaen.

It wier it forbliuwplak fen Willem Clant end sîn binde. Binde sidze wy, end sa moast sîn trûp wol neamd wirde, hwent net allinne dat se de Spanjerds skea dieden sa fulle as se koeden, mar thruch al hiar drukme hieden hia it forskeel bitwiske it mîn end dîn ek forgetten.

De boeren, der în dy umkrite, misten wol gau ris en stik fiea; der waerd wol ris en ienlik reisger oanpakt; by en riken waerd wol înbritzen end him sîn jild end hwet er oars fen wearde wier ûnthelle, end fulle fen dy dingen koe me tominsten taskriuwe oan de binde, dy ûnder dy alde stienheapen hûshalde.

It wier Marten sîn plan um fen Grins nei Koevorden to tsiean, mar hy rekke oan 't dwalen end wier, ear 't er it wist, în 't noarden fen Oerisel. Ienlik end in thinzen forsunken gîng er up en jûndtîd thruch en busk, do er în ienen en freesliken gejammer hearde, deun by him.

In en dieppe kule, foart by him, seach er immen lidzen, dy rop: »Scil nimmen my den helpe? Wolle hia my hjir fen hunger end thoarst stjerre litte, nei 't it roaversfults my earst healdea slein end my al mîn gûd ofnumd heth? — Och, mîn lea! mîn lea!"

Marten wier dalik klear um de lyer to help to kummen. Mei fulle moeite arbeide er nei him ta, um him oereind to setten end to siean hu slim as 't wier.

»Hald moed!" fierde er him ta, »sa lang as ik by ju bin, binne jy net forlitten."

»Och, help my up!" jammere de tsierl, — hwent ik bin net în steat um my to forroerjen."

Marten wier nu by him end bûgde him um him seft

ûnder 'e skouders up to hifkjen; mar foar 't er him oereind sette koe, pakten twa stevige earmen him beet, waerd er up 'e grûnd smiten, end de keardel, dy er helpe woe, laei up him end sette him sîn knibbel up it borst.

»Wolst' my deye, um 't ik dy helpe woe," rop de jungfeint, mei en swier lûd; hwent de kiel siet him hast thicht.

»Jow dîn pak oer end alles hwetste by dy heste," andere de roaver, — hwent dat it sa 'n ien wier, hoefth nin neyer ûtlids, — end hy liet Marten en great mes siean; »ef it kosteth dy it libben."

»Graech, as it allinne derum to dwaen is," sei Marten; »mar lit my den oereind, oars kin 'k it net dwaen."

De roaver sprung oereind, mar halde Marten sîn mes foar, end sei: »Pas up, heite, nin kinsten!"

Marten kaem nu oereind end makke de riemen fen sîn pakje, dat er oer 'e skouders hie, los. De roaver striek de lufterhand ût um it oan to kryen, mar în pleats fen it him oer to jaen, ûnderhelleth Marten it end jowt de roaver der sa 'n ûngenadige slinger mei um 'e kop, dat er în 'e sûs up 'e grûnd delthruselth. Thige mei dy ofrin totreden, hinge Marten it pak wer oer sîn skouders end makke er tarissing um fjirder to gean, nei 't er earst yet ris der nei siûn hie ef de keardel, dy er sa fix bitelle hie, him ek yet dere scoe kinne.

Der kaem libben în it beamgewaex nêst him. En ûnbidich eind tsierl în krichsmansklean mei en swier bird, dat al gris bigûn to wirden, stoe foar him end swaeide en brede krumme sabel oer him hinne mei de ûtrup: »Nin stap fjirder, ef du bist um kald!"

Marten stoe as wier er fen thunger rekke. Dat lûd, dat foarkummen, dy utering în 't antlit, dat swird, dat him de wirden fen de wiersidster to binnen brocht, makke him ta în 't diepst fen sîn siele oerstiûr: de man, dy der drigjende foar him stoe, wier sîn heit!

»O God! mîn heit!" rop er, end sûnder um de sabel to thinken, foel er de ore um 'e hals.

Dy miende earst dat Marten him forwarre woe, mar do er for de twade kear rop, mei triennen în 'e eagen »Mîn heit! mîn lieave heit!" do liet er sîn wapen sakje, makke Marten sûnder fulle moeite fen him los end sei:

»Hwet kumt dy în 't sin, junge gik?"

Marten wier up 'e knibbels fallen end stiek de handen nei him ût, towile er rop:

»Ja, ja, jy binne 't, hu 't jy mei de tîd ek forore binne! Jy binne mîn heit! Juw eagen binne yet deselde as do wy up sa 'n freeslike menear skaet waerden by 't kleaster în Frîsland. Siuch my net oan as en freamden: ik bin Marten ummers, juw soan! Ik bin de ienichste dy ju oerbleawn is, end dy ju sa lang al siketh."

Do sloech de krîchsman de handen fen ien end spriek: »Kum oan mîn herte, feint! Du bist mîn soan net, mar de soan fen mîn broer Melchior. Ik bin dîn umke Willem. Jimme heit end ik wieren twielingen end liken sprekkend up enoar. Du bist my fen herten wolkum! Fen jimme heit ha 'k de tînge, der net oan to twiveljen is, dat er dea is; mar în my hest him werfûn. Ik scil en heit for dy wêse; ik nim dy oan as mîn soan."

Derup naem Willem Clant de jungfeint mei nei it ûnderierdske forwulft, der niunkelîtzen de hiele binde, de iene hwet earder, de ore letter, byienkaem.

Up it antlit fen de oerman, hwent dat wier Clant, laei en tsiuster skaed, by wilen glimlake er droevich, as er Marten oanseach, dy oan sîn earm hung. Hy makke Marten bikend by 't selskip as sîn soan end easke dat me him as sadiene bihandelje scoeden. Derup naem er disse mei nei en ofskaet plak, end do moast Marten him sîn skiednis forhelje.

Nei 't er mei sîn forhael oan 'e eind wier, spriek Clant: »Du sochtst dîn heit end fûndst dîn umke. Mîn broer is, der twîvelje ik net oan, dea; mar hwet is nu dîn plan? Ik scoe dy graech by my halde wolle, mar dat kin net. Wy binne wol în 'e tsienst fen 'e Steaten, mar

it giet er hjir sa mal um ta, dat for en feint as dy is 't hjir net to wêsen. It stieth my sels raer tsjin, mar it is to fìr hinne um der hwet tsjin to dwaen. Du hest er al en lîts stealtsje fen siûn end der dy goed thruchredden."

»Och, umke!" sei Marten, »wy binne krekt by mankoar, end nu dalik wer skiede! Kin dat net oars? Kin al it jinge bard is net forgetten end en nye wei înslein wirde? Meitsje ju los fen dat fults; gean mei my end sîkje wy hjir ef der en restich libben to kryen."

»Dîn ûtstel is oars goed, mar ik kin der net în ienen ûtslûtsel up jaen; wy scille der tonei neyer oer prate. Der binne lîkwol mear swierrichheden oan forbûnd, as 't dy nu taliketh, dat kin 'k dy wol sidze," sei Clant mei en dieppe sucht.

»Bring wîn!" rop Clant nei 't er mei Marten him wer by 't ore fulk jown hie, »bring wîn, dat wy up 'e wolkumst fen mîn soan drinke!"

It dûrre net lang ef de biker gîng flitich în 't rûnd.

»Hu is 't," sei Clant spîtgnîskjende jin ien dy net fìr fen him of siet; »du bist sa stil. Ducht dy de hulle faek yet sear? De soan fen dîn oerste heth dy en skoan lexum jown."

Marten seach de tsierl oan. It wier de selde, dy him sîn gûd ofstelle woe, end nu 't er him goed bikike, wier 't krekt as er him do net for 't earst siûn hie.

»Der is en latînske spreuk," sei disse, „dy ik leard ha, do ik yet to Leuven up 'e skoalle gîng; mîn latîn is my ûntgien, mar it bitsiut: de junge leawen bite mei hiar heîte tusken."

Nu koe Marten de fint better to plak bringe. It wier de lang forgettene studint, dy er oantruffen hie în 't selskip fen de ore studinten, dy hiar oanjaen scoeden by Ernst van Mansfeldt end dy sîn makkers de namme fen Slim joegen, deselde dy de wiersidster nin earfulle dead

tasei, end hy wier, thocht Marten, moai aerdich up wei, um it sidzen fen 't ald wîf wier to meitsjen.

Hy spriek Slim — ef egentlik Josef — oan, end do koe disse him ek dalik wer as de junge, dy se der fûn hieden end mei dy geit in 't selskip brocht hieden.

Josef wier nu thige blid mei Marten end drunk stevich um sîn oankumst to fieren, end up 'e fornyinge fen de alde kinde.

Up Marten sîn freegjen, hu 't er hjir sa forsîld wier, der hia do ûnder 'e Spanjerds tsienst nimme woeden, end ef er al riu rum end bût bihelle hie, andere Josef:

»It foel hwet of. Wy hieden hope um by en dragundersregimint upnumd to wirden, end waerden ûnder it foetfults stitzen. Wy thochten in oerfloed to libjen end moasten faek it lîf tasnoerje, oars blaften wy fen hunger; de iene mei de ore krepearre, net în 'e slach, mar fen earmoed end brek oan iten.

Do wy in Grinslând ûnder Verdugo layen, wieren fen ûs hiele studinteselskip ik end de praesis yet mar oer. Wy wieren nu net langer lilts up enoar, mar parten altîd as broerren mei enoar.

Up en tîd sei ik tsjin him it kin langer sa net; as wy net fen hunger umkumme wolle, den moat er hwet up ûtfûn wirde.

Hwet moat er up ûtfûn wirde? frege de lange praesis, mei en gesicht dat me der meilyen mei krye scoe.

Wy strike ût, ik wer.

End sa dieden wy. Mar hy hie gans langer skunken as ik, end sa wier er my skielik en eind foarût. Hy wûn der lîkwol net fulle mei. Hy mette en trûp spaenske soldaten, end do dy him oanroppen end er net andere, joegen se him en kugel, dy it slûtteiken fen sîn libbensrin waerd.

Mei fulle earmoed kaem ik niunkelîtzen to Wolvegea in Frîsland. Der laei Clant mei hwet fults în 'e tsjerke în ketier; ik joech my by him oan as en oerrinder,

waerd ûnder sîn manskippen upnumd end sa bin 'k nu hjir."

Thruch it oanhaldend supen fen de woeste basen um him hinne, waerd it niunkelîtzen sa 'n wîldeboel, dat Marten der oer bisaude. Hy moast nu sels bikenne dat sa 'n libben paste him net. Sîn umke foel him danich ût 'e hand, end hy woe de ore deis ris earnstich mei him prate, um him mei to kryen. Woed dy den net, den teach er der allinne up of; hjir bliuwe woed er net.

It getier wier up 't heechst, do de wacht înstormjen kaem, mei de rup: »To wapen, mannen! to wapen, it hiele wald is ful spaenske soldaten!"

De heal drunkene keardels fleagen oereind end pakten de wapens.

Clant bleaw allinne restich sitten, sette de biker oan 'e mule end sei mei selsfortrowen tsjin 'e jobsbode:

»Du fortsienneste egentlik uphungen to wirden; du hest de beammen fest for Spanjerds oansiûn, skiep, aste biste! Hwa scoe it weagje um ûs hjir in ûs forwulft oan to fallen? Earder scille de moanne end stjerren der thruch hinne skine, ear 't se ûs hjir master wirde!"

De wacht gîng torech, mar sei sunich: »Hwet ik siûn hab, dat hab ik siûn; mar dy 't net leawe wol mei 't litte."

Dat hearde Clant end kugele sîn tinnene biker mei sa fulle geweld de tsierl tsjin 'e kop oan, dat er for dea delfoel.

End doch hied er wierheid sein, hwent dy ûtstiûrd wieren um de saek neyer to ûndersîkjen, kamen al skielik torech mei de tidinge, dat alle ûtgungen biset wieren end dat it busk ful wier mei soldaten.

»Den is der forried in 't spil," sei Clant; »mar lit ûs den fiuchtje!"

Hy die pistollen in 't helter end gripte mei sîn sterke fûst sîn sabel.

Al de oren fulgen sîn foarbîld, bihalve dyjinge, dy Clant krekt sa ofriuchte hie, end yet up 'e grûnd laei.

»Binne de ûtgungen biset?" frege Clant.

»Ja," wier 't andwird.

»Fordiel jimme den în de thrye gungen end hald de liachten efterût. Wirde de doarren den upbritzen, den is 't fen binnen tsiuster, mar jimme habbe de liachte moanne to bate um goed to mîkjen."

De mannen dieden 't jinge er hiar hiette.

»End du, Marten," sei Clant, »wolste mei my?"

»Ik wîk net fen juw side, umke."

»Nim de wapens end kum mei!"

»Wapens hoef ik net," sei de feint, end gîng niunken sîn ûmke în 'e tsiustere gung up, dy sa leech wier dat hia hiar duke moasten.

Fen binnen wier alles stil, mar fen buten hearde me biskiedenlik it arbeidjen fen de fyand.

Hia wieren dwaende um buppe în 't forwulft en gat to meitsjen, end it dûrre mar en bîtsje ef der foelen stiennen end it liacht fen 'e moanne skînde fen buppen thruch en iepening.

't Wier Marten krekt as en dream. Hy thocht net um 't gefaer, dat him ek drige; net um 't lot, dat him to wachtjen stoe, as de fyand baes waerd. Sîn sinnen liken fordoave to wêsen.

It iseren fal, dat al lang hinne end wer skudde hie, foel în 't forwulft, end de moanne liet it fults fen Clant biskiedenlik de soldaten, dy nei binnen kringe woeden, mei hiar glinsterjende wapens, siean.

Clant joech en teiken. De neare gung droande fen 't scietten; me hearde en freeslik gejammer end gefluk, end alles wier wer stil; nin fyand to siean.

»Knap rekke, thrye seach ik fallen! Laed wer!" rop Clant mei en helder lûd, dat net trille fen bangens ef ûnrestigens.

In 'e ore gungen hearde me ek scietten.

»Der wirde se ek goed ûnthelle," sei Clant. »It scil hiar mannich dripke bloed kostje, ear 't se ûs hjir finzen ef deid habbe."

De pistollen waerden wer mei de iepening nei 't gat in 't forwulft halden, mar der wier nin fyand to siean.

Clant sîn fults wier al blîd end miende dat de soldaten al oftein wieren; do se en lîts fetsje delroljen seagen, der en barnende lunte oan fest siet.

»Dy divels! dat is fîn bithocht! Tobek, mannen, ef it krûd toplettert ûs!"

Alle man wîkte efterût; mar Marten, dy oars oan 'e strîd nin diel naem, rûn nei 't fetsje ta, bûgde him foardel, pakt de lunte end trapeth dy ût up 'e grûnd.

»Uterlik best, mîn lieave soan!" sei Clant, dy mei eangstme sîn handling oansiûn hie; hwent it fiûr wier skielik oan 't krûd ta, end kloppe him up 't skouder. »Bliuw mannen! it gefaer is oer!"

En rest kugels end barnende pikkransen fleagen by 't fetsje in 't forwulft del. Dat brocht hiar ta ore thinzen.

Ien fen Clant sîn mannen foel dea del; hy sels krige en skot în sîn earm.

»Tobek!" rop er, mei en forheftich lûd.

Alles gîng tobek; hy end Marten wieren de lesten.

De ore mannen krigen ek order um de gungen to forlitten, de doarren thicht to dwaen end der safulle gûd foar to bruyen as se mar koeden.

Nu wieren se allegearre in 'e middenste rumte by ien, in 'e leste forskansing, um sa to sidzen.

Clant gîng in 't formidden fen sîn fults stean end sei sûnder dat er eat, dat nei eagstme like, up sîn antlit to siean wier:

»Mannen! ik wol jimme ried ris hearre, end den scil ik mines sidze: hwet moatte wy dwaen?"

De measten stimden foar en ûtfal.

»Dat liketh my ek it beste ta," sei Clant. »Elts sorgeth for sîn egen hûd end slacht dy wei în, dy him best

foarkumt By Koevorden siugge wy mankoarren wer. Marten, hald dy thicht oan mîn side!"

Iensklaps hearde me en lûde slach.

»Neat to dwaen," sei Clant, »it fet mei krûd is sprungen, mar it heth nimmen skea dien."

Mei died er de doar up, mar in ienen wer ta, hwent en walm fen reek; en damp fen swevel kaem him tomiette, dat er hast nin siken krye koe.

Hia habbe it fiûr ût 'e hel liend um ûs to fordîlgjen," sei er. »Kum mannen! en ore wei up!"

Hy kearde him um nei en ore ûtgung. Der wier it allîk. Do nei de thredde. Ek umdoch; it wier ien reek end fiûr, dy it ûtkummen ûndwaenlik makke.

»Ik leaw, it is ût mei ûs!" gûlde Josef; hy sunk up 'e knibbels end bea: »Alle heiligen ût 'e himel, lit ûs net forbarne!"

Al de oren forblikten fen ûntsetting end halden it each up hiar foargunger.

Disse leende up it heft fen sîn swird end seach restich de boel oan.

»Sitte jimme sa fest oan 't libben, dat jimme jammerje as alde wiven, nu 't it fiûr oan 'e teannen kumt? — It is mar um ien quea heal ure to dwaen, end jimme habbe kar, as jimme forbarne ef în 'e reek smore wolle."

Mei iens wîsde er up 'e reekwulkens dy it forwulft binnenkrungen.

»Drink wîn! dat jimme de dead mei niu tomiette gean kinne," rop er end taeste nei en fulle kanne.

»Sa net!" sei Marten; »lit ûs lieaver for ûs sieleheil bidde."

Clant seach him lang end earnstich oan, sette de kanne del, end spriek:

»Bistu der, feint?" Du kaemst up en ûnlukkige tîd.".

»Ik kin den doch mei ju stjorre," sei Marten end die en gebeth ta God um genade end erbarminge for sîn umke.

Disse die de mule up um eat to sidzen, mar der kaem nin wird ût.

Lik as de fyanden în 't greate forwulft handle hieden, sa dieden se hjir ek in 't litze. Der waerd en gat in 't fordek makke, end swiere stiennen waerden der thruch nei ûnderen keild. Ien man waerd der fen truffen end wier dead.

»Dy is der um kald," sei Clant hiel bidaerd end loek Marten nei him ta, thicht oan 'e mûrre.

Buppe timmere end hammere 't mar foart.

Der foel ienskiaps en great stik fen 't dek del end de moanne skinde klear in de ûnderierdske rumte.

»Jow jimme oer!" rop en stim fen buppen.

In pleats fen andert, skeat Clant sin pistol of; mar de oren roppen: »Genade! genade! wy jowe ûs oer."

»Lids de wapens del, end kum ien foar ien nei buppen!" rop de selde stim.

»Jimme scille de galge net ûntgean," rop Clant, mei forachtinge, do er seach hu 't hia skripten um buppe to kummen.

Hy end Marten bleawen togearre hwer se wieren.

»Wolle jimme nin pardon ha?" frege de stim yet ris.

Nin andert.

»Sciet se dead!" klunk it bifel, end en lading kugels fleach in 't forwulft.

Marten sigde oer 'e side; hy hie de handen gear.

Clant like net biseard; hy skûrde sin leste pistol ût it helter, end fiûrre it of nei buppen ta. Hy die sin best um stean to bliuwen; mar up it lest foel er del end wier dead.

De Spanjerds jûchen fen blidskip, dat de alde mûrren der fen droanden. —

Marten kaem thruch stietten end slingerjen wer ta him sels. Hy sloech de eagen up end mirk dat er up en boerewein laei, în 't selskip fen hiar; dy by de oerfal dea rekke wieren. Sîn umke laei nest him, mei de hulle by de wein del.

Sîn wûnde, dy er thruch en skot în 't borst krige hie, wier forbûu end lette him neat; it hie mar en skamper west.

Up en pear weinen, dy efter oan kamen, sieten, twa oan twa bûn, de ore manskippen fen 'e binde; soldaten mei ladene geweren end oar fiuchtark runen nest end efter de weinen, um up to passen dat nimmen net ûntkaem.

Sa gîng it nei Oldensael.

Hwet er în Marten sîn hulle umgîng, do er der to mids fen dy deaden laei, is net to biskriuwen.

Sîn hiele libben, sîn niu, sîn luk, sîn blier foarûtsicht în en boask mei Afke, alles, alles hied er der oan jown um sîn heit to fînden.

End nu? — Sîn heit dea, alteast nei 't sidzen fen sîn umke, end hy finzen ûnder en heap tsieaven end moardners!

Hwet scoe nu sîn foarland wêse? Mar dat wier him ek allike fulle. It libben hied er sîn nucht of; de dead like him sels winskelik. Der hied er ek fulle aventûr up; de Spanjerds handelen net butte meilîdsum mei hiar finzenen în 't gemien. Mar der kaem yet hwet by: Marten wist dat er jild set wier up 'e hullen fen sîn umke end dy ûnder him tsiennen.

Dat hie sîn umke him sels forhelle, do er disse oerhelje woe um de binde to forlitten end mei him to tsiean, end en ore libbenswise to biginnen.

It scoe him ek net fulle helpe kinne, as er sei, dat er nin diel hawn hie oan de dieden fen sîn umke; hy wier nu doch bikend as de soan fen Clant; hu scoeden se him dus ûnskildich halde?

Do de weinen de sted înrieden streamde it fults hiar tomiette end tcande thruch gulen end it uterjen fen skeldnammen, hu 't it hiar hage, dat de binde finzen wier.

»Der leit de oerste fen 'e binde," seide er ien.

»End hwa is dy jungfeint, der niunken him?" frege en oar.

»Dat is sîn soan. Brui him dea, dy dogeneat!" wier 't andwird fen en thredde.

End sa ging it alle ameryen.

De wrok tsjin 'e deade ging oer up 'e libbene, end it spande der um dat de soldaten it gemiene fults fen 'e weinen kere koe. Hia wieren blîd dat se de trûp efter 't slot hieden.

XVIII.

En bode kaem by en jung kapelaen, dy tsienst by 't leger die, mei 't boadskip fen de spaenske oerste, dat er by de ter dead foaroardielden gean moast: der wieren guden ûnder, dy în 't lest de threast fen 'e godstsienst forlangen.

»En swiere taek, en trurige plicht," andere de junge geastlike, »mar ik scil it dwaen. It scil spanne um my goed to halden: it is mîn earste kear; mar it is ien fen 'e heilichste plichten fen mîn ampt um sûnders up hiar uterste de genade des Alderheechste to forkundigjen, end sa earne, den scil ik hjir nedich wêse, derum: Here, mîn God! sterkje my!"

Underwiles hied er sîn amptsklean oantein, end joech him do anstûnds nei de finzenis.

De gullens end goedlikens stoe up sîn antlit to lêsen end spriek lûd ût sîn blawe eagen, end elts dy him mette groete him friûndlik.

Al ringen wier er der er wêse moast end de finzenwarder kaem by him um him rûnd to lieden.

Hia hieden al by forskate west, mar de measten woeden fen dy roomske boel, lîk as hia it neamden, neat wite.

»Nu," sei de finzenwarder, »tsienje wy earst de lampe up to stekken, hwent wy moatte nu nei en tsiustêr

gat. Dy der sit tierge him buppe de grûnd sa raer, dat wy him der net halde koeden. Hy is kreftige eang fen 'e dead end wol perforst libben bliuwe."

De finzenwarder ging foarût, de kapelaen fulge.

Der fûnden se immen, hwaems handen end foetten mei iserene keatlingen festbûn wieren. En îsrene ring hied er um 'e mil, end sa siet er oan en growe kram în 'e mûrre fest.

Do se înkamen mumpele er en mannich ûnforsteanbere wirden, end halde de handen up as bead er.

»Meitsje sîn keatlingen los," sei de geastlike.

De finzenwarder die it, nei 't er earst de doar goed thicht dien hie.

»Ha!" rop er, »eindlings fry?"

»Skielik scilste alhiel fry wêse," spriek de geastlike up en goedlike tean; »fry, net allinne fen disse banden, mar fen alle ierdske."

De finzene forstoe him net, mar scoe nei de doar.

De sterke finzenwarder skau him torech.

»Hwet nu?" sei er, »ik bin ummers fry; hwerum mei ik den net hjir wei?"

»Du bigriepst my net," spriek de kapelaen, end sîn lûd biwîsde hu thige er oandîen wier. »Set dy fen de ierde of end think um 't himelske: ik praet fen stjerren."

»Ja, dat wît ik wol, der is 't praet altîd oer; mar ik bin jung end ha neat nin haest. Wy moatte allegearre stjerre, de iene earder, de ore letter: Omnes una manet nox et calcanda semel via lethi."

De geastlike hearde freamd up by sîn latîn. Hy seach de roaver skerp oan end sei:

»Kinstu my, tsierl?"

»Ik leaw al dat ik ju earder siûn ha, mar do wieren jy oars în 'e klean, end it is ek al lang lîn."

Droevich seach de kapelaen him oan.

»Mar dat is allegearre mar um 'e nucht," sei Slim, hwent dy wier it, »lit my hjir mar wei: ik hab hjir nin nucht."

De kapelaen wier wer restich.

»Bliuw bidaerd, mîn soan!" fierde er de finzene ta; »forwachtje nin ierdske fryheid wer; ik ûnthiet dy de himelske! Gean mei rowe în 't hert ta de genadethroan fen God; de ierdske riuchter kin dy it libben wol ofnimme, mar thruch en upriucht leawen kinste it ivige libben dielhaftich wirde."

»Hwet prate jy fen dea? Siuch mîn earmen end mîn borst; moat ik stjerre? Ik kin wol langer libje as ju."

De earme feint krige en oanfal fen kranksinnigens.

»Stjerre scil ik? Né, né! End ik hab neat dien! Help my, goede hear! Ik hab nea falsk sward, nea net ien formoarde! Ik ha neat dien dat de dead fortsienneth!"

Skriemende foel er del.

De geastlike wist net hwet er moast.

Hy bigûn up en ny mei threastwirden.

»Gikkespil!" rop Josef; »gean hjir wei! Foart mei jow geëamel! mîn hulle ducht my sear; lit my mei frede!"

Skudhullend gîng de kapelaen foart, end de finzenwarder laei Josef, dy wakker jinaxele sîn keatlingen wer oan. Dernei kaem er wer by de kapelaen.

»Nu bring ik mînhear by en jung minske," sei er, wîlst er de doar fen en oar hok up die; »hy liketh ûnskildich, mar lit jy net fen him forrifelje, hwent hy halth him sa mar. It is de oerste fen 'e binde sîn soan, end de ienichste, dy him mei sîn heit net oerjaen woe. Sprek him mar goed oan, it is en forhirde ketter."

De finzene laei moedleas up en hîngstethek, mei 't antlit nei de mûrre ta, end mirk it net ienris dat hia înkamen.

De tsiender skudde him oan 'e earm.

»Kum," sei er, »scil 't wêse: ik bin klear. Meitsje 't kort."

De kapelaen kaem rimpen nei him ta end halde de hand buppe de eagen, um better sjean to kinnen.

»Marten!" rop er iensklaps.

»Hwa rupt my?" sei de finzene forheard.

»Lukas is 't, dy dy rupt, earme friund! Moat ik dy hjir finde! Hwet bringt dy up dit plak?"

»Marten glimke end sei: »Nin wandedigens, Lukas" Marten wier oereind sitten gien; de beide friunden seagen en hort lang swyend mankoar oan.

»Hwet ik nimmer net thinke kinnen hie, dat barth," sei Marten: »ik siuch dy wer, end du bringst my de leste threast. Ik ha mannich kear um dy thocht end mannich droevige ure hawn, sint wy fen enoar skaetten to Antwerpen. Du rikst my dîn hand ta, Lukas! Dat ducht my goed, mar wîtste it wol dat ik thruchgean for de soan fen en misdediger, end sels as en swier misdediger finzen sit?"

»Marten, ût dîn antlit sprekt de ûnskild!" rop Lukas. Hy knibbele by him del end naem him în sîn earmen.

Marten forhelle him alles hwet er sunt hiar skieden mei him bard wier.

»Ik gean nei de oerste," spriek Lukas, wîlst er sîn friûnd up en ny în sîn earmen kniep end tsjin sîn borst oan threaw; »du scilst net stjerre."

»Duch mar net sa fulle moeite um my," andere Marten; »it needlot spileth sîn spil mei my; it beste for my is stjerren."

De kapelaen die him nin tîd um Marten to bianderjen; hy fleach nei de oerste makke him mei Marten sin ûnskild bikend, end bea him him fry to litten.

De oerste hearde him ginstich oan, de ore finzenen waerden fen nyen forheard end elts tsiûgde dat Marten wier ûnskildich, end net lang dûrre 't do kaem Lukas wer by Marten, end rop:

»Du bist fry!"

Marten wier fry end doch net blîd.

»Leaw my," sei er jin Lukas, »de finzenis wier my lieaf wirden! Ik bin 't libben sed."

»Du sprekst sûndige wirden," sei Lukas; »God heth dy it libben biwarre, end sa 't Hy biskikt is 't it beste. Hy heth it jimmer goed mei dy miend, end hwet er ek fjirder for dy weilein is, hy mient it altîd goed; end is dit nu dîn thank? Witstu for fest dat dîn heit dea is? Wist dîn umke 't wol klear? Heth er dy wol de wierheid sein. End hwet hie 't west, as er yet ris în 't libben wier end er 't fornaem, as 't sa kumd wier, up hukker wise astu ût 'e tîd rekke wierste? End yette butendat, is der neat oars dat dy oan 't libben bînth?...

Marten die de handen foar de eagen.

It bîld fen Afke rîsde up foar sîn forbîlding; 't wier as en ingel ût 'e himel him forskînd wier, end în sîn hert, dat oars alle hope forlern hie, klunk it luder as ea toforen: hoopje! hoopje!

Hy foel sîn friund um 'e hals end rop:

»Ja, ik wol libje! libje for hir! Eale friund, ik thankje dy for datste for my dien heste!"

Sa forliet er sîn tsjerker.

XIX.

In en ienlike boerehusinge în Oerisel siet en fette Franciskaner mûnts mei en great gles bier end en humpe skinke foar him

Hy hie en frum uterlik, en echte mûntzetroanje. Hy iet end drunk mei niu; me koe 't oan him siean dat it him skoan smakke. Nu end den striek er mei de hand oer sîn growe bûk, as wier it um it spil goed to plak to kryen.

Eindlings wier de skinke wei end de leste bît thruchspield mei en swulch bier.

»De Here seinje dy, for spise end drank!" sei er jin

de boer, dy in 'e keamer kaem. »In mîn gebeth scil ik um dy thinke, um datste en ûnwirdige tsienner fen Kristus mei spise end drank bystien heste. Dat is en heilich wirk, binammen nu, in disse tiden fen ûnrest end fiuchtery. Wes thankber oan de Here, dat er dy yet sa rum seine heth, dat er ek eat for ûs end ûs kleaster oersciet."

Mei iens skau er de boer en lege sek ta.

De boer seach stumme taei.

Dat fornaem de mûnts wol; derum seide er:

»Mei de miette der jy mei miette, scil ju wer tametten wirde. Elts scil rispje nei 't er siedeth. It scoe my der oars net nei lîkje ien, dy my sa swiet to iten end to drinken jown heth, mear lestich to wêsen, mar ik duch it ta juw eine sieleheil. Fen de fette bulle, dy jy forliden wike slachte habbe, scille jy butendat de tsienstfeinten fen de Here ek graech en part mei jaen."

De boer makke en lang gesicht, mar dorst it heilige forsîk fen 'e mûnts net ofslaen. De lege sek gîng nei efteren end kaem werum, biladen mei hwet worsten, en stik bulleflesk end hwet griene earte.

»Och, forearje my yet ek en krûk bier ta forsterking fen mîn swak lichem," sei de mûnts, wilst er him oer 'e bûk striek, dy sa tsiuk wier, dat er sîn knibbels net siean koe.

De boer grummele al hwet, mar brocht itjinge him frege wier.

»Wol bikumme 't ju, Earwirdige fader!" seide er end rikte de bierkanne him ta.

De mûnts drunk er ût, allike swiet as fen de earste krûkful, end do er heal leech wier, bigûn er up en fleurige wise sunich to siungen.

Der gîng de doar iepen end en reisger stapte binnen. Dy seach freamd up dat der dy mûnts siet to siungen.

»Mar herink!" rop er, »dat is ummers ûs Hildebrand! Hwet dugge jy în mûntsklean?"

Earst woe de mûnts neat fen de man, dy der sa oankaem, wite; mar do er him goed oanseach seide er:

»Der scil my de.... Ik scil nea nin bier wer priuwe as dat net de fint is, dy ûs up Diepenbron sa hawn heth!"

»Krekt ret!" sei Marten — hwent dy wier it — end ging tsjin him oer sitten. »Mar sids ris, hu kumme jy hjir end sa forklaeid?"

»It is nin forklaying: ik bin hwet ik lîkje to wêsen," spriek de ore, end mei iens gûlde er oan 'e boer um yet en krûk bier to bringen.

»Wy scille forjaen end forjitte," forfulge er do, »mar it wier en rare puts, dyste my bakt heste. Huwol it heth mîn skea net west, end derum stil der fen!"

De mûnts forhelle Marten do, hwet wy al wite, sîn werkummen up 't slot, mînhear sîn jacht efter 'e feint endsf.

»De jûnds," sa forfulge er do, »kaem ik wer, hwent ik wist wol, dat mînhear my do neat dwaen scoe. It bleaw lîkwol it selde libben. Ienkear up en tîd smoarde ûs greate hûnd în en bunke. Der formakke ik my în, end dat seach mînhear. Um my to narjen helle er do en hiele greate hûnd în 'e hûs end dy hise er alle amerryen up my oan. Dat divelske beest biet mar ta, end skûrde my de klean oan flarden. Sa koe it net mear. Klage ik der oer, den koe 'k yet mei de swipe ta krye. Ik hie lang al foart west, mar, rundût sein, ik thochte: hy scil wol ris ûnforhoeds kumme to stjerren end den bin ik de ienichste up it slot; den ha 'k tîd um my sels mîn fortsienne lean ût to biteljen.

»Up 't lest waerd it doch to slim. Ik woe foart end my mei iens wrekke. Up en jûndtîd lokke ik de hûnd buten doar, rikte him en bunke ta end wîlst er der nei hapte, sloech ik him en eind tou um 'e hals end hung him up. Mînhear wier mei en moai stik în up bed kumd, end do brocht ik de dea hûnd by him ûnder 'e

thekkens. It moeide my dat ik it net bywenje koe, hu pûr as er wier de ore moarns, mar dat koe net; ik pakte mîn boeltsje by enoar end file ût. Letter hab ik heard, dat er stoarn is.

»Ik socht en tsienst mar fûnd net ien. Eindlings kaem ik as kleasterfeint în en Franciskaner kleaster; letter bin 'k kleasterbroer wirden end ha 't nu goed nei 't sin. Ik hoopje restich end sillich mîn eind to fînden."

»Jy lîkje alteast moai skoan oer 'e kleasterkost to kinnen," sei Marten glimkjende; »dat scoe 'k thinke oan juw skowing."

»Ik moat foart," sei Hildebrand; »it kleaster is yet en eind. — Gods lean for jimme gaven!" seide er jin 'e boer end de boerinne.

»De Here seinje ju, mîn friûnd!" seide er jin Marten end hy druste of.

Marten naem ek ofskied fen de biwenners. Sîn hert loek him nei 't hoekje fen 't tsjerkhof to Grins, der de koster wenne.

Hy naem sa goed as er it roye koe de kortste wei thruch Drinth oer Koevorden nei Grins.

Do er up en jûndtîd en ure oan disse kant Roden kaem, helle er en foetgunger în end rekke mei dy în 't petèar.

It kaem to praet oer de oarloch end Marten forhelle sa it ien end oar ût sîn balstiûrrich libben.

»Ja," sei de ore, »dat oarlogjen bringt fulle rampen to wei. Ik bin tûnman up it slot to Roan. Der kaem torliden jier en man ût Frîsland; ik leaw fen Waldseind; dy hie al fulle fen de oarloch to lyen hawn. Hy wier derthruch sîn wîf end bern quît rekke."

Marten harke thige ta end frege: »Hwet die dy man der?"

»Ja, dat is en hiele skiednis," sei sîn selskipsman. »Sa goed as ik kin, scil ik it ju ûtlidze. En tsienstfeint dy up sîn iepenst is, hearth sa nu end dèn wol

ris, hwet in 'e fortrekken fen 'e greate heren foarfalt. — En forige hear, Johan van Eussum, hie twa end tachtich pûndmiette land lidzen ûnder Waldseind end Ipekolsgea in Frisland. Dy forruile er oan 'e kommandery fen 'e Tsiutske riddererder to Nes jin festichheden to Bunne, mei bithingst, dat er jierliks hûnderd end fîf-end-tachtich gune tajaen moast.

Sa lang as er libbe ging dat goed, mar nei sîn dead waerd it minder. Sîn widdou frowe Maryke fen Burmania end hiar bern Ipe, Joast end Susanna van Eussum kamen în 'e pleit jin de kommandery, der ik nîs fen sei, end krigen funnis um de rinten oan to suverjen.

In pleats derfen forkoften se sûnder meiwiten fen de kommandery, de înruile festichheden to Bunne, end derfen krige de kommandery neat as en rintebrief up 'e feanderyen fen Nyenoard, ta leste fen Kristoffel fen Eussum, en foarsoan fen Johan.

Disse rintebrief waerd letter forkoft. De upbringst derfen loek Tamme Coenders, borgemaster fen Grins nei him, um 't er, nei sîn sidzen, der riucht up hie.

Ien end oar joech oanlieding dat er faken ris bimiddelers twiske de partyen hinne end wer gîngen, end sadwaende kaem de man, der it fen praette, ek to Roan."

»End wite jy sîn namme ek?"

»Né, end ik wît er ek nin wei up um dy wîs to wirden: it slot stieth tsjinwirdich leech; mar to Waldseind scoeden jy it mûlk wîs wirde kinne."

Marten dorst him sels net paye mei it thinkbîld, dat sîn heit yet în 't libben wier, end dat dy dy man wêse kinnen hie, mar hy bisleat doch fen Grins nei Waldseind to reisgjen. Hy woe neat forsumje, hwet him mar ienichsins liacht oer it lot fen sîn heit jaen koe.

Sa kaem er niunkelîtzen mei 't hert ful hope end frese wer to Grins oan.

Mar der wier 't, sunt Marten de sted forlitten hie, gans forore. De fulkswoede wier tsjin 'e kleasterbiwenners

mei geweld losbritzen. De abt end twa oren sieten finzen end de oren wieren forjage. De kosterswente stoe leech end forlitten, end fen de biwenners wist nimmen Marten hwet to sidzen. It wier mar nauerneed bitroud, der nei to freegjen. De smiddery wier ék in ore handen.

Moedeleas end delslein forliet Marten Grins.

Sîn plan wier nu um Waldseind up to sikjen end der to freegjen nei de man dy brûkt wier în it skeel der sîn selskipsman fen Roan him fen forhelle hie.

XX.

Butenpost wier to tide fen ûs forhael yet net sa knap bibuwd end sa bifulke as tsjinwirdich. Der skeelde fulle oan; mar doch hie me der aerdige husen, end ûnder dy binammen ien, dat moai ridlik great wier, end en eindtsje fen 'e rîdwei of, diep în 't beamte biside laei.

Dat hûs ward biwenne fen en hearskip, reade Steven neamd, dy it, nei 't er fen sein waerd, mei de Spanjerds halde, end sîn rikdum — as me up it praet fen bose tungen ofgean koe — meast krige hie, thruch de fyand oan te wisen hwer de measte bût to heljen wier

Ek lûstere me mankoar în 't ear, dat er up egen manneboet en mannich mannen der up nei halde, dy it m i n e s end d i n e s net nau namen.

Butendat wier it dorp, lîk as letter, de pleisterpleats for de weinen, dy up leste uren fen Liowerd nei Grins end fen Grins nei Liowerd rieden.

Twa herbergen stoeden oan 'e rîddîk, hwer fen de iene der yet al aerdich kreas ûtseach.

De ore, hwerin wy ûs forpleatze moatte, stoe der skean oer, hie en forfallen uterlik, mar wier great end hie forskate keamers.

It wier jûndtiid, end it reinde gans en bitsje. De huspes skuwde it ramt up end stiek de hand nei buten um to fielen ef 't ek droech waerd.

Nei de hand to oardielen, dy moai rûnd end fet wier moast it lichem, der er oan fest siet, in en goede steat wêse; end dat wier ek sa.

De rûnde bûk fen 'e huspes teande dat er it ierdske wiet end droech him goed to nutte makke.

Nei dat er wist hwet er wite woe, ging er by 't finster up en stoel sitten, end sloech sîn beide handen oer sîn lîf in enoar.

De jachtweide wier in oerienstimming mei it uterlik fen 'e herberch. De mûrren, dy eren wit west hieden, liken thruch de folle miggen, dy der up hûshalden, swartbûnt.

De huspes siet in thinzen fordieppe end mirk it net ienris dat en jungfaem, dy, sa 't like în 'e hûs hearde, în 'e keamer kaem end in en hoeke sitten gîng. As hiu sîn dochter wier, den hie de natûr hjir nuver oan 'e gung west, hwent den liken heit end dochter nin bit up enoar.

Hy hie en falsk end gemien ûtsicht; de faem wier thige by thige tsjep end hie it foarkummen fen en ingel.

Do se der sa siet, suchte se, wilst se hir bûgde um de thried fen hir spinwiele in order to bringen.

De huspes seach up end rop: »Slansfet! gûlbek! bring my en gles bier. End aste net wolste, dat ik dy neaken end bleat de doar ût stiûr, lit my den net langer dîn earmesûndersgesicht siean! — Du makkest my de nearring staf mei dîn suchtjen end kliemen."

De faem stoe up end kaem torech mei it bier. Derup pakte se hir wiele end scoe de keamer ûtgean.

»De divel helje dat kasteleinbortjen! balte de huspes; »it is krekt as de reisgers hjir allegearre en hûnd giseljen siûn habbe; der kumt nin minske mîn doar binnen, de hiele dei net. Hia koeden my ek wol hwet

betters jown habbe as disse herberch fen reade Steven: de hier is ek net um 'e nucht; mar wy binne ek yet net ûtpraet!"

De jungfaem suchte.

»Altiten dat gesucht end dat gesanger um 'e earen, um dy smidsfeint, um dat apegesicht! Mucht ik him yet ris hingjen siean, dat scoe my goeddwaen!"

De faem sei neat. De huspes naem en swulch fen sîn bier, end scoe mei sîn forwinskingen foartfarre, do en swiere thungerslach end en hirde reinbui sîn thinzen en ore draei joegen.

Mei hearde er ek en rîdtûch oankummen, end in en amery wier er buten doar.

En reiswein mei de foerman foarup halde foar de herberch stil, end en hear — oan 't uterlik to siean, en krîchsman — mei en jiffrou, dy thige by thige moai updien wier, kamen der ût.

De huspes stoe al mei de bleate hulle end die neat as nigen end bugen, mar de reisgers seagen him net ienris, alteast hia sloegen nin acht up him, mar makken dat se in 'e keamer kamen, wîlst de foerman de boel ûtspande.

It hearskip joech ek neat nin acht up it friundlîk goeden jûnd fen Maryke, — hwent dat wier de jungfaem dy wy hjir mette: De lêser scil nu licht ek in de huspes hjir to Butenpost, Maryke hir heit, de portewachter fen Grins wol wer kenne, wîlst it him bigrîplik wêse scil dat hear Steven nimmen oars wier as de forrune preester Steven Sas, dy to Grins it fiûr mei oanset hie.

»Sacre bleu!" rop de reisger, wîlst er sîn thruchwiete mantel oan en kapstok uphinge; »hwet en waer!"

»Lit my de band fen juw hoed los meitsje," sei er fjirder wîlst er up it junge wîfke takaem.

Dy andere lîkwol: »Lit dat wêse! ik scil my sels wol redde."

By disse wirden sloech Maryke de eagen up end seach

de jiffrou oan, dy earst en doek oer 'e hoed knoopt hie, sa 't me hir troanje net siean koe; mar dy nu ofdien hied.

Maryke krige en kleur oan 'e kiel ta.

Mei de hulle foardel end en dieppe sucht forliet hiu de keamer, krekt do de huspes, diep bugende, wer înkaem. De reisgers stoeden lîkwol mei de rech nei him ta.

»Fy! sa 'n tsjinramp up 'e earste dei fen ûs huwlik, Lieafste! suk waer!" sei de hear, wîlst er sîn klean hwet mei en bûsdoek ofsloech. »End hunear wirth it yet better? Wy scille wrîchtich wol en nacht în disse ellindige herberge thruchbringe moatte!"

De kastelein brimde efkes.

»Ah, vous voilà!" sei de freamde, »sorgje for waerme wîn, end wîs ûs en frye keamer!"

Hia waerden nei buppen laet end en bîtsje dernei kaem Maryke mei de waerme wîn, wîlst hir heit yet it ien end oar up 'e keamer în order stalde.

»Binne jy de huspes sîn dochter?" frege de freamde oan 'e faem, wîlst er hir de wîn ofnaem, end dalik sîn wîfke en goede biker ful tarikte.

Maryke waerd read um 'e hulle, hiu koe neat sidze end woe hir forwiderje.

»Bliuw hjir by ûs," gebea de hear. »Wol, Afke, hu bifalt ju dat fanko? Wolle jy hir by ju halde ta selskip."

De jiffrou krige en kleur krekt as Maryke end draeide hir hastich um.

»O minsken! du bist net jaloersk scoe me hoopje? Du hoefst net bang to wêsen, hear! Hwa de geuren fen en roas genietje mei, thinkt um nin finneblummen. Mar as ik my goed bithink, habbe jy gelîk: it scil juw selskipsjiffer wêse, juw feint, juw alles!" end mei pakte er sîn wîfke fen efteren oan end ûntstiel hir oer 't skouder en patsje.

De jiffrou bleaw earnstich end stil, end seach stîf foardel.

Maryke hie de keamer forlitten end hwa hir nau

bikipe, scoe en trien in hir eagen blinken siean kinne.

Hir heit wier ek ûnder end druk dwaende um ore gasten, dy ûnderwiles to foet oankumd wieren, to bitsienjen.

Hy hie al en set sa dwaende west, do er in en hoeke fen 'e keamer en ald man seach, dy neat easke end hwa it reinwetter ta sin klean ûtrûn.

Hy gîng nei de ald man ta, end sei: »Wol, oarreheit, jy binne fest en hiel eind wei kumd, dat jy 't net wite dat me nin herberch halth um der sin wiete krus in ûtrinne to litten, sûnder eat to fortarren."

De alde stakkert seach ta 't finster ût, der de rein jin oanklettere; it wier net mugelik um fjirder to reisgjen.

»Jild hab ik net," spriek er, »it bitsje dat ik by my hie, ha se my, en ûre sahwet hjir of, ofset; ik thankje God, dat se my min klean yet halde litten habbe! Fjirder gean kin 'k likwol net; mîn kreften binne oan d' eind end reisber waer is 't net. Jow my um Gods wille en plakje in juw hûs for disse nacht; Hy scil 't ju wis ienkear forjilde!"

»Ei, sit it sa?" andere de huspes, »as ik alle skoyers um Gods wille herbergje scoe, den mucht ik wol skielik uppakke. Gean der mar gau ût; hjir is nin plak for dy end dîn likens!"

Mei pakte er him by de earm um hiin de doar ût to setten.

»Och herink!" rop de ald man, »as jy my der ûtsette, moat ik up 'e wei lidzen bliuwe. Lit ju forbidde!"

»Meitsje my de kop net hiet, alde skarlûn!" balte de huspes, end loek him nei de doar ta.

»Lit my wêse!" rop de ald man, »ik scil der ût my sels wol ûtgean. — Mar wacht, hjir ha 'k en ring, nim dy end lit my ûtreste."

De huspes pakte rimpen ta, do er iensklaps forheftich ruppen waerd:

»Lit de man sin ring halde end jow him to iten end to drinken; ik stean borch for him."

De huspes seach bikaeid by de noas del end kearde him um nei de kant der dat lûd weikaem.

In 'e iepene doar stoe de ny oankumde gast, dy disse wirden spritzen hie: en jung manminske, tsjep in 'e klean, mar thruchwiet fen 'e rein.

Sûnder fjirder der um to thinken ef der oan sin sidzen fuldien waerd, gîng er in 'e keamer oan 't finster sitten, mei de hulle foardel end de earmen oer enoar.

Nu end den as de wind mear stormhaftich gûlde ef de rein mei kreft tsjin 'e litze finsterruten gisele waerd, ef as de thunger mei geweld bearde, seach er stûf foar him ût ef nei de grûnd end by wilen ta 't finster ût.

»Dat is ien, dy net goed mei de hulle is," thocht it fults, dat in 'e jachtweide wier.

De huspes hie de ald man mei rest litten, end glûpte nu end den skean nei de jungkeardel by 't finster.

»Dy kin 'k," sei er in him sels, mar sa sunich, dat nimmen it hearre koe; »jawol, hear! hy is 't."

Hy liet er likwol neat fen skine, dat er de freamde koe, mar teande him thige friûndlik.

Mar do er buten 'e keamer gîng um de up en ny inkummende gasten to bitsienjen end it ien end oar to heljen, rolle er de fûst up, stiek him in 'e hichte, end sei:

»O divel! du galgebret! nu hab ik dy, end as ik it eat mye kin, den scitte my net ûntkumme!"

Sin dochter stoe efter him end hearde disse wirden oan.

»Jaen dy of!" sei er, sa gau as er hir mirk; hwet duchst' hjir? Dîn plak is in 'e koken, foart!"

Derup joech er him nei de kelder, sûnder him fjirder um 'e faem to bikummerjen, hwent huwol se him al hwet oer 't mot kumd wier, miende er doch dat uih sin wirden net heard hie.

Maryke gîng ûnrestich nei de doar fen 'e jachtweide, seach it fortrek rûnd end bimirk de jungkeardel.

»O God! hy is 't!" rop se, »hu scil dat ûtkumme? Ik eangje 't slimste!"

Forbuke slûpte se nei de koken, do se hir heit ût 'e kelder kummen hearde.

Disse gîng mei en blier foarkummen ûnder sîn gasten um end makke mei dîsse end jinge en praetsje; mar hy halde sîn each staech oan up 'e jungkeardel by 't finster.

Eindlings gîng dy upstean end sei tsjin 'e huspes: »Wîs my en keamer foar to nacht, end think um de ald man lit it him oan neat ûntbrekke; ik scil it bitelje."

De huspes stiek en kêrs oan, wunk him end rûn him foarût nei buppen.

Do se de koken foarby kamen, sei Maryke suchtjende: »Hwer scil dit up ûtdraye? God, wes him genedich! biwarje him!"

XXI.

De rein halde mar oan; de luft wier swier, alles buten tsiuster end stormhaftich: for en swiersettich minske suk min waer as der to bithinken is.

Binammen în 'e herberch gîng it er lîkwol riu fleurich lâns. Der wier gans en selskip byien kummen: manliu, frouliu, feinten end fammen — meast guden dy deis mei keappenskip end sa thruch it field gîngen, end dy — it sy dat hia hjir moar hiar nachtforbliuw hieden, it sy nu um it ûnlyige waer — hjir de nacht liken thruchbringe to scillen.

Do se hiar wiete krus droege end eat iten end drunken hieden, gîngen se allegearre nei en great efterhûs, mei en liemen flier; der kaem en fioele foar 't liacht end nu waerd er dûnse dat it klapte.

Der ûnder wille end gelaeits, end buppe?

By en hast alhiel ofbarnde kêrs siet en jungfeint mei de handen oan 'e hulle end de earmtakken up 'e tafel.

Sa foaroer lenende seide er în him sels:

»Hearde 'k der nîs hir lûd net? Wier dat Afke hir stim net? — End dat ore lûd, dy mallichheid end wildsang! — Mar né, dat is net mugelik! — Net mugelik? alles is mugelik! mîn umke Willem heth it wol goed siûn: earlikens end trowe is ût 'e wrald! Och, wier ik mar deid în dat hol, den wier mîn lyen ût! — Mar né," forfulge er dalik derup, »dat is God forsîkjen. Hy heth my sa fîr hulpen end scil ek wol fjirder mîn stipe wêse. Hwet Hy ducht, is wol dien end în sîn wille scil ik bireste.

»It kin ek wol înbîlding west ha, dat ik hir lûd hearde. — Mîn hulle is my alhiel oerstiûr; ik moat sliepe."

Mei waerd der sûntsjes up 'e doar tikke end Maryke kaem în 'e keamer.

De feint seach net up.

»Marten!" wier alles hwet hiu sidze koe.

Nu seach er up end rop ût: »Maryke!... du hjir! în dit hûs!"

»De need driuwt: forjow it my derum dat ik hjir by ju kum! Mîn heit heth siûn dat jy it wieren, end hy is en friûnd fen hear Steven, de foarmielige preester Steven Sas, dy de oanslach um Grins în handen fen 'e Spanjerds to bringen, klear makke. Hia spye fiûr end loage as se ju namme mar hearre, thruch hwa dy oanslach mislearre is. It binne twa fyanden, dy um ju libben sîkje. Think' hu gefaerlik it is um hjir to bliuwen!"

»Och, hwet scoe hear Stevén um mîn libben jaen?" andere Marten, »ik kin him net ienris fen oansiean end hy my net. Kum, kum! ha der mar nin sorch oer! Gean lieaver hwet by my sitten, den scil ik ju hwet forhelje fen Grins, der ik wei kum; dat scil my hwet forsette. To nacht moat ik hjir bliuwe: it reinth end

waeith, dat it is en ofgrìs; moarn reisgje ik fjirder. Du hest my altîd ta threast west; lit my mìn hert ûtsprekke dy mîn leed forhelje!"

»Siker, siker, Marten! leaw my; du bist hjir net feilich!" sei de faem.

Up dit eagenblik hearde me lûd ruppen: »Maryke! Maryke!"

It wier hir heit. Hiu fleach as en blits by de treppen del end nei de koken, end pakte dalik en skutel um dy sa bere um to waskjen.

Hir heit, dy nearne nin erch in hie, hiette hir it jûndsiten for de foarname hear end jiffrou buppe to bringen.

Dalik wier se der mei klear, mar de handen staetten hir oan end hiu die it sa ûnhandich, dat it hearskip sei dat er mar blìd wier dat sìn frou hir net as hir selskipjiffer numd hie.

Do se wer ûnder kaem, seach se hir heit mei en jung keardel, dy oan dy tìd ta druk dûnse hie, stean to praten. Hiu koe him wol; hy hiette Hindrik end 't wier en rare bruyer, dy alles weagje dorst as der hwet to fortsienjen foel.

Hy gìng nei de ûtdoar end stoe up 'e striette.

Der pakte him immen by de earm.

Hy flukte um 't èr miende dat de faem, der hy mei dûnse hie, him net misse woe, end frege ûnseft hwet se woe.

»Ik bin 't," andere en soft frouliuslûd, »Maryke is 't. Mìn heit stiûrth ju nei hear Steven; mar gean der net hinne, um aller heiligen wille!"

»Ei, ik bigrîp hwet jy in 't sin habbe. Oars altiten sa kein, end nu my bidde! Mar um mìn part, as jy my bitelje wolle hwet ik oan ju heit fortsienje scoe; desto better; den bliuw ik, mar den wol 'k ek mei dy dûnsje."

Maryke bithocht hir, naem en silveren keatling fen hir hals, en erfstik fen hir mem dy se net kend hie, end threaw it him mei en gûne in 'e handen.

»Nim dit, Hindrik, end gean net nei hear Steven."

Hy knikte end stiek it gûd în 'e buse.

»Nu yet en smukje, end ik lit mîn faem sitte," sei er.

Maryke wiek tobek.

»So, is dîn mûltsje der to goed ta? Nim den dy tuddekream mar torech, end ik wît mîn wirk," krige se to halden.

De faem fleach it bloed up end del fen eangstme. Hiu brocht it frege offer end moast it lye, dat de healdrunkene feint sîn earmen um hir hinne sloech end hir patte.

»Dat smakketh yet swieter as ierdbeyen," seide er. »Nu kinne jy fen nacht gerest by juw fryer sitte; jimme scille net steurd wirde."

Hy ging foart en paed up, dwars fen hear Stevens hûs of. Maryke bleaw stean sa lang as se sîn foetstappen hearre koe. Do waerd it hir rummer um 't hert end ging în 'e hûs.

De dogeneat makke en wide kring um 'e herberch hinne, end ging sa lâns en umwei up it hûs fen hear Steven ta.

XXII.

It waerd hwet langer hwet stilder ûnder în 'e herberch. Drunken end wirrich sochten de measten fen dat fultzen der hiar strieleger up. En stik hwet bleawen yet sitten to swetzen.

Marten siet în sîn keamerke stil der hinne, mei de earmen oer enoar. Al sûnt en ûre hied er sa sitten.

Nei de warskuwing fen Maryke wieren sîn thinzen nei forige dagen torechgien.

Ful libbensniu end libbensmoed wier er to Grins kumd, de sted der hy sa lukkich end ûnlukkich west hie.

Hu waerm kloppe him sîn hert by it thinzen hu luk-

kich er wêse scoo, as Afke sîn wîf end hy sels baes wier! — Dat moye ûtsicht wier nu alhiel forlern.

Fen droefheid koed er net langer thinke.

Hy wier foartrûn, thruch waer end wînd, end eindlings thruchwiet în disse herberch oankumd. End hjir fûnd er Maryke!

»Ja," seide er în him sels, »der libbeth en God der buppe, dy al ûs wegen bistiûrth. Bin ik den al sa ald, dat it libben my walgeth? Scil ik mîn libbensniu upofferje oan en faem, dy my mûlk net ienris mienth? Né, ik bin jung end sterk, ik scil my buppe mîn lot forheffe!"

Hy sprung oereind end rolle de fûsten gear.

Sa fûnd Maryke him, dy krekt în 't keamerke kaem.

»Marten!" sei se, »wes net bang; it gefaer is oer. Sliep mar restich."

Sûnder mear to sidzen slûpte se wer ût it keamerke.

Marten hie net în steat west um en wird to uterjen. Hy seach hir stum efternei; mar en nuver fielen gloeide în sîn ieren. It moeide him dat er se foartgean litten hie, sûnder hir to bithankjen.

Nu hearde er în it keamerke nest sines biweging. It wier as der immen up 'e knibbels foel.

Marten harke.

Hy hearde suchtjen end forstoe it fulgjende.

»Thank, trowe God, for juw greate goedens! Seinje de jungteint, dy my spise end en ûnderkummen biskikt heth; nim him în juw hoede end lied sîn paed nei de ivige sillichheid. Lit mîn sibbe friunden, dy my foarûtgien binne în 'e dead, de himelske wille smeitsje, end dat ik skielik mei hiarren foriene wirde mei. Bihoedje mîn ûnlukkich bern as 't yet up ierde umswabberth, biwarje it for forlied end sûnde. Ja, derum bid ik al de dagen fen mîn libben: seinje, seinje mîn forlerne soan Marten, end, kin it mei juw wîsheid bistean, dat ik în him de stipe, de freugde fen mîn eald yet ris fînd, Amen!"

Sûnder him to forwegen as en standbîld, hie Marten disse wirden oanheard.

Hy fleach nei it keamerke, hwerût dat bidden kumd wier.

Der laei de selde ald man, der er by de înhellige huspês for upkumd wier, up 'e knibbels. Do dy fornaem dat er ien înkaem rîsde er oereind.

Marten skînde sîn sprake forlern to habben; hy seach de bidder stîf end sterk oan.

»Né, hy is 't net," seide er în him sels, »mîn umke wist ummers for wis dat er dea wier. — End doch.... mar né, suk en luk scoe to great wêse."

»Alde heit!" sei disse, as în him sels, end en glim fen silligens forspraette him oer sîn antlit.

Marten die yet ris de selde fraech.

»For ju, for mîn woldwaender," sei do de ald man up en tean fen earbiedigens.

»For yet ien: sids my! for hwa!" spriek de feint.

»For mîn soan Marten."

»Here! mîn God! mîn hulle sûsth my! For hwa? sids it yet ris! For Marten? Dy bin ik. Och, help my, dat ik net gik wird!"

De ald man wist fen binyinge nin andert to jaen.

»Och, forjow it my, alde man, dat ik ju lest oanduch. Ik droage, en sillige dream, dy net wier wêse kin! Der binne sa fulle Martens; it seil en oren wêse der jy for bidden ha. Wol to resten, alde heit! Wol to resten!"

Mei scoed er it keamerke ût, mar it mealde him allegearre; hy koe hast up sîn foetten net stean.

De ald man gîng flak foar him stean, end sei:

»Bliuw, jung minske! bliuw! în juw stim leit eat, dat my en tîd tobinnenbringt, dy lang foarby is. Sids my, der jy krekt sa hiette as mîn soan, hu wier de namme fen juw heit?"

»Mîn heit hiette Clant," sei Marten, »mar mîn umke

Willem heth my for fest forteld dat er dea wier, end doch twivelje ik altid yet end wier ful hope, dat..."

Hy koe net ûtsprekke.

»Min soan! min lieave soan! min ienichste! — ik bin din heit!" rop de ald man.

»Min heit! God!" wier alles hwet Marten uterje koe, end stum foelen heit end soan mankoarren um 'e hals.

Marten laei up it borst fen sin heit end hearde sa de skiednis fen de alde hear, dy wol ienfaldich mar thige wirksum west hie.

In dy freeslike nacht, do er by 't kleaster to Baerd fen sin soan skaet waerd, do de soldaten upleid wier um him to helpen end to sorgjen dat sin wûnde forbûn waerd, hieden se him in pleats fen dat to dwaen, oan sin lot oerlitten. Helpeleas end forlitten wier er earst en hiel torn letter, stif fen kealt end thige swak thruch dat er sa'n bloed forlern hie, wer ta him sels kumd end fûnd him allinne mei it lik fen sin bern.

Mei fulle moeite laei er it deade fanke in en hollens in 'e grûnd ûnder 'e flearbeam end der oerdiek er it mei safulle thorre bledden as er mar by ien krye koe, in 'e hope dat er it letter en skikliker gref scoe jaen kinne.

Derup sleepte er him der fen dinne, um ûnder minsken to kummen. Flechtlingen, ek guden ût sin gemeinte dy alles forlern hieden, sorgen dat sin berntsje en goed greisté krige end namen him mei nei de kant fen Waldseind. Thruch infloed fen ienigen ûnder hiar krige er en litze gemeinte um him hinne, sûnder just en fest standplak to habben.

Sin earste wirk wier um nei to sikjen ef er eat fen sin soan koe to witen kumme, mar it wier allegearre um 'e nucht. Hy hie boadskip stiûrd nei sin broer to Antwerpen, doch fornumd dat dy sin saken alhiel in 'e hubbel wieren, end hy sels en woest libben laette.

Jierren end jierren fûnd er threast in 'e forkûndiging fen it Evangelie; hy wier lid fen 'e Sinode up 'e Joure,

end mannich fordwaeld herte fûnd rest end threast by sîn lere.

Mar de langstme nei sîn soan bleaw to wekker în sîn borst, hwent it wier as en înwindige stimme him înfûstere, dat sîn soan yet libbe.

Hy waerd keasen um it skeel bitwiske Waldseind end de hear fen Rhoan în 't lîk to bringen, end wier nu up reis nei Grins um mei hear Tamme Coenders, de borgemaster, dy saek în order to meitsjen.

En lîts ure oan disse kant fen Butenpost wier er up 'e wei oanfallen end fen sîn bitsje reisjild biroave. Sa wier er, lîk as wy al siûn habbe, thruch it waer end wirrigens thwungen, în disse herberch kumd, der er sa ûnforwachte sîn soan werfûnd.

It wier en ure ful silligens, dy dy twa hjir bilibben. De heit halde sîn soan sa fest în sîn earmen sletten, as woed er him nimmer wer loslitte, ût frese dat er him den for ivich quît wese scoe.

De soan laei oan it herte fen sîn heit as fielde er it dat der sîn plak wier.

It wier mear as ierdske sillichheid.

Sa sieten se ta în 'e lette nacht; nin sliep kaem der în hiar eagen.

XXIII.

Maryke wachte ûnder up dy jinge, dy yet up wieren.

De wille seach hir ta de eagen ût; se wier net mear bleek, lîk as de jûnds; en ny libben skînde er în hir kumd to wesen.

For de twade kear hie se hir lieave Marten it libben redden, end wier fen him, dy se buppe alles minde, mei lieafde bihandle.

As er him nu mar net al to fulle Afke hir ûntrou oan-

triek, dat wier hir ienichste winsk, dy se utere; hir ore winsken waerden torechkrungen.

»Bring liacht in 'e hoekkeamer!" liet nu hir heit him hearre; »de hearskippen wolle up bed. Du hoechst sa blier net um dy hinne to siean: mannich giet frolik lidzen end stieth bidroefd wer up, sei dîn mem altîd; skriuw dat efter dîn ear!"

Maryke repte hir um to dwaen hwet hir heit hir hiette.

Wiles seach de kastelein thruch de ruten end mirk mei skrik dat it waer upklearre.

»Meitsje foart, mei dîn gedangel," rop er, »dat se to bed kumme! Ik wol it sliepjild der net by insjiette. Ik woe dat it reinde dat it easde; as se fornimme dat it moai waer wirth, den reisgje se jûnd yet fjirder."

Nu gîng er nei buppen um de hear end jiffrou oan to sidzen, dat it bed ré wier.

De hear end sîn wîfke forlieten de keamer; Maryke liachte hiar foar. De jiffrou halde hir efterût, krekt as woe se hir net siean litte.

»Hu stieth it mei 't waer?" frege de hear; »reinth it yet hieltiten?"

»It is moai waer," sei de huspes; »um der kel fen to wirden. Up dit eagenblik halth it reinen wer up, mar der wirth wer en baes bui klearmakke; de luft stieth ûntsettend. Ik hab yet al hwet forstand fen 't waer, end ik kin ju sidze, mînhear, der kumt yet hwet."

Hy bûgde him end gîng torech în 'e keamer, dy de hear end jiffrou forlitten hieden. Hwet wîn, dat disse oerlitten hieden, sûpte er up.

Derup gîng er nei ûnderen, die it finster iepen end brimde.

Butendoar hoaste immen, end kaem mei iens hastich up 'e herberchsdoar ta, iepene dy end kaem de huspes în 'e gung to miette.

»Ear 't wy fjirder geane, mar gau en sluk!" sei de binnenkummende.

Hia gingen in 'e jachtweide; de huspes tape him in end frege: »Hu machtich binne jimme?"

»Mei ûs sexen; minhear hie net mear by der hand," wier 't andwird.

»Nu, dat is ek noach, um ien to fangen," de huspes wer, »mar it is en kostlik fiskje; minhear scil der wol blid mei wêse. — Hwer binne se? den scil ik se in 'e hûs litte, alles is restich."

»Ja, alles is restich," sei de ore, »mar jy habbe gans freamd fults in 'e hûs; as dy eat mirken, den koe 't wol ris spanne: it fults is ûs net biustere tadien. Hwet liuwe binne 't umtrint?"

»As dat de ienichste swierrichheid is, den is 't net sa slim. 't Binne louter goede liuwe, dy um 't minne waer hjir influchten: tsjettelboeters, stoelwinders, marserinders, dy ik skoan ken, umdat se hjir fulle kumme. End alles leit mei 't fel oer 'e eagen, wes dus mar net bang.

»Nu, nu, mar ik scil min fults helje. Sorgje der for, dat se earst en thige sluk krye."

Hy ging, sa foarsichtich as hy kumd wier, wer de doar ût, end kaem torech mei sin fif mannen.

Derup died er de skoattel up 'e doar.

Der wier Maryke fen dat alles neat ûntgien. It bloed bistiûrre hir in 'e ieren fen keltme. Hiu wier mar nawerneed in steat um by de treppen up to kummen, end as en bild fen 'e fortwiveling oan Marten sin foetten, dy krekt sin heit mei sin skiednis bikend makke, del to fallen.

»Nu reitsje jy der foar, Marten!" rop se, »Hia binne der; ik kin ju net redde; ik bin sels bidragen!"

Marten fleach oereind end hulp Maryke wer up foetten.

Iensklaps like se mei nye kreft bisielè end rop:

»Doch kin ik ju redde, ear 't se kumme!" end dermei fleach se by de treppen del.

Marten sin heit wist net hwet er der fen thinke moast.

Hy koe mar nawerneed freegje hwet it to bitsiutten hie, do Maryke der al wer wier.

»De doarren binne allegearre up 't slot," sei se, »mar nu wit ik yet ien ûtwei um ju to redden. Marten, kum gau mei!"

»Net sûnder min heit," sei disse.

»Dit juw heit?" spriek de faem, end en striel fen blîdskip glansge in hir eagen. »Habbe jy him eindlings wer fûn? — For him scil ik ek sorgje. Kum gau, Marten!"

Sûnder andert of to wachtjen, naem se Marten, dy hir stil bitsiean liet, by de earm end fierde him in 'e keamer der nest, der de hear end jiffrou sliepe scoeden.

Sa gau se him binnen 'e doar threawn hie, loek se de doar ta, end spriek mei en loaits umhegens.

»Hiu scil him doch net forriede!"

Dermei joech se hir wer by Marten sîn heit.

Marten seach freamd up, do er hjir sîn Afke — hwent de lêser scil al bigrepen habbe, dat dy jiffrou nimmen oars wier — mei en hearskip, dat er net koe, up dy keamer fûnd.

De moye klean wieren ût end layen hjir end der up stoellen, end in pleats der fen hie se en wît nachtjak oantein.

Afke waerd ûntsettende kel, do se Marten seach. Hiu waerd bleek um 'e hulle as en witling.

Marten seach hir swyend oan: sa hied er net thocht hir werfinde to scillen.

Sîn lieafde ta hir wier in ienen wei; iskald restte sîn loaits up hir, wîlst hiu hir antlit ful skamte oan 't borst fen hir man socht to forbergjen end de handen um him hinne sloech.

Forachting spriek er ût sîn hiele troanje; it wier him up dat amery as er hir nea net lieaf hawn hie.

It hearskip koe fen binyinge oer Marten sîn dristens in 't earst nin wirden finde.

»Unbiskamme keardel! hwet sikestu hjir?" rop er eind-

lings, wilst er oereind sprung end foar sîn wîf, dy fen keltme end skamte alhiel în en swîm fallen wier, stean gîng.

Mei de eagen socht er eat dat er gripe koe um Marten oan to fallen.

»Bliuw mar bidaerd!" spriek Marten restich; »habbe jimme for ien, dy ûnskildich forfulge wirth, en ûre mannich nin hoekje oer um him to redden, ik scil it jimme net quea nimme. Juw lieafste ef juw wîf, ef hwa 't it den is, scoe ju licht sidze kinne...."

Mear seide er net, um 't hy fielde, dat er der oan ta wier, en leffichheid to biginnen. Derum spriek er fjirder:

»Forjow it my, dat ik hjir înkrung, ik siuch it în, it wier net goed; derum, ik scil der wer ûtgean."

Hy kearde it pear de rech ta.

Afke kaem oereind end stiek de earmen ût as woe se him tobekhalde; hir man flukte end ketterminte.

Marten loek de doar up end wier în 'e gung. En amery stoed er him to bithinken, hwet er biginne scoe; sîn hand socht it heft fen en dulk, dy er ûnder sîn klean biside hie.

Krekt waerd de doar ûnder, der de manskippen mei de huspes riedplachte hieden, hu se it best oangean scoeden um Marten în bisetting to kryen, iepen dien.

De huspes kaem foarup mei en skînfet, de oren him efternei. Up 'e foarste sîn antlit stoe en divelhaftige blîdskip to lesen. Sa kaem er by de treppen up.

Marten hie krekt de tîd um him în en hoeke biside to bergjen, sadat se deun oan him lans gîngen.

De huspes staette de doar fen sîn sliepkeamer up, end nu stawen al dy manliu mei en borst în 'e keamer up.

Marten wachte net of dat hiu der wer ût kamen, mar sprung anstûnds by de treppen del.

Der foel Maryke him în 'e earmen, heal dea fen nood oer him, end loek him în en sîdkeamer der er sîn heit fûnd.

Ear 't er hir mei en wird bithankje koe, hie se de beide mannen al foartfierd nei de ûtdoar, der se de skoattels ofstritzen hie.

»Foart! foart! ear 't se werum kumme!" sei se.

Mar Marten sloech sîn earm um hir hinne end spriek:

»Ja, foart; mar net sûnder mîn Maryke!"

Hiu woe hir losmeitsje; mar Marten pakte hir nammersto fester beet end sei:

»Du moatste mines wirde! Mîn biskirmingel! mîn redderske! — Du moatst mei ûs fluchtje fen dîn ûnnatûrlike heit, ef ik bliuw hjir ek."

Do seach Maryke umhegens, der de stjerren up dit eagenblik sa restich funkelen, end sei:

»Fader în 'e himel forjow it my, as ik sûnde duch, mar ik kin net oars!" End hiu sette de foet oer 'e drumpel.

Mei hearden se en freesliken gedrûs în 'e hûs: en gegûl end geskreau, en gerin end gedraef fen wûnder. Hia wisten, sa as se mienden, hwet dat to bitsiutten hie, end makken dus mei hiar thryen dat se foartkamen.

De alde Clant wier ek yet goed up skunken, dat se hiar net um him hoegden up to halden, end de ore moarne fûnd hiar to Grins.

Lit ûs nu ris efkes siean, hwet dat spil end dat gedrûs, der de thrye flechtelingen sa handich for ûtsnyd wieren, egentlik wier.

De measte fen de manliu, dy hiar nachtleger hieden, der se de jûnds dûnsen, sliepten, mar der wieren ek yet guden to wekker. Under dy wier ek en koermakker.

Hy hearde praten end lûsterjen end mikere thruch en skreef în 'e keamer, der de huspes mei de sex oren rieplachten um Marten în hiar macht to kryen.

Nu wier de koermakker, end riu oren mei him, en iertsfyand fen 'e Spanjerds end sadwaende ek fen reade Steven; end hy wist mear fen disse sîn libben end bidriuw as er biwise koe.

Hy seach in ienen hwet mannen as 't wieren end dat er fen reade Steven sin tsienstfeinten foar hie.

»Hwet, divel, scille dy hjir ûtsette?" sei er in him sels; »fest net fulle goeds."

Hy makke sin bûrman de tsjettelboeter ek to wekker, forhelle him hwet er siûn hie, hwerum hiar thochte, dat hia wol up hiar iepenst wêse muchten. In stillichheid waerden yet ek oren warskuwd, end do waerd bisletten, dat me yen wapenje scoe mei alles hwet mar as wapen to bruken wier, end ofwachtje hwet er barre scoe.

Mar der forrûn wol en ure, sûnder dat se eat mear fornamen. Sumliken fen hiar praetten al fen mar wer lidzen to gean, mar de tsjettelboeter kearde hiar tsjin, end socht hiar ûnder 't each to bringen hu 'n moye gelegenheid as se nu ris hieden um dy Spaenske Steven end sin tsieavefults en loech of to siean.

Mei hearden se it gedrûs fen de keardels do dy in Marten sin sliepkeamer kamen end der it steed kald fûnden.

De huspes wier raer fen 'e set dat de fugel foart wier; hy socht efter stoellen end tafels, ûnder 't bed, in 'e skoarstien, mar alles um 'e nucht.

»Hwet keamer is dat?" frege de upperste fen 'e binde end wisde up 'e keamer, der de hear end jiffrou wieren.

»Der is er net," sei de huspes; »kum mar nei ûnderen. Hy moat in 'e hûs wêse, de doarren binne thicht end ik hab de kayen in 'e buse. Hy scil ûs net ûntwine; fulgje my mar!"

De oren bigunen to praten fen foart.

»Binne jimme bang fen ien minske?" sei de huspes; »gean den mar; mar think er um, dat ik den eat to sidzen hab oan jimme hear."

Dat hulp.

»Dat scil fen ûs net sein wirde, dat wy bang binne," roppen se allegearre; »meitsje mar foart!"

Nei 't se forskate hoeken end hernen thruchsocht hieden, sei de huspes:

»De divel heth him ûs ûnthelle, ef hy moat hjir wêse."

Mei died er de doar up fen 't fortrek, der de koermakker end dat ore fults him bifûnd. Mar der kamen se raer to pal.

De earste, dy se seagen, wier de koermakker, en keardel as en beam.

Dy foel hiar iensklaps up 't lîf, end joech de huspes sa 'n ûngenadige slach up 'e kop, mei en grou eind stok, dat er der hinne sîgde as en keal.

Nu wier it, pak oan! end stiennene kruken, iken kneppels end alderhande reau fleach nei de hullen fen de keardels, dy hiar sliepsté ûntrestgen, sadat dy al skielik ûnder 'e foetten rekken.

Do de oren seagen dat se de strîd wûn hieden, filen se ût end lieten de saun up it slachfield lidze.

Sex der fen kamen niunkelîtzen wer by hiar stikken, mar se koeden hast gean noch stean fen 'e buden end blawe plakken, wilst hiar it bloed allegearre by de hulle del rûn. De oanfal hie ek sa ûnforhoeds west, dat se suver nin tîd hawn hieden um der eat tsjin to dwaen.

De saunde, de huspes, stoe net wer up; de koermakker hie him mei sîn stok oan 'e sliep fen 'e hulle rekke end de slach wier deadlik.

XXIV.

Marten waerd mei sîn heit end Maryke friundlik to Grins ûntfinzen: de borgers wisten it hwet hia de moedige smidsfeint to thankjen hieden.

Do er den ek sîn winsk to kennen joech, dat er as wapensmid în hiar midden bliuwe koe, wier der greate blîdskip, end waerd er skielik en smidswinkel mei alles hwet -er in hearde for him în order brocht.

De dead fen Maryke hir heit waerd ek to Grins bikend. Marten dielde it hir mei sûnder hir just it neiste der fen to sidzen, end hir triennen biwîsden dat hiu for hir ûnwirdige heit doch wol thige hert hawn hie.

En jier wier sa foarby gien; de smiddery wier în fulle wirking; fen de iere moarn oant 'e lette jûnd arbeiden der iverige handen, end Marten liet în 't midden fen sîn feinten mei lust end iver de hammer klinke.

Mar do kaem der en dei, dat it stil wier în 'e winkel: de baes waerd mei Maryke în 't huwlik forbûn. Do se în 'e tsjerke kamen wier it Marten sîn heit, de alde Melchior Clant, dy threftich în 't swart klaeid, Godes seine ofbea oer it junge pear, end de wille blunk de alde man ta de eagen ût.

Ta oermiette fen blîdskip wier Marten sîn greatste friund, Lukas, de deis fen hiar boaskjen ek în hiar formidden. Dy wenne nu ek to Grins end scoe, as it eat slagje woe, reformearde dominy wirde. Sîn umgûng mei Marten, foriene mei ore umstandichheden, hieden him nei en swiere sielestrîd ta dat bislût brocht.

De alde Clant hie de saken mei hear Tamme Coenders thige nei 't sin fen beide partyen în order skikt, end nei 't er en hort by sîn bern wenne hie, hied er de rupstimme fen en gemeinte în Frîsland fulge end wier wer dominy ef predikant wirden. Faek wol to Boxum, hwent hy kumt foar ûnder 'e klassis fen Lioward end as lid fen 'e Sinode to Harns. Ek finth me în 'e tsjerke to Boxum yet en grefstien mei de namme Clant, end up 'e stien en ûthoude biker.

End hu gîng it de oren, der wy în dit forhael kennis mei makken?

Lukas forhelle dat er up sîn reisen Josef up en lîts dorpke as skoalmaster oantruffen hie. Hy forkoft der sîn latîn oan ald end jung, end it fults stoe forsteld oer sîn greate leardens. As dat wier is, den hied er him de namme fen Slim for goed wirdich makke, hwent den hied er

de dead, dy him oars sa nei stoe, witten to ûntkummen.

Hwet Hildebrand oangiet, dy moat, lîk as it forhael giet, ienris hwet dien habbe dat strielriucht înrûn tsjin sîn bilofte as mûnts, end derum ta sa 'n swiere boete foroardield wêse, dat er al sîn oerstallich flesk forlear end sîn egen knibbels wer kumd is to siean.

Steven Sas waerd thwungen ût Butenpost de wîk to nimmen. Letter halde er up en oar plak mei en gemien frouminske ta.

End Afke? — In 'e selde tîd dat er sa 'n blîdskip wier în 'e smiddery fen Marten oer sîn boask mei Maryke, laei în en earmtlik hûs, în en sted, der nimmen hir koe, en jung frouminske mei de dead up 'e lippen. De preester, dy hir de heilige sacramenten for stjerrenden tadield hie, hie hir forlitten; en ald wîf siet sûnder dielnimming end slieperich oan hir stjerbed, end sloech der nin ienris acht up as de sieke dwîlde end praette fen trouswarren, fen bidragene lieafde, fen hir man, dy by hir weirûn wier! — End do se en mannich uren dernei dea wier, do die en freamde hir de eagen thicht, dy eagen dy ienris sa moai west hieden.

UT.

Bij den drukker dezer is mede van de pers gekomen en wordt met veel succes gedebiteerd:

TRYE SNIEUNTOJOUNEN

OF

IN SEGEPRAEL FOR 'T BIGELOVE,

BLYSPIL FEN

T. G. VAN DER MEULEN,

skrieuer fen: »Mal ût-mal thûs," »Fen de Wilp nei Lio-werd," »Stelling en Godstjinst ensf.

Prîs 90 cent.

NIESKE STAMSMA,

en forhael ût ûs tîd,

fen

M. P. TROELSTRA.

Prîs 25 cent.

1870

OF

DE FRYERS SOLDAET.

Blyspil. Prîs 10 cent.